Genealogysk Jierboek 2025

Genealogysk Jierboek 2025

FA nr. 1152
Genealogysk Jierboek 2025

© 2026 Fryske Akademy (Postbus 54, 8900 AB Ljouwert)

NUR 680
ISSN 0928-0480
ISBN 978-94-93318-48-9

DEZE NUMMERS MOETEN NOG

Opmaak: Drukkerij Weissenbach - Sneek

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatisearre bestân opslein of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Tekst- en datamining fan (parten fan) dizze útjefte is útdruklik net tastien.

*All rights are reserved, including those for text and data mining, AI training and
similar technologies.*

WWW.FRYSKEAKADEMY.NL

ûnder redaksje fan JAN T. ANEMA, HARMEN FOEKEMA, JELLE DE JONG, ANNE HIELKE LEMSTRA *en* PIETER NIEUWLAND
heraldysk meiwurker: RUDOLF J. BROERSMA

Genealogysk Jierboek 2025

… *Ynhâld*

		pagina
In memoriam Ype Brouwers	Jelle de Jong	9
Simke Kloosterman en har trêftige foarteam	Jan T. Anema	13
Hopperus	Pieter Nieuwland	79
Steven Egberts en zijn Stellingwerfse nakomelingen	Kees P. de Boer	119
De Franse herkomst van de Friese familie Romar	Jan T. Anema	179
Nijs oer it folk fan Jencke Aerntsz	Pieter Nieuwland	194
Earherstel foar Rixt Heslinga	Jan T. Anema	214
Fryske Rie foar Heraldyk		220

IN MEMORIAM YPE BROUWERS 1949 - 2025



Ype waard yn 1949 berne yn it sikehûs fan Velp, dêr't syn mem hinne brocht wie út har wenplak Rheden wei, om te befallen. Ype syn heit en mem wienen Friezen om utens. Heit wie berne yn Doetinchem út Fryske âlden en mem kaam fan Burdaard. Ype groeide op yn De Haach dêr't syn heit ûnderwizer en fotograaf wie. Ype wie de âldste fan fiif bern.

Fryslân en syn eigen komôf hiene him altyd oanlutsen. Sa mocht er graach útfanhûzje by syn beppe (Bontje Kooistra-Hoekstra, 1887-1987) yn Hurdegaryp en dêr is syn belangstelling foar genealogy ûntstien. Hy begûn mei it útsykjen fan de famyljes Kooistra en Hoekstra, der't úteinlik de publikaasje oer de Jelsumer Hoekstra's yn 1990 in gefolch fan wêze soe. Yn dat boek is ek de folsleine kertiersteat fan beppe Bontje Hoekstra opnommen. En troch dit ûndersyk ûntdiek hy ek it Ryksargyf yn Ljouwert. Hy learde doe ek de Fryske taal.
Nei de middelbere skoalle studearre Ype natuer- en skiekunde oan de universiteit fan Leien. Hy wie oanhinger fan alles wêr't de provobeweging foar stie. As in rebelske studint fan 18 stie hy iepenlik hasj te smoken, wat him in moanne finzenis yn Skeveningen opsmiet.

Nei Leien wenne Ype yn in kommune yn Drinte. Midden jierren ’70 die er syn doktoraal skiekunde yn Grins. Dêrnei kaam hy te wenjen oan de Stasjonswei yn Ljouwert. Hy hie foar in pear oeren yn ’e wike in baan krigen as skiekundelearaar oan it Middelsee College.

Yn 1978 kaam er yn ’e kunde mei Philippus Breuker út Boazum, dy’t er befrege foar syn ûndersyk nei de Adema’s dêre. *Adama* waard publisearre yn it Genealogysk Jierboekje fan 1979, dêr’t hy syn debút mei makke. Breuker wurke doe oan de Fryske Akademy. Hy koe wol wat help brûke en sa koe Ype yn it kader fan de saneamde wurkgelegenheidsferromjende maatregel tydlik (in jier) by de Akademy oansteld wurde. Sa wurke hy û.o. mei oan in projekt om mei help fan kadastrale minútplannen en de floreenkohieren fan 1858 it lânbesit fan pleatsen yn 1700 yn ferskate gritenijen yn kaart te bringen. Dêr binne letter de Prekadastrale Atlassen fan Hans Mol c.s. út fuortkommen.

Fan in hobbyist groeide hy sa stadichwei fan 1978 ôf út ta in profesjonele genealooch. Hy seach wat oaren net seagen en hie in grut analytysk fermogen. Der kaam sa folle wurk op him ta út binnen- en bûtenlân dat hy der fan bestean koe. Hy sei dêrom syn baan as skiekundelearaar op.

Hy waard de driuwende krêft fan de Andringa Wurkgroep (letter: Stichting) en slagge deryn net allinne dy famylje oant 1447 tebek te fieren mar ek mei de oare leden yn 1983 in famyljeboek út te jaan. Yn 1996 is der in twadde diel ferskynd en yn 2016 kaam as tredde diel in hielendal fernijde útjefte ta stân. Ype is altyd in aktyf Andringa-sneuper bleaun: noch yn 2022 joech hy yn it Andringa Nijs in oanfolling út de 15e en 16e iuw.

Ek by de famyljestifting Cnossen-Knossen dy’t yn 1988 in famyljeboek útjoech, yn 2018 ferfolge troch in twadde, ferbettere printinge, hat Ype it grutste diel fan it ûndersyk nei de âldere generaasjes foar syn rekken nommen. Ype hoegde net foaroan te stean: yn beide útjeften wurdt hy wol neamd yn it foaropwurd, mar net as (mei-)auteur fermeld, hoewol’t hy dat eins wol west hat. Dat beide stichtingen Ype en syn wurk heechlik wurdearre hawwe blykt oars wol út de adfertinsjes dy’t se by syn ferstjerren yn de LC pleatst hawwe.

Yn 1981 fine wy him foar it earst as redaksjelid fan it Jierboekje, letter waard er einredakteur. Hy soe dat oant syn dea ta folhâlde. Yn datselde jier kaam ek syn publikaasje oer *Decken Tietessoan.* Alwer sa’n topstik dat him ôfspile yn de 16e iuw, it tiidrek dêr’t Ype him tige goed yn thús fielde.
Hjoed-de-dei soenen wy ferskriklike bliid wêze as in jongkeardel of jonge frou fan amper 30 jier mei sa’n deeglik artikel op ’e proppen komme soe.

Syn ûndersiken waarden net allinnich yn Fryslân publisearre, mar ek op in heech lanlik nivo lykas yn *De Nederlandsche Leeuw*, it tydskrift fan it Koninklijk Nederlandsch Genootschap voor Geslacht- en Wapenkunde. Hy wurke ek foar *Nederland’s Adelsboek* (it reade boekje).

Yn 1983 waard de Stichting FAF oprjochte, dat binne de Freonen fan de Argiven yn Fryslân. Fan it begjin ôf hat Ype as frijwilliger en letter as ponghâlder yn it bestjoer fan de FAF aktyf west. Hy bleau dat oant de dei fan syn ferstjerren ta. Ek hat er bestjoerslid west fan it Genealogysk Wurkferbân, wie er korrespondint fan it Ryksargyf (no Tresoar) en joech er dêr kursussen genealogy, dêr’t de dielnimmers in protte oan hân hawwe.

Ien fan Ype syn spesjaliteiten wie it ûntraffeljen fan besittings, dêr’t hy mear ynsicht troch krige yn de skiednis fan pleatsen en stikken lân. Mei dy wittenskip wie hy faak yn steat ien of mear generaasjes fierder te kommen. Sa koe hy yn 2017 oan ‘e hân fan it yn 1511 beskreaune grûnbesit fan it Kleaster Nazareth yn Idzegea oantoane dat it kleaster yn 1484 stifte wie troch leden fan de famylje Hoytema út Aldegea (W) (Gen. Jierb. 2017 85). Mar tink ek oan Lauswolt, syn lêste artikel yn it Jierboek. Dêr hat hy it sels oer ‘boekhâlden’ (Gen. Jierb. 2020 190), mar ik neamde it ‘hogeschoolwerk’. It wie gewoan geniaal.

Ype wie in markant persoan. Koest meastal wol mei him troch ien doar, mar ast him tsjin dy hiest koe dat hiel lestich wêze. It moast by Ype krekt sa en net oars. Dat hawwe wy en oare auteurs yn spee meimakke as wy ús publikaasjes by him oanleveren foar it Jierboek. Mar mei syn krityske en strange hâlding hat er mei dat Jierboek wol in flinke kwaliteitsslach makke yn ferliking mei sa’n 40 jier earder, doe’t er begûn. It jierboekje wie in jierboek wurden.

Op 11 febrewaris lêstlyn kaam der samar in ein oan Ype syn libben. In buorfrou fûn him yn de keuken fan syn hûs oan de Mozartstrjitte yn Ljouwert. Mei it ferstjerren fan ús held ferlieze wy in grut genealooch, mooglik wol de grutste dy’t Fryslân ea kend hat. Der is in mânsk gat slein yn de kennis en kunde fan ús klup genealogen. Wy hawwe in soad oan Ype te tankjen. Syn helpfeardigens en saakkundigens, mar ek syn freonlikens en humor sille ús bybliuwe.

Jelle de Jong

… Simke Kloosterman en har trêftige foarteam

JAN T. ANEMA

SIMKE KLOOSTERMAN EN HAR TRÊFTIGE FOARTEAM



Simke Kloosterman. A. van Wely, gouache 1917, museum Twizel.

I. Ynlieding

Simke Kloosterman wie in Frysk skriuwster dy't yn de tweintiger en tritiger jierren fan de ôfrûne iuw ta de wichtichste beoefeners fan de Fryske literatuer rekkene waard. Hjoed-de-dei is sy fierhinne fergetten, har boeken wurde net folle mear lêzen. Mar har persoan en har wichtige rol yn de Fryske literatuerskiednis hawwe prof. dr. Philippus H. Breuker der ta brocht in biografy oer har te skriuwen, en dat wie de oanlieding om ris wat djipper yn har foarteam te dûken.[1]
Simke hie in sterk famylje- en stânsbesef en wie grutsk op har foarâlden. Se hat ek wapens fan dy foarteam tekenje litten en yn 'e hûs ophongen, sa't wy sjen sille. Breuker jout fan dy foarâlden ek koarte ympresjes yn syn boek en wy fûnen it dêrom wol nijsgjirrich om dy foarteam fjirder út te sykjen. Soks giet it kader fan in biografy te bûten; it hat laat ta dit artikel.
Ut Simkes kertiersteat binne stamrigen gearstald oan de hân fan dy wapentekeningen. By wapens fan slachten dêr't Simke net út skaait, is de famylje behannele dêr't dat wapen by heart. Sadwaande binne der by de seis wapens tsien stamrigen gearstald.

Simke libbe fan 1876 oant 1938 en wie iennich bern fan Jan Ritskes Kloosterman en Tryntsje Beintema. Har heit hie ek al gedichten skreaun sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk en hat 50 jier lang deiboeken byholden. Fan memmekant siet der ek wat skriuwersbloet yn de famylje: de broer van pake Beintema syn pake, Eelke Meinderts (1732-1810), wie ûnderwizer, letter boer, en

1 Philippus Breuker, *De keunst as útwei. Biografy fan Simke Kloosterman (1876-1938)* (De Gordyk 2023); sjoch oer de foarâlden 208-210.

skreau gelegenheidsgedichten yn it Frysk, bgl. yn 1777 by de yntocht fan de steedhâlder yn Ljouwert.[2]
Simke skaait út in laach fan einierde boeren. Har pake wenne op syn eigen pleats yn Twizel en liet yn 1876 tsjnoer de pleats in rinteniershûs bouwe. Har heit hie net folle niget oan de buorkerij, want twa jier nei pake syn ferstjerren (hy hie doe mar fiif jier selsstannich boer west) hold hy boelguod, ferhierde de pleats en sette him oan de oare kant fan de dyk te rintenierjen, hy wie doe pas 34 jier.



Rinteniershûs Twizel, 1876. Foto auteur 2022.

It hûs hat Simke altyd oanholden, letter brûkte se it as simmerwente doe't se yn Den Haach wenne en dernei yn de tritiger jierren yn Ljouwert. Se hat har fermogen neilitten oan in stifting, it Simke Kloosterman Lien. Dy rikt eltse trije jier in literêre priis út foar in Frysktalich berneboek en hat as taak it hûs yn stân te hâlden. Dat wurdt no foar de helte bewenne troch in behearder, de linkerhelte tsjinnet as museum. Dêr hingje har portret en de wapens dêr't wy it hjir oer hawwe sille.
Simke hat noait betelle wurk hân, se hat altyd libje kinnen fan it fermogen dat se fan har âlden erfd hie. Se wie grutsk op har foarteam, grutte boeren dy't in foaroansteand plak yn de mienskip ynnamen. Se kaam yndie út in goed laach, foaral fan heitekant.

Har heit syn fjouwer oerpakes: Kloosterman, Sytsma, Siccama en Wiersma wiene allegearre grutte boeren, twa wiene yn de Frânske tiid adjoint-maire oftewol assessor. Heit Jan Ritskes syn beide pakes wiene lid fan de gemeenterie fan Kollumerlân en pake Wytze ek assessor (wethâlder) fan Achtkarspelen en syn heit, Simkes pake Ritske, hat ek lid fan de rie west. By de Beintema's wie

2 *Nieuwe Friese Encyclopedie* (Ljouwert 2016) III 1786. Eelke wie de prins fan Oranje tadien; syn broer Johannes wie patriot en waard folksrepresentant foar Kollumerlân 7 sept. 1795; sjoch *Homines novi* 210-211.



Kertiersteat Simke (heitekant).

it allyksa: Simkes pake syn pake Beintema wie yn 1795 folksrepresentant en 1811 adjoint-maire fan Aldwâld, oerpake assessor fan Kollumerlân en pake noch lid fan de gemeenterie. Beppe Beintema, Jantje Pieters Wouda, wie in arbeidersdochter, dus oan Simke har memmekant hawwe wy de grutte boeren allinne by de Beintema's. Foar de oare âlde einierdefamyljes moatte wy oan de heitekant wêze. Simke Sikkama, de beppe der't Simke nei neamd is, skaait út in laach dat yn de fierte besibbe is oan de Hora Siccama's út Grinslân, dy't sûnt 1817 ta de Nederlânske adel rekkene wurde. En beppe Simke har beppes hiene ek bekende nammen: Broersma en Rispens. Dy foarâlden sprutsen Simke wol oan, dêr koe se har pûrbêst mei identifisearje. Simke skreau sels yn in skrift út 1900 'Simke Siccama Kloosterman', sa hie har heit yn 1884 alris skreaun yn in printeboekje dat Simke fan him krigen hie. It ferneamen mei foar èn efternamme nei in pake of beppe is in âlde Fryske gewoante, dy't yn de 19e iuw laat hat ta it ûntstean fan ferskate dûbele nammen.[3] It famyljekaptaal skynt foar in grut diel by dy foarâlden Siccama weikommen te wêzen en sa'n âlde stambeam spruts Simke ek wol oan. It is dus wol te begripen dat Simke har in bytsje fan adel fielde, al dy rike lâneigners mei in iuwenlange histoarje, ja dêr wie se wol grutsk op.

3 Breuker, *De keunst as útwei* 42-43. Doe't Fryslân as *département* ynliifd waard binne de Frânske wetten eksekutoar ferklearre, benammen de *Code Civil* (*Code Napoléon*) fan 1804. Dy makket juridysk ûnderskie tussen foarnamme en famyljenamme. It ferneamen fan memmekant lyk as Sybrandus Fockema Andreæ (nei pake S. Fockema) of Sybrand van Haersma Buma (nei âldomke S. van Haersma) past dêr net yn. Gauris binne sokke nammen by Keninklik Beslút tafoege en dy nije dûbele namme gou dan foar alle bern, net allinne foar in Sybrand(us).

II. De wapens



De twa wapentekeningen yn it hûs te Twizel. B. Veltman, ±1920. Foto auteur 2022.

Om 1920 hinne hat Simke in seistal famyljewapens fan dy trêftige foarteam fêstlein yn twa tekeningen, dy't hjoed-de-dei noch yn it Simke Kloosterman-hûs hingje. Ph. Breuker hat oan de hân fan korrespondinsje om 1920 hinne yn it argyf Kloosterman fêststelle kinnen, dat de wapens tekene binne troch Binne Veltman (1891-1921), ûnderwizer yn Eastermar. Hy hie kennis fan de lokale histoarje en ek fan heraldyk. Hy hat Simke holpen de wapens op te sykjen.
It linker wapen is tige kompleks en lit ús de wapens Siccama, Broersma, Rispens en Roorda sjen, mei yn 'e midden as hertskyld it wapen Kloosterman. It oare wapen wurdt oantsjut as Beintema, mei it jiertal 1709. Dat wapen is ek tige yngewikkeld. En wat betsjut dat jier 1709?
Us speurtocht hat de fraach wer't Simke dy wapens wei hat, wol oplost: der sitte in pear 'echte' wapens by en in stikmannich dy't wol mei de nammen anneks binne, mar net by foarâlden fan Simke hearre. En in inkelde is suvere fantasy.



Grut wapen Cloosterman (hertskyld) mei fjouwer kertieren: Siccama, Broersma, Rispens, Roorda.

It wapen mei fjouwer kertieren en in hertskyld Cloosterman

Dy fjouwer wapens fan it linker wapen slane op foarâlden of sabeare foarâlden; allinnich it hertskyld is Kloosterman: yn blau in sulveren teapert stappend op in grûn met in grien tûkje yn 'e bek.



Twa wapens Kloosterman: in teapert op in grûn; links yn goede kleuren, rjochts tekening K.M. van der Kooi.

De fûgel yn it wapen Cloosterman is neffens Simke in teapert en it wapen soe tige âld wêze. It is net bekend wer't Simke dy fûgel wei hat. De leginde seit dat in teapert *kwartelkoning* hjit omdat sa'n fûgel ris yn in flecht kwartels belâne en doe fansels oan de lieding kaam: hy is ek in stik grutter as in kwartel. De teapert sit ornaris ferskûle yn it reid en kin goed rinne mei syn lange poaten. Der is fan dit wapen ek in tekening yn de kolleksje K.M. van der Kooi,[4] dêr liket de fûgel mear op in do, ek al fanwege dat griene tûkje mei 12 bledsjes yn de bek, lyk as de do dy't Noach nei de sûndfloed útstjoerd hie om te sjen oft der alwer lân droech lei.[5] Op de tekening by Van der Kooi is it fjild net ynkleure, dat liket sulver of goud. Mar it blau op de tekening by Simke is heraldysk better, want de fûgel is sulver en moat op in kleur stean, net op metaal. Dat de blêdsjes grien binne is heraldysk gjin beswier omdat se mar lyts binne en in diel foarmje fan de wichtichste wapenfiguer, de fûgel.

4 Berêst by de Fryske Rie foar Heraldyk. Op it kaartsje hat K.M. van der Kooi skreaun: *Hûs Twizel*, wêrút blykt dat hy it wapen Kloosterman oan de wapentekening fan Simke ûntliend hat.

5 Genesis 9:11.

Simke har pake syn pake, Bindert Jacobs Kloosterman, fiert de namme (mei in C) sûnt 1792 as hy assessor (meirjochter)[6] fan de gritenij Achtkarspelen wurdt. Hy wie dus in trêftich man en wenne op in eigen pleats yn it Kleaster (Bomkleaster of Bouwekleaster) boppe Harkema, dy pleats hie syn frou fan har heit urven. Bindert wie eins wat boppe syn stân troud, syn heit wie skuonmakker by de Wâl yn Eastermar en fearskipper op Ljouwert. As keapman hat hy it wol goed dien, want syn oanslach yn it Personeel Kohier giet fan £ 300 yn 1768 nei £ 1000 yn 1771, doe't hy erfd hie fan syn pake fan memmekant en sûnt 1774 nei £ 2000 (mar yn dat jier binne alle posten op 'e nij taksearre en measta l ferhege). Bêst goed dien foar in winkelman! Mar einierd boer is hy wurden troch syn houlik mei in erfdochter.
It wapen Kloosterman kin net âlder wêze as de skaainamme. De assessor Bindert Jacobs sil de betinker wol net wêze, want yn 1795 komme de Frânsen yn it lân en waard it fieren fan wapens ferbean. It hat mear eigenskip dat Simke har heit of miskyn har pake it betocht hat, ein 19e of begjin 20e iuw. Wêrom keazen is foar in teapert bliuwt in riedsel. Lykwols is it my opfallen dat yn de topgevel fan de pastorij fan Twizel, in eintsje fierderop oan de strjitwei, it wapen sit fan de dûmny út de boutiid, 1745. Dat wie ds. Antonius Knock en syn wapen is: yn sulver in blauwe fûgel mei reade bek en poaten steande op in grien heuveltsje;[7] op it wapen fan de pastorij liket it heuveltsje mear op in flakke grûn. Soe dat miskien ynspiraasje west hawwe foar de Kloostermannen by de kar fan harren wapen? In Bibelske fûgel is oars wol in gaadlik motyf foar in wapen as jo namme *Klooster-man* is.

It wapen Siccama

Yn it earste kertier stiet it wapen Siccama/Sikkama, it slachte fan Simke har beppe Simke. Beppe Simke skaaide yndie út in aadlik laach dat al neamd wurdt yn 1366 en de stamrige giet werom oant 1457, al sit der ien skeakel

6 It gerjocht fan in gritenij bestie út de grytman en twa of mear meirjochters, ornaris 'bysitters' neamd (in oersetting fan it latynske wurd *assessor*). De meirjochters waarden beneamd troch de grytman út de 'treflykste huislieden of andere voornaame ingezetenen der dorpen'. Troch de eigners fan de stimhawwende pleatsen (einierden) fan de gritenij waard dêrfoar in trijetal opmakke. [*Hedendaagsche Historie of Tegenwoordige Staat van Friesland* IV (1789) 233-235.]

7 J.B. Rietstap, *Armorial Général* diel I (1884[2]) 1107.



Twa wapens Siccama: 1652 en letter.

tusken yn froulike liny. De Siccama's wiene hoveling (haadling) en grytman. Se hiene besit yn Humsterlân en yn Achtkarspelen.[8]
Wyt Siccama (1585-1632 – VI) gong nei Doezum yn Grinzerlân en leit dêr begroeven. Yn 1817 waard syn staach yn de adel fan it nije keninkryk Nederlân opnommen (Hora Siccama). Wyt syn suster Ath troude Jan Reiners [Eysma] fan Boerum en yn dat doarp is de neiteam wenjen bleaun. Dy neiteam fiert de namme Siccama yn ûnderskate staveringswizen, mar se wurde ek faken sljochtwei ûnder patronym neamd.
Op de sark te Doezum fan 1632 stiet it earste wapen: de Fryske earn mei links boppe 3 klavers en ûnder in húsmerk. De klaverblêden fynt men sawol 2, 1

8 Stynsgea (*Augustinusga*) en De Pein (*Opeinde*) 1482, 1511, 1543, ek te Surhuzum 1528/1615.

(op de sark fan Wyt) as 1, 2 tekene. Letter waarden de klavers ferfongen troch twa nôtieren.[9] Dat is it wapen Siccama dat de boerestaach fiert oant hjoed ta. De aadlike staach hat yn de 17e iuw in oar wapen oannommen: de kop fan in wynhûn.[10]
It twadde wapen Siccama mei de ieren is dus in echt wapen dat de beppe fan Simke terjocht fiere koe. It hinget hjir oan in tûke, mar men sjocht it ek mei helm en dekkleden, en as helmteken in grien klaverblêd of in gouden leelje.[11]

It wapen Broersma

Yn it twadde kertier (heraldysk linksboppe) sjogge wy it wapen Broersma. Dat wie net lestich te finen, want in rouboerd fan de âlde famylje Broersma hinget yn de tsjerke fan Aldwâld.[12] Broersma-state lei ûnder Kollum, deun tsjin Aldwâld oan.
Gaycke (Gaythie) Broersma wurdt 1505 neamd ûnder de *edelingen* fan Fryslân en as grytman fan Kollumerlân 1515-1518. Tinklik wenne hy op Broersma-state.[13] Mar de state wurdt al yn 1532 ferkocht en wy fernimme dan net mear fan Broersma's. Lykwols hat it eigenskip dat Wycke, de frou fan mr. Hessel Tiepckez, einierde te Westergeast,[14] in neikommeling fan him is, want se jout har soan de namme Gadie (Gatze) Broersma (1581-1641). Dizze Gatze stjert sûnder bern en lit syn neef as erfgenamt efter.



It wapen yn de tsjerke is fan Gajus van Broersma (±1655-1694), ûntfanger-generaal fan Kollumerlân, soan fan Gajus Botnia van Broersma (1626-1678), sekretaris en ûntfanger-generaal dêr, en Jetske van Rosema. Gajus heit en soan hiene gjin Broersma-bloed, want de heit hie de namme Broersma oannommen út krêft fan it testamint fan syn neef, de hjirboppe neamde Gadie (Gatze) Hessels Broersma. Mei him stjert dit slachte Broersma út.
Simke har foarfaar Ebbe Jans (1721-nei 1794) wie eksekuteur te Kollum en fierde pas sûnt 1791 de skaainamme Broersma. Ebbe en syn frou Maayke kamen yn 1777 fan Aldwâld nei Kollum ta. Harren dochter Wytske tr. 1787 Louw Elzes Sikkama fan Boerum (de pake fan beppe Simke). De namme is blykber ûntliend oan Broersma-state te Aldwâld; yn 1832 binne de erven fan Cornelis Ebbes Broersma, in broer fan Wytske, mei-eigner fan de pleats Broersma-sate.[15]
It wapen is dus in usurpaasje, allinne keazen fanwege de gelikense namme.

9 Dat is in nuver ferhaal. It wapen 'Siccama' mei de nôtieren is ûntliend oan in portret út 1610 út famyljebesit fan de Hora Siccama's. Yn de famylje waard sein dat it Wyt Siccama (VI) foarstelde, en sadwaande is it wapen as it echte wapen Siccama telâne kommen sawol yn it *Stamboek* (1846) as yn it *Wapenboek van den Nederlandschen adel* (Groningen 1883-1887) fan J.B. Rietstap. It hat lykwols bliken dien dat it portret Jacob Pibes Doma (1580-1627) foarstelt en dat Wyt berne is yn 1586 en net yn 1580. It portret is no yn it Fries Museum, brûklien fan de Stichting Hora Siccama van de Harkstede Fonds. (Sjoch K. Kuiken, R.H. Postma en D.J. van der Meer, *Van Fûgelsang tot Fogelsanghstate. De renaissance van een boerenfamilie* (Kollum/Heerenveen 2003) 110. Itselde wapen stiet op Jacob Doma syn grêfstien te Easterwierrum; Gen. Jierb. 2010 189 (mei foto fan it portret) en Gen. Jierb. 1961 47-53, dêr 51).

10 Wiardus Siccama (VIII) tr. Jetske Rosema, pakesizzer fan VI, nimt oan: yn blau in sulveren kop fan in wynhûn mei in gouden halsbân. Yn 1817 kombinearre mei it wapen Hora. Dat nije wapen hat tinklik te krijen mei de oankeap fan de borch Klinckema yn Súdhorn yn 1671. De namme Wiardus libbet noch fuort by de neiteam, benammen yn de famylje (Van Haersma/Hopperus) Buma. It is nijsgjirrich dat de ropnamme van dy neiteam noch altyd 'Wite' of 'Wiete' is, lykas yn 1585.

11 Op de grêfsarken te Doezum steane klaverblêden as helmteken, yn hânskriften en literatuer fynt men ek in gouden leelje. (A. Pathuis, *Groninger gedenkwaardigheden* (Assen/Amsterdam 1977) 229 (nr. 1035); *De Siccama's* 30 *et passim*).

12 Op it boerd yn de tsjerke wurdt yn it twadde kertier de lauwerkrânse bedutsen troch trije reade pylken; op de tekening yn Twizel mar twa. Ek binne de klaverblêden dêr pleatst 1, 2 ynsté fan 2, 1.

13 Andreæ, *Nalezing* 33-34.

14 Sjoch haadstik III § 6: Tadema/(Botnia) van Broersma, gen. IIIa.

15 OAT (Oorspronkelijke Aanwijzende Tafel) fan it kadaster, 1832.

It wapen Rispens



Rispens is in tige âld skaai fan einierde boeren. De namme wurdt al neamd yn 1402; yn 1511 wenje op twa pleatsen yn de buorskip Rispens te Easterein (Hinnaarderadiel) twa boeren Ulbe en Ocke.[16] Soene it broers west hawwe, of fiere neven? Wy witte it net, mar beide staken nimme de namme Rispens oan en fiere itselde wapen, al yn de 16e iuw: yn goud in swarte dûbelde earn mei in griene lauwerkrânse derom hinne, helmteken in útkommende swarte (inkelde) earn.
Dit is dus in echte staach foarâlden fan Simke, wol gjin adel, mar grutte einierde boeren dy't in skaainamme fierden en ta de hegerein fan de plattelânsbefolking hearden.
Simke skaait twaris yn froulike liny út it skaai fan Ulbe Rispens. Mar op in grêfsark te Rie út 1652 wurdt ek it âlde wapen Rispens brûkt troch in staach yn froulike liny. Dat wie yn Fryslân wol gewoan.
Us konklúzje is, dat Simke it wapen Rispens foar de beppe fan har beppe Simke terjocht brûke mei.

It wapen Roorda

Ath Siccama troude 2. 1628/29 Pieter Alberts Roo. De famylje Roo wurdt ek Roode of Rooda neamd en yn it Frysk wurdt dat krekt sa útsprutsen oft der *Roorda* stie. Dat hat guon genealogen op in dwylspoar brocht en dy hawwe besocht Pieter Roo syn pake, ek in Pieter Alberts, te keppeljen oan 'Jan Ruurds Roorda fan Menaam (1475-1545)'. It Kollumer slachte skaait lykwols ôf fan 'olde Jan Roo', dy't yn 1506 rjochter te Boerum waard fanwege it Gerkeskleaster.
'Jan Ruurds Roorda' hat nea bestien, syn 'heit' Ruurd Johans Roorda hie mar ien soan, Rienck. Boppedat hearden de Roorda's sûnder mis ta de wiere adel fan Westergoa en dat is ek nochal in ein fuort.
De konklúzje is dúdlik: de famylje Roo(de) hat neat mei de aadlike Roorda's te krijen. En Simke stamt boppedat net iens fan dy Pieter Roo ôf! Sy skaait

16 Gen. Jierb. 2013 167-286 (Ulbe); Gen. Jierb. 2014 57-116 (Ocke).



Wapens Roorda (fan Tsummearum) mei de baar; links de oarspronelike ferzje, rjochts de heraldysk ferbettere ferzje.

ommers út it earste houlik fan Ath Siccama mei Jan Reiners [Eysma]! Boppedat fiert it slachte Roo alias Roo(r)da in hiel oar wapen, ek al in bewiis dat dy slachten net besibbe binne. It is te sjen op de grêfsark fan Albert Jans Roorda [einliks: Roode] te Boerum fan 1618 (sjoch ôfb. haadstik II, § 8, Roo of Roode).
Der moat ek oandacht bestege wurde oan it wapen Roorda dat Simke hjir brûkt hat. Dat is noch net sa ienfâldich. Der binne om te begjinnen op syn minst trije aadlike slachten Roorda: fan Tsjummearum, fan Ginnum en fan Idaard. Dy fiere ferskillende wapens: Ginnum in moarekop en in roas; Idaard trije roazen mei in wassenaar derûnder. It slachte fan Tsjummearum fierde by âlds: yn blau in gouden leelje mei dê r boppe twa gouden stjerren en ûnder in sulveren wassenaar. It wapen dat Simke brûkt hat heart by de staach Roorda 'mei de baar', sa neamd omdat se in barenstâle yn it wapen hawwe. Dat is in dwersstôk mei 3 of mear hingers, oarspronklik op in blau fjild mei 2 reade roazen. Mar neffens de regel fan de heraldyk dat der gjin kleur op kleur mei, is it wapen yn letter tiid[17] trochsnien, boppe sulver en dêrop de kleurde figueren, en ûnder blau mei de gouden leelje. Dy leelje komt út it wapen fan it

17 Tinklik yn de 16e en 17e iuw. It skyld al trochsnien yn trijen by UvB: blau, sulver, blau; de roazen binne dêr sulver.

âlde slachte Roorda fan Tsjummearum, der't de tûke mei de baar yn froulike liny út skaait.[18]
It is in riedsel werom foar it wapen Roorda keazen is. Ut de korrespondinsje mei Binne Veltman docht bliken dat se earst op syk wiene nei Rosema, mar dat koene se sa gau net fine. Veltman hie it lêste kertier iepen holden, skreau er. Dat is wol nuver, want de wapens Broersma-Rosema steane op in bank yn de tsjerke fan Kollum.[19] De skoanheit fan Gajus Botnia van Broersma, Jacob Jilderts Rosema, wie sekretaris en ûntfanger-generaal fan Kollumerlân, folmacht op 'e lândei en deputearre steat. De eleminten fan syn wapen wiene dus wol logysk: neist de Fryske earn links boppe in stjer (út it wapen fan Kollumerlân) en ûnder in roas as sprekkend elemint.[20]
Hoewol't Simke dus net fan dit pear ôfstamt hiene de wapens Broersma en Rosema wol logysker west as it wapen Roorda mei de baar, dêr't hielendal gjin konneksje mei bestiet.



Wapen Beintema van Peyma, derneist in laksegel fan it hertskyld.

18 Sjoch haadstik III sub § 8 Roorda.
19 *Maartenskerk* 41 (mei foto). De wapens Broersma, Botnia, Rosema, De Schepper binne op de foto wol te sjen mar net te identifisearjen.
20 Wapens (Botnia) van Broersma-Rosema yn de tsjerke fan Kollum; helmteken Broersma (in klaverblêd tusken twa ieren elts mei twa blêden) op syn grêfsark dêr [koll. Heerma van Voss, ferl. Gen. Jierb. 1993 155 en 67 (Hesman nrs. 258 en 32)].

It wapen Beintema

Dan komme wy oan it twadde wapen: Beintema. Beintema-hûs leit hielendal yn de noardwestelike hoeke fan Kollumerlân, ûnder Westergeast en it hat in echte state west. Al yn 1552 wennet dêr Eecke Beynttyema, dy besit in harnas.[21]
It hat wol eigenskip dat Eecke in foarfaar is fan Douwe Douwes Beintema, eigner yn 1640, want dy syn âldste soan hjit Eecke.
Douwe Douwes wurdt yn 1620 al neamd op Beintema-hûs. Ut him skaaie twa stagen: de soan Eecke Douwes wurdt boarger fan Dokkum 1644 en wennet dêr 1651, hy is eigner fan Beintema-hûs, de soan Oene erft fan de neef fan syn mem Worp van Peyma in grut besit ûnder ferbân fan fideicommis en de nammen Worp en Peyma.[22] Oene syn twa âldste soannen waarden advokaat en de jongste dokter, dy gong nei Wenen en brocht it ta liifarts fan de keizer. As tank foar syn tsjinsten hat de keizer him adele en ta Reichsfreiherr (baron) ferheft.
Simke skaait net fan dizze Beintema's ôf. Douwe Douwes syn neiteam ferkocht de state yn 1671 oan de Dokkumer boargemaster Andries Jennema en it ferervet yn dy boargemastersfamylje oant midden 18e iuw. Dan keapet Douwe Cornelis, waans heit al pachter west hie, yn twa parten de sate (±1751 en ±1762) en syn dochter trout Johannes Meinerts, dy't om 1792 hinne de namme Beintema oannimt. Simke sil net witten ha dat se net út âlde slachte Beintema skaaide.
It wapen út 1709 hat Simke hjir opnommen: Beintema en Peyma, mei in hertskyld dat tinklik by de adelsferheffing yn Wenen tafoege is (want de oaljefantstrompen op de middelste helm binne in tipysk Dútsk helmteken). Dat aadlike wapen hat sy fansels gjin rjocht op, ek net op it kertier Beintema dêryn. Want har foarâlden hawwe de namme Beintema oannommen, net fanwege sibskip, mar omdat se Beintema-hûs kocht hiene.

Konklúzje

Simke hat kreatyf oan it shoppen west yn har foarteam. Fan de seis wapens binne der mar trije dy't troch har foarteam fierd binne. Dy binne 'echt': twa âlde, Siccama en Rispens, en ien nij wapen, Kloosterman.
Twa kear hat se it wapen fan in âld slachte mei deselde namme oannommen: Beintema en Broersma. En Roorda kin gjin praat lije, dat heart der hielendal net by. Sa't Philippus Breuker seit: it jout goed wer, hoe't se har fielde en hoe't se oer har foarteam tocht.

21 Dat wie ornaris yn gebrûk by eallju en in inkelde grutte einierde.
22 Neffens it testament, 29 aug. 1624 [HvF 16777 (EEE 1) 423], moast de erfgenamt fan it fideicommis de nammen Worp Peima fiere. Sjoch it artikel Hopperus yn dit Jierboek, VIb. en dêr noat 107.

III. Stamrigen, nammerigen, genealogy[23]

§ 1. Stamrige Kloosterman

Dizze famylje ûnlient har namme oan it Bomkleaster of Bouwekleaster, in Premonstratenser kleaster, stifte yn 1242 troch Buwe Harkema, in ealman fan Stynsgea. It lei oan de dyk fan Droegeham nei De Harkema.[24] It kleaster is om 1580 hinne ferneatige. Yn 1606 wie it *corpus* fan Bomkleaster ferhierd oan twa boeren, tegearre mei in hierwearde fan £ 103-12, dat wiene mânske pleatsen.[25] Ien derfan is stim 2, yn 1698 'het halve Convent van Buwekloos-ter', foar de helte eigendom fan Sybrich Annes, de beppe fan Wytse Jans, de skoanheit fan Bindert Jakobs (IV). Skoanheit stoar oardel jier neidat syn dochter, ienichst bern, mei Bindert troud wie en sa waard de soan fan in skuonmakker in rike einierde boer. Der binne mear famyljes dy't de namme Kloosterman oannommen hawwe, sawol yn as bûten Fryslân. Der binne ek guon oaren dy't har nei it Bomkleaster neamd hawwe.

I. **Sipke Douwes**, 'kramer' en lekkenkeaper by de Wâl te Eastermar, eigner ½ Eastermar stim 12 (ferhierd) 1698, st. [Eastermar] 1708, tr. 1. [foar/yn 1667] **Pytie Binnerts**, beide lidmaten, wenjend op de Wâl, 1667, st. dêr 1671; tr. 2. Eastermar (ûndertr. 13 aug. 1671!) 19 febr. 1675 Tryntje Binnes, fan it Wytfean ûnder Eastermar, dr. fan Binne NN en Sjouck Hayes.
Sipke syn earste houlik wie te'n lêsten yn 1667, it earste bern is berne (rûsd) 1668/69 en it twadde, Pietje, waard doopt 9 april 1671; út it feit dat it bern Pietje hjit, kinne wy de konklúzje lûke dat de mem mei it berntsje yn de kream ferstoarn is. Boppedat gong Sipke 13 aug. 1671 op 'e nij yn ûndertrou (hoewol dat houlik pas yn 1675 befêstige waard).[26]

23 In * foar it generaasjenûmer betsjut dat de stam- c.q. nammerige oer de froulike liny giet.

24 Foar 1972 hiet dat doarp Harkema Opeinde. It foarme mei Droegeham ien tsjerklike gemeente.

25 Nieuwland en J.A. Mol, 'Rekken fan de kleasteropkomsten yn Fryslân oer it boekjier 1606/1607, opmakke troch Johannes Henrici [Rhala]', yn: P.L.G. van der Meer, J.A. Mol en P. Nieuwland (ed.), *Administrative en fiskale boarnen oangeande Fryslân yn de ier-moderne tiid* (Ljouwert 1993) 35-153, dêr 68.

26 Neffens de wet koe in widner nei in heal jier op 'e nij trouwe. Pietje har doop wie pas fjouwer moanne lyn, it houlik kin dus stuite wêze (mar dêroer stiet neat yn it trouboek). Dat soe in ferklearring wêze kinne werom it twadde houlik pas sawat fjouwer jier letter sletten is.

Ut syn twadde houlik binne folwoeksen wurden (jiertallen rûsd): Binne b. ±1675, Frytsen b. ±1680 en Sjoukje b. ±1686.
Ut it earste houlik:

II. **Binnert Sipkes**, b. [Eastermar] om 1668 hinne, keapman te Eastermar by de Wâl (1696), tagelyk boer (*huisman* 1697),[27] docht belidenis 21 nov. 1694, tr. Eastermar 4 maart 1694 **Pietie Ubles**, docht belidenis 17 aug. 1683 (j.d., by de Wâl), lidmaat 1709, testearret Eastermar 13 nov. 1735,[28] dr. fan Uble Atses, mr. skuonmakker te Eastermar, en Mayke Jans.
1699 maaie 17: Binnert Sipkes foar himsels en syn húsfrou Pytie Ubles, te Eastermar, erkent skuldich te wêzen oan Pyter Leeukes en Anke Piers, troude lju dêr, 200 goudgld. tsjin 4% it jier, mei in generale hypotheek, spesjaal op 'sekere camp lants agter de Schole … bij Liebbe Hylkes gebruijkt'. Registrearre 1707.[29]

III. **Jacob Binnerts**, dpt. Eastermar 5 jann. 1706, skuonmakker te Eastermar, ek fearskipper op Ljouwert, keapman en winkelman, wennet by de Wâl, yn 1749 'redelijk welgesteld winkelier' (*capitaal* £ 1500), st. 1785, tr. Eastermar 23 maaie 1734 **Tryntje Oedses**, dpt. Gerkeskleaster 29 des. 1709, dr. fan Oeds Hedsers, [boer] te Droegeham, letter te Bûtenpost, en Jetske Popes.
Jacob Binnerts stiet op it PC 1768 £ 300; 1771 *nom. uxoris* £ 1000 fan Oeds Hedzers; 1774 £ 2000; 1786-93 de erven idem.

IV. **Bindert Jacobs Kloosterman**, dpt. Eastermar 8 maart 1744, einierde boer te Bomkleaster (ûnder De Harkema), meirjochter fan Achtkarspelen, adjoint-maire fan de *commune* Stynsgea[30] 1811, nei de Frânske tiid assessor fan Achtkarspelen, st. Twizel 7 febr. 1819, tr. Droegeham 9 febr. 1772 **Antje Wytses**, b. Bomkleaster 29 jann. 1748, dpt. Droegeham/De Harkema 18 febr. 1748, st. De Harkema 8 des. 1810, dr. fan Wytze Jans, wolstelde boer te Bomkleaster, en Tryntie Nannes.

27 Hy stiet net op it stimkohier 1698, blykber brûkte hy neist de keaphannel wat lân, net in hiele pleats.

28 TIE 45 (weesb. M15) 157v. Har broer Andries Ubles wurdt fâd oer de minderjierige beppesizzers.

29 TIE 99 (hypb. S15) 362.

30 Stynsgea: yn de jierren 1810-1813 hearde Fryslân ta it Frânske Keizerryk en per 1 jann. 1812 waarden de gritenijen ferfongen troch 96 *communes* (gemeenten) mei in *maire* (1813-1816 schout) oan it haad. Yn 1816 binne de gritenijen weromkommen mei in grytman (sûnt 1851 boargemaster) en assessoaren (sûnt 1851 wethâlders); sjoch K.H. Engelmoer, 'De Mairieën in Friesland', *It Beaken* 40 (1978) 124-166.

1811 des. 28: Bindert Jakobs te Harkema Opeinde nimt oan de namme Kloosterman; bern: Wietze 34 te Twizel, Ritske 33 yn De Koaten, Jakob 31 te Harkema, Jan 29 te Harkema, Nanne 27 te Twizel, Anne 23 jier te Twizel; en pakesizzers: (fan Wietze): Bindert 8, Antje 7, Minze 5, Jinke 2, Trijntie ¼ jier; (fan Ritske): Bartel 9, Akke 6, Ymkie 4, Antie ¼ jier; (fan Jan): Trijntie 8, Antie 6, Tettie 5, Jitske 2 jier; (fan Nanne): Ymkie 4, Antie 1 jier; (fan Anne) Antie 3, Bindert 1 jier; (fan Jakob): Antie ½ jier. [w.t.] *B.J. kloosterman* [flot skreaun].[31]

V. **Wytze Binderts Kloosterman**, b. Bomkleaster 13 maart 1777, dpt. Droegeham/De Harkema 20 april 1777, einierde boer te Twizel, assessor fan Achtkarspelen 1819- , st. Twizel 17 febr. 1861, tr. Twizel 8 aug. 1802 **Tætske Minses Sytsma**, b. Twizel 14 maaie 1778, dpt. dêr 28 juny 1778, st. Twizel 21 des. 1856, dr. fan Minse Sytses en Jenke Stevens (§ 2).
Wytze wie de âldste fan seis soannen en dy koene net allegearre yn Bomkleaster buorkje. Foar him waard dêrom in pleats yn Twizel kocht; yn 1804 is foar de jongelju in nije huzinge boud. Yn 1865 is de foarein fernijd, it hûs dêr't Simke berne is.
Wytze syn erfskip yn 1861 wie *f* 51.800 en waard ferdield tusken de fiif soannen. Ritske krige de pleats foar *f* 13.200 en moast fanwege syn oerbedieling *f* 2840 ynbringe.[32]

VI. **Ritske Wytses Kloosterman**, b. Twizel 26 aug. 1817, einierde boer te Twizel oant 1876, lid gemeenterie Achtkarspelen 1855-79, rintenier dêr, st. Twizel 2 okt. 1879, tr. Achtkarspelen 9 jann. 1847 **Simke Jans Sikkama**, b. Lytsewâld (Augsbuurt) 21 okt. 1822, st. Twizel 28 jann. 1849, dr. fan Jan Louws Sikkama en Martje Louwes Wiersma (§ 4).

VII. **Jan Ritskes Kloosterman**, b. Twizel 23 febr. 1847, (einierde) boer te Twizel 1876- , rintenier 1881- , skriuwer fan Fryske poezij, st. Grins 17 febr. 1914, tr. Kollumerlân 6 july 1876 **Tryntje Jans Beintema**, b. Westergeast 9 nov. 1850, st. Ljouwert 25 nov. 1916, dr. fan Jan Douwes Beintema en Jantje Pieters Wouda (§ 9a).
Jan Ritskes en Tryntje meitsje 5 july 1876 houliksbetingsten foar notaris C.H. Beekhuis te Bûtenpost.

VIII. **Simke Kloosterman**, b. Twizel 25 nov. 1876, Frysk skriuwster, st. Ljouwert 5 des. 1938.

31 Nammeoannimmen *commune* Stynsgea 41v.
32 Not. Arg. 24053, akte 59.



De pleats te Twizel, Simke's bertehûs, boud 1865, ôfbaarnd 1908.

§ 2. Stamrige Sytsma

It slachte Sytsma bestiet út wolstelde boeren, mar sy hawwe foar 1811 gjin skaainamme en ek gjin wapen. Omdat ien fan Simke har fjouwer pakes en beppes Sytsma hjit en omdat se yn froulike liny út it slachte Vries skaaie, binne se hjir opnommen.

I. **Liebbe Jans**, fan Aldegea, wennet letter yn De Koaten, tr. Aldegea 11 des. 1642 **Jets Popes**, fan De Pein.

II. **Wolter Liebbes**, einierde boer te Twizel (1698-1728 eig.-br. Twizel stim 43, 1728 ek eig. stim 54 dêr, 1698 ek (lykas syn broer Pope en it bern fan syn suster Jel) eig. 3/70 part yn De Pein stim 4), yn 1744 mei 5 pers. (oanbean bedrach £ 5), st. Twizel 1748, tr. **Lysbeth Sytses**.

III. **Sytse Wolters**, boer yn De Koaten 1728-1781 (1728-1768 br. stim 22, eigen oan syn skoanmem), tsjerkfâd dêr 1758, yn 1749 wolsteld boer mei 6 pers., oanslach £ 61-7 (*capitaal* £ 2500), st. nei 1768, tr. foar 1726 **Antie Clases**, beide op de lidmatenlist yn De Koaten april 1758, dr. fan **Claes Ates** en **Jancke Minses** (§ 3 Vries, gen. IVb).
Sytse Wolters lit fjouwer bern dope yn De Koaten 1727-1736, de mem wurdt net neamd.
1728 Koaten stim 22: br. Sytse Wolters, eig. Claas Atis widdo.

1744: Sytse Wolters, Koaten, 7 pers., oanbean bedrach £ 10.

IV. **Minse Sytses**, dpt. (*Mintse*) Twizel 16 nov. 1732, boer te Twizel (1778 br. stim 5, 6, 10, 25, 26 en 27, mei inoar goed 140 pm), docht belidenis Twizel 1769, diaken dêr 1772-, st. 1783, tr. Twizel 30 maaie 1762 **Jenke Stevens**, b. [Eastermar] ±1737, st. Twizel 15 maart 1807, dr. fan Steven Wopkes, boer, wolsteld komelker te Eastermar, en Sibbeltje Minnes.

V. **Tætske Minses Sytsma**, b. Twizel 14 maaie, dpt. dêr 28 juny 1778, st. (*Teetske Minzes Sytsma*) Twizel 21 des 1856, tr. Twizel 8 aug. 1802 **Wytze Binderts Kloosterman**, b. Bomkleaster 13 maart 1777, dpt. Droegeham/De Harkema 20 april 1777, einierde boer te Twizel, assessor fan Achtkarspelen 1819- , st. Twizel 17 febr. 1861, sn. fan Bindert Jacobs Kloosterman en Antje Wytses (§ 1).

§ 3. Stamrige en dielgenealogy Vries

It slachte Vries bestiet, lykas Sytsma, út wolstelde, meast einierde boeren, dy't parten yn ferskillende pleatsen oanholden. De namme is yn 1811 oannommen; ek fan harren is gjin wapen bekend. Fan dizze famylje is in stamrige yn omrin dy't net kloppet: de fjirde generaasje blykt troud te wêzen mei in efternicht. Yn de DTB-registers is net folle materiaal te finen, de besibbens wurdt bewiisd troch de fererving fan it grûnbesit. Dêrom wurde beide tûken hjir behannele.

I. **Tiaerdt Jelles**, brûkt in stik lân neamd de *Tien Ackers* fan de patroan yn De Koaten 1581.
Dizze 'Tieert Jelis in de Ham' is nei alle gedachten de heit fan seis soannen, dêr't Minse ien fan is.[33]

II. **Minse Tyaerdtsz**, b. [rûsd om 1580/90 hinne], yn De Koaten 1614, 1625, tr. **Berber Lammerts**, beide st. foar 1629.
1614: Mintse Tyaerdtsz yn De Koaten, is kurator oer de bern fan Sytse Lammerts en Eelck Syoerdts Itsma.[34]

33 GOO 213. Mei de Ham wurdt Droegeham bedoeld, dat doarp leit deun tsjin De Koaten oan.

34 TIE 31 (weesb. M1) 117v, 118v, 123. Sytse Lammerts sil de broer wêze fan Berber. De sate stim 22 yn De Koaten komt út dizze famylje: yn 1640 binne de wezen fan Lammert Hillebrants mei-eigners.

1625 april 6: Minse Tiaerdts yn De Koaten en Sybe Tiaerdts te Jistrum as fâden oer Atke, 4 jier, dr. fan Jeen Tiaerdts silger en Eelck Reyners te Bûtenpost (ynventarisaasje); neamd wurde ek de weesbern fan Ate Tiaerdts.[35]
1629 nov. 18: Focka Tiaerdts te Lippenhuzen is fâd oer de trije jongste bern fan Mintse Tiaerdts en Berber Lammerts yn De Koaten: Lambert, Wytse en Ate.[36]
1655 maart 29: Lambert en Wytse Minses wurde fâd oer de bern fan Geert Tiaerdts en Jouck Jelles.[37]
Der binne dus seis bruorren yn dizze generaasje, soannen fan in Tiaerdt: Minse, Sybe, Jeen, Ate, Focke en Geert.[38] Ut de fererving fan Twizel stim 1 en De Koaten stim 16 en 22 kin de filiaasje opmakke wurde.
Ut dit houlik:
1. **Lammert Minses**, folget IIIa (**A**).
2. Wytse Minses, yn De Koaten 1655.
3. **Ate Minses**, folget IIIb (**B**).

A

IIIa. **Lammert Minses**, b. [rûsd om 1610/15 hinne], [boer] yn De Koaten, st. foar 1698, tr. [±1643] **NN**.
Ut dit houlik:
1. Minse Lammerts, dpt. Koaten 22 april 1644, st. [jong].
2. Wytske Lammerts, dpt. (twilling) Koaten 26 maaie 1650, wie tinklik net troud, 1698 mei-eig. (1/9) Twizel stim 1, st. nei 1698.
3. Jetske Lammerts, dpt. (twilling) De Koaten 26 maaie 1650.
4. Claes Lammerts, dpt. De Koaten 4 juny 1652.
5. Tjeerd Lammerts, dpt. (twilling) De Koaten 24 aug. 1656.
6. **Minse Lammerts**, folget IVa.
7. Berber Lammerts, dpt. De Koaten 9 maaie 1658.
8. Ate Lammerts, dpt. De Koaten 16 aug. 1661, boer (1698 br. en mei-eig. (2/9) De Koaten stim 22, mei-eig. (1/12) De Koaten stim 16 en (mei Minse en Wytske Lammerts foar 1/9) Twizel stim 1, st. De Koaten 15 febr. 1726.

35 ACH 54 (weesb. M3).

36 ACH 70 (liqub. O2).

37 ACH 61 (weesb. M10).

38 Folchoarder willekeurich. Sjoch Gen. Jierb. 1980 24, mei de neiteam fan Geert Tiaerdts.

Ate Lammerts wie nei alle gedachten net troud, hy buorke tegearre mei syn broer Minse Lammerts op De Koaten stim 22. Hy beneamt ta iennich erfgenamt Jancke Minses, dy't wol syn omkesizzer wêze moat.[39]
Ien fan de dochters fan Lammert Minses moat troud west ha mei Jacob Stevens, boer te Burdaard (1698 br. stim 1), lidmaat te Wânswert 1685-1720 (gjin frou neamd). Wytske liket net troud te wêzen, sy komt 1698 sels as eigneres foar; it moat dus Jetske of Berber wêze, nei alle gedachten de lêste, mar der is fan harren neat te finen. Jacob Stevens is yn 1698 mei Minse en Ate Lammerts ien fan de trije mei-eigners fan De Koaten stimmen 16 en 22 (se hawwe tegearre ¼ resp. 1/3 yn dy saten).

IVa. **Minse Lammerts**, dpt. (twilling) De Koaten 24 aug. 1656, boer yn De Koaten tegearre mei syn broer Ate (mei-eigner 2/9), st. nei 1698.
Syn dochter:
I. **Jancke Minses**, b. [rûsd om 1678/80 hinne], einierd yn De Koaten (1728 eig. stim 22), lidmaat te Twizel 1758, st. Twizel nei 1758, tr. [rûsd om 1698/1700 hinne] **Claes Ates** (B, IVb).
Minse Lammerts komt as iennichste yn oanmerking om de heit fan Jancke Minses te wêzen. Sadwaande koe de sate De Koaten stim 22 ferervje op de staach fan Claes Ates.

B

IIIb. **Ate Minses**, b. [rûsd om 1615/25 hinne], st. foar 1698, tr. **NN**.
Ut dit houlik:
1. **Claes Ates**, folget IVb.
2. Jetske Ates, dpt. De Koaten 4 juny 1652.
3. Minse Ates, dpt. De Koaten 20 aug. 1654.
4. Janke Ates, dpt. De Koaten 3 aug. 1656.
5. Wytske Ates, dpt. De Koaten 3 july 1659, yn 1698 mei broer Claes mei-eig. 1/9 Twizel stim 1 en mei Claes en Jacob Stevens (*nom. uxoris*) mei-eig. ¼ De Koaten stim 16.

IVb. **Claes Ates**, dpt. De Koaten 7 april 1650, einierde boer te Twizel (1698 eig. 1/3 stim 41, br. gehiel), mei-eig. Twizel stim 1, Aldegea stim 18 en De Koaten stim 16, st. Twizel ±1724, tr. [om 1698/1700 hinne] **Jancke Minses** (A, IVa, 1).

39 Argyf Steaten (T5) 6489, Collaterale Successie 20 juny 1726: Jancke Minses widdo Claas Ates is erfgenamt; ek 1738 Jantje Minses, iennich erfgenamt fan Ate Lammerts [ACH 123 (hypb. V12) 303v] (mei tank oan P. Nieuwland).

Ut dit houlik:
1. Ate Clases, boer, doarpsrjochter en ûntfanger te Twizel (1728 br. stim 41, eig. syn mem en har bern).
   Syn soan Minse (1731-1815), eksekuteur fan Achtkarspelen, it lêst rintenier, nimt de namme Eskens oan.
2. **Wytse Clases**, folget V.
3. Tryntje Clases.
4. **Antie Klases**, mei har man op lidmatelist yn De Koaten april 1758, tr. foar 1726 **Sytse Wolters**, boer yn De Koaten 1728-1781 (1728/68 br. stim 22), tsjerkfâd dêr 1758, yn 1749 wolsteld boer (*capitaal* £ 2500), st. nei 1749, sn. fan Wolter Liebbes en Lysbeth Sytses (§ 2).
5. Minse Clases, dpt. Twizel 2 april 1706.

V. **Wytse Clases**, einierde boer te Twizel, yn 1744 mei 7 pers. (oanbean bedrach £ 5), yn 1749 wolstelde boer dêr mei 4+5 pers., oanslach £ 58-5 (*capitaal* £ 2000), diaken 1764 en âlderling 1777, 1783, st. 1796/97,[40] tr. **Ynske Sakes**, dpt. Garyp 16 juny 1714, beide lidmaten Twizel 1762, st. foar har man, dr. fan Sake Douwes, boer te Garyp, en Tytje Ubles (Oebles).
Ut dit houlik acht bern, û.o.:

VI. **Minse Wytses Vries**, dpt. Twizel 4 des. 1744, boer te Garyp op in pleats fan de famylje Van Sminia, doarpsrjochter en ûntfanger dêr 1780-96, lid gemeentebestjoer Tytsjerksteradiel 1803-05, meirjochter 5e distrikt (Tytsjerksteradiel en Achtkarspelen) 1806- , lid munisipale rie fan de *commune* Burgum 1811-12, st. Garyp (Burgum) 3 nov. 1812, tr. Garyp 13 nov. 1791 **Antje Ynses**, b. Sumar 1769, as widdo boerinne te Garyp, st. Garyp 17 febr. 1846, dr. fan Ynse Fokkes, boer te Garyp en te Sumar, en Bintje Annes.
Minse kaam te wenjen by in omke fan memmekant, Oebele Sakes, dy't gjin bern hie. Oebele hierde in pleats fan de famylje Van Sminia dy't yn Tytsjerksteradiel foar master opsloech. Omke wie ek doarpsrjochter en ûntfanger en koe goed mei de grytman. Doe't omke ferstoar yn 1780 folge Minse him op, en doe't muoike Lysbeth Rypkes 28 nov. 1784 te Hurdegaryp wer troude mei Gerrit Gjalts Reitsma, bysitter (meirjochter) fan Tytsjerksteradiel) folge Minse har op as hierder fan de pleats. Pas sân jier letter troude Minse de 25 jier jongere Antje Ynses, by wa't er sân bern krigen hat. As Oranjeman hat hy wegere de 'Friesche Eed' (ek bekend as de 'verklaring van afkeer' (van het stadhouderlijk, aristocratisch en eenhoofdig bestuur) fan 11 maart 1796) ôf te lizzen en sa ferlear hy syn amten. Mar nei't de prinsgesinden yn 1801 nije kânsen krigen sjogge wy Minse ek wer werom kommen yn it bestjoer.

40 ACH SpC 1797: 'is overleden, 't huis ledig en de dienstbode in anderen dienst gegaan'.

1802: Minse Wytses keapet in oare pleats te Garyp mar bliuwt wenje op syn hierpleats.
1811 des. 28: Minse Wytses te Garyp nimt de namme *Vries* oan; bern: Ynske 19, Goitske 17, Rintje 15, Wytske 13 en Oebele 3 jier.[41]

VII. **Oebele Minzes Vries**, b. Garyp 29 juny, dpt. 17 july 1808, einierde boer en tsjerkfâd yn De Koaten, lid gemeenterie fan Achtkarspelen, st. De Koaten 15 april 1865, begr. Koatstertille, tr. Achtkarspelen 22 maaie 1830 **Akke Ritskes Kloosterman**, b. De Koaten 10 maart 1805, as widdo boerinne dêr, st. De Koaten 14 aug. 1884, begr. Koatstertille, dr. fan Ritske Binderts Kloosterman, boer yn De Koaten, en Hinke Bartels de Boer, as widdo boerinne dêr.
Oebele Minzes liet twa pleatsen en in protte lân nei, blikens de akte fan skieding yn 1885. De pleats te Garyp hie er urven fan syn heit en de pleats yn De Koaten kaam fan skoanheit Ritske Binderts Kloosterman. Fierders wie der sa'n 700 pm land.[42]
Ut dit houlik seis bern, û.o. (beide soannen ha in soan Oebele en binne de stamheiten fan de famylje Vries):

1. Minze Oebeles Vries (b. 1833), tr. Froukje Pieters Hoeksma.
2. Ritske Oebeles Vries (b. 1835), tr. Willemke Ates Zijlstra.
3. Antje Oebeles Vries, b. De Koaten 30 des. 1840, st. Huzum 1 maart 1890, tr. Ljouwerteradiel 10 maaie 1866 Jan Jans Olivier, b. Jelsum 14 sept. 1835, boer op it Aldlân ûnder Ljouwert 1866- , te Koatstertille 1893- , st. Koatstertille 15 nov. 1896, sn. fan Jan Lourens Olivier[43] en Grietje Jetses Bottinga.

41 Nammeoannimmen *commune* Burgum 84v. Syn twa bruorren en de bern fan de tredde namen de namme De Vries oan.

42 Freonlike meidieling fan dr. Oebele Vries te Westergeast (Oebele Minzes is de pake fan syn oerpake). Yn de famylje waard grute dat er sa'n 1000 pm yn besit hie (dat wie miskien wat oerdreaun); by de neiteam fan de famylje Olivier waard sein dat er oer syn eigen lân fan Twizel nei De Koaten rinne koe en: 'hie sân pleatsen, koe noch wol sân keapje'.

43 Syn heit Lourens Lourens Olivier (1760-1821) wie ien fan de 600 heechstoansleinen yn de belestingen yn 1813 (ynkommen frs. 4000), wat fan gefolgen hie dat soan Sipke (Jan Lourens syn jongste broer) ynliifd is as *garde d'honneur* fan keizer Napoleon [cf. Gen. Jierb. 1967 89].

§ 4. Stam- en nammerige Sikkama

I. **Ercke Syckema (Harco Siccama)**, op Siccama-hûs te Niehove (Humsterlân) 1457-58, op Siccama-state te Stynsgea (Achtkarspelen) 1482, st. foar 1511.[44]
Ercke Siccama syn bertejier kin rûsd wurde op it lêst fan it earste kwart fan de 15e iuw (om 1420 hinne)
Om 1458 hinne is fanwegen de duorjende strideraasjes mei de stêd Grins in grut tal ynwenners fan Humsterlân útwykt nei Fryslân, benammen nei Achtkarspelen, dat lykas Humsterlân ta it bisdom Munster hearde (de rêst fan Westlauwersk Fryslân foel ûnder it bisdom Utert).

II. **Aetthe (Atte) Sickema (Siccama)**, einierde boer op in sate fan 40 pm yn De Pein 1511, ek einierd te Stynsgea 1511 (ferhierd) en 1528,[45] eigner-bewenner fan Siccama-state, st. foar 1543.

III. **Ritscke Syckema (Siccama)**, einierde boer te Surhuzum 1511, 1543 en einierd te Stynsgea 1543, tsjerkfâd te Surhuzum 1543, st. nei 1543.

IV. **Wyt Syckema (Siccama)**, einierde te Surhuzum 1543, 1576, st. nei 1576.

V. **Eelthye Syckema (Ælse Siccama)**, einierde te Surhuzum, meirjochter fan Achtkarspelen 1598-1621, rjochter en (doarps-)folmacht fan Surhuzum 1606, 1608, 1615, st. 1621, tr. **Emme Pietersdr**, neamd as widdo 29 nov. 1621, st. 1630/37.
1598 jann. 15: Eelthye wurdt neamd te Surhuzum as 'Assessor Commissaris van den gerechte van Achtkarspelen'.[46]
1621 juli 5: hy komparearret foar it lêst op 'e rjochtdei; op 29 nov. 1621 wurdt syn widdo neamd.[47]
Hy keapet gauris ûnreplik guod te Surhuzum (1602, 1603, 1605) dat fererver op syn soan Wyt.
1640: Erven Eeltse van Siccama eig. Surhuzum stim 28.
Ut dit houlik in soan Wyt Siccama, stamheit fan it slachte Hora Siccama, haadling te Doezum, st. 3 maaie 1632 en begroeven ûnder in sark mei in einierdenwapen,[48] fierder trije dochters, wêrfan Ath folget.

44 *Nederland's Adelsboek* 2008 48; *De Siccama's* 17 *et passim*.

45 RvdA I 218, 220, 222, 223; Rrek. VI 16r.

46 ACH 7 (recesb. C3).

47 ACH 39 (sentinsjeb. G2).

48 *Nederland's Adelsboek* 2008 49, gen. VI; GFL I (Achtkarspelen) 54.

* VI. **Ath Siccama (Syckema)**, b. Surhuzum [rûsd om 1600 hinne], st. Boerum nei 1641, tr. 1. 1621 **Jan Reyners** [Eysma],[49] einierde op Eys(e)ma-sate te Boerum (stim 25), st. [dêr] 31 maaie 1628, widn. fan Rinsck Woltersdr; tr. 2. 1628/29 Pieter Alberts de Roo, einierde boer, keaper fan in kleastersate fan 65 pm fan it Gerkeskleaster, yn it gehiel grut 82 pm, op it Nijlân te Boerum 1638 (1640 eig.-br. stim 42), st. nei 1643, sn. fan Albert Pieters Roode[50] (§ 8, Roo of Roode).

1628 maaie 31: ynventaris stjerhûs fan Jan Reinersz te Boerum, op fersyk fan Wolter Aerysz, Arys Woltersz en Johannes Cornelysz, 'geautoriseerde voormonden' oer it minderjierrige weesbern fan Jan en syn earste frou Rinsck Woltersdr, hokker hûs 'in communione staande' tsjintwurdich bewenne en brûkt wurdt troch de styfmem Atke Siccama, oanjouster yn presinsje fan Jan Toenisz en Wydt Siccama, har broer. Atke hat ek in bern 'bij gemelde Jan in echte getogen'.

It stjerhûs leit oan de Buorren te Boerum en is fiif fekken lang mei in skuorre. Der wurdt 58½ pm fan it Gerkeskleaster brûkt en 12 pm dêrby en 13½ pm eigen lân.[51]

Ut dizze akte docht bliken dat Ath in suster is fan Wydt Siccama.

1641 nov. 2: P.A. Roo en Ath Syckema, troude lju, wurde as tsjûgen neamd yn it houlikskontrakt fan Harco Siccama en Sieuwke Iwema; hy wie ek fâd fan de minderjierrige bern fan Wyt Sickema te Doezum.

1639, 1640, 1643: Pieter Alberts Roo is fâd oer de bern fan syn sweager Wydt Siccama en Tjaeckien Iwema, te witten Reyn en Eelthie Siccama.[52]

Ut har earste (Jan Reyners syn twadde) houlik:

VII. **Ælse Jansen Siccama (Syckema, Sickema)**, b. Boerum [rûsd om 1622 hinne], boer yn de Buorren te Boerum, st. foar 17 des. 1663, tr. (prokl. Gryptsjerk 28 okt.) 1643 **Baeucke Pieters Wiersma**, st. 3 des. 1663, dr. fan Pieter Luwes Wiersma, einierde yn de Rûgewaard (Grinslân).

De foarnamme Ælse wurdt ek skreaun as Eeltse, Eelse, Else, Elze, Eltie.

1663 des. 12: Nicolaus Donga, sekretaris fan Dongeradiel, te Paesens eastside en Harcke Siccama, te Súdhorn wurde beneamd ta fâden oer Luwe Elses Siccama, 17 jier en syn fjouwer minderjierrige bruorren en susters, weesbern fan Else Jans Siccama en Bauckien Pieters, beide ferstoarn.[53]

1669: yn de boedelskieding fan Eltse Jansen Sickema, soan fan Jan Reyners en Ath Siccama, wurdt sprutsen fan in sate en lannen by Jan Reyners Eijsinga en Pieter Jacobs, beide te Boerum. It sil erfguod fan Jan Reyners wêze.[54]

VIII. **Luwe (Lou) Eltzes (Ælses) Siccama**, b. Boerum 1646, kriget *venia ætatis* 1671, [einierde boer] te Boerum (1698 syn erven ½ eig. stim 42), doarpsrjochter en ûntfanger te Boerum 1682/83, tsjerkfâd dêr 1669, 1671, 1690, st. foar 1698, tr. **Rinskje Rinses**, beide lidmaten te Boerum 2 aug. 1676, dr. fan Rinse Johannes, einierde boer te Kollum, ek einierd te Boerum, meirjochter en ûntfanger-generaal fan Kollumerlân, en Aef Gatses.

1683 febr. 7: Luwe Elsis Siccama is tegearre mei syn broer Jan fâd oer Eelse, yn it 7e jier, soan fan harren suster Tryntje en Jacob Pyters.[55]

Hy ervet de helte fan stim 42, dy't yn 1638 troch Pieter Alberts Roo kocht wie; yn 1698 stiet dizze pleats yn it SC op namme fan de erven fan Liuwe en Pyter Elses, eltse staak ½. Brûker is dan Else Liuwes.

Yn 1727 is de sate eigendom fan syn bern (Bauckje ¼, Else en Johannes Liuwes tegearre ¾).

IX. **Else Luwes [Siccama]**, b. ±1671, einierde boer te Boerum (1698 mei-eig. en br., 1728 eig.-br. stim 42), doarpsrjochter 1698, ûntfanger 1698/1730, tsjerkfâd 1708, 1723 en diaken te Boerum, st. 1746/49, tr. **Baukjen Johannes**, b. ±1677, boerinne te Boerum, st. nei 1749, dr. fan Johannes Rinses, boer te Kollum.

In sulveren (houliks)leppel mei letters E L S - B J R (Else Liuwes Siccama & Baukjen Johannes Rinses) waard yn 1763 brûkt as berteleppel foar harren pakesizzer Djurre Johannes Siccama.[56]

Else hiert fan syn heit de Kleasterpleats dy't troch Pieter Alberts Roo yn 1636 koft wie en krijt de pleats letter út heite erfskip en troch oankeap fan de oare erven.

1727: oankeap fan ¼ fan sate 32 troch niaarnimming.

49 Hy wurdt nea fûn mei skaainamme, dy wurdt earst letter brûkt, ek wol yn de foarm fan Eyssinga. Der is gjin ferbân mei de Eyssinga's fan Rinsumageast, dêr't de hjoeddeiske famylje (van) Eysinga (oarspronkelik Bolta) yn froulike liny út skaait.

50 *De Siccama's* nr. 25 (p. 34); *Stamboek* I 348; *De Ned. Leeuw* 46 (1929) 285.

51 KOL 69 (weesb. P8) 69v.

52 *De Siccama's* nrs. 27 en 28; Groninger Archieven, FA Hora Siccama ynv.nr. 269 I, fol. 83.

53 KOL 18 (recesb. B15), akte nr. 1762.

54 *De Siccama's* 34 (nr. 25).

55 KOL 88 (weesb. P27) 824 (scan 628); *De Siccama's* nrs. 192-194.

56 Soks betsjut net, dat Else en Baukjen yn 1763 noch libben, lykas A.C. Fokkema-Siccama [*De Siccama's* 205] mient. De leppel kin troch beppe Baukjen jûn wêze (dy soe doe 86 jier west hawwe) mar fansels ek troch in lettere generaasje. In trouleppel op 'e nij brûke as berteleppel kaam wol faker foar. De leppel wie yn 1973 noch by de neiteam oanwêzich.

1728: ûntfanger Else en [syn broer] Johannes Luwes binne foar 5/8 en 3/8 eig. Kollum Uterdyksterkluft stim 32. Brûker is syn soan Louwe Elses.
1722-1730-1746: neamd yn de Bylagen fan de sivile sentinsjes fan it Hôf.[57]
1749: Else Luwes widdo, boerinne te Boerum mei 3 pers., oanslach £ 50 (*capitaal* sawat £ 5000).

X. **Louw Elses [Siccama]**, dpt. Boerum 17 april 1700, boer yn de Uterdyksterkluft ûnder Kollum op stim 32 (in famyljepleats) 1728, brouwer yn de Tsjerkebuorren te Kollum 1744/49, tr. **NN**.
Hy fiert de famyljenamme sels net; dy komt wol foar yn (stjer)akten fan de boargerlike stân nei 1811.
1728: Kollum Uterdyksterkluft stim 32: eig. 5/8 ûntfanger Else Luwes, 3/8 Johannes Luwes; br. Louwe Elses.
1744: Louw Elses, Kollum (Kerkebuiren), 4 pers., oanbean bedrach £ 5.
1749: Louw Elses, brouwer te Kollum (Tsjerkebuorren), 'redelijk in staat', 3+1 pers., oanslach £ 45 (*capitaal* £ 2500).

XI. **Else Louwes Siccama**, dpt. Boerum 12 april 1739, wennet te Kollum 1761, [einierde] boer ûnder Boerum, tsjerkfâd dêr 1775, assessor fan Kollumerlân 1780, lid munisipaliteit dêr 1795, st. Boerum ±1797, tr. Kollum 23 maart 1760 **Taatske Everts**, b. Kollum ±1740, sy docht belidenis Boerum 24 juny 1773, komt mei att. fan Boerum nei Kollum 28 aug. 1776, st. Boerum 21 july 1812, dr. fan Evert Arents, mr. wolkammer te Kollum, en Barber Djoerds.
Else Louwes wenne efter de tsjerke te Kollum. Hy wie belutsen by it Kollumer Opskuor yn 1797.[58]

XII. **Louw Elzes Siccama**, b. Boerum 12 sept., dpt. Kollum 28 sept. 1760, boer te Boerum, docht belidenis dêr 10 febr. 1796, adjoint-maire fan Boerum 1811, st. (*Sikkama*) Boerum 10 sept. 1822, tr. Kollum 26 aug. 1787 **Wytske Æbes (Ebbes) Broersma**, dpt. Aldwâld 12 okt. 1766, op it lêst rintenierske te Kollum, st. Kollum 28 aug. 1844, dr. fan Ebbe Jans [Broersma] en Maayke Cornelis (§ 5).

57 HvF 11891 (CS 476-23) 1722 (1727), 12393 (CS 546-6) 1730 (1731), 12697 en 12698 (CS 587-4/5) (1733), 12883 (CS 619-6) (1736), 12929 (CS 627-15) 1730, hy 59 jier (1736), 13844 (CS 772-13) 1746, sy 69 jier (1747). It earste jier is fan de fermelding, it twadde (tusken heakjes) it jier fan de sentinsje.
58 Sjoch hjirfoar de roman fan S. Kloosterman, *It Jubeljier* (1926).

XIII. **Jan Louws Sikkama**,[59] b. Boerum 17 aug., dpt. dêr 8 sept. 1799, boer, lid gritenijrie fan Kollumerlân, st. Kollum 18 april 1859, tr. 1. Kollumerlân 26 juny 1822 **Martjen Louwes Wiersma**, b. Lytsewâld (Augsbuurt) 13 jann., dpt. dêr 16 febr. 1800, st. Nij Krúslân 29 jann. 1829, begr. Boerum, dr. fan Louwe Romkes Wiersma, boer te Lytsewâld (Augsbuurt), assessor fan Kollumerlân, en Simke Tjeerds Rispens (§ 7); tr. 2. Kollumerlân 5 okt. 1832 Katje Gerlofs Holwerda, b. Kollum 20 sept., dpt. (*Kaatje*) dêr 11 okt. 1801, st. dêr 1 aug. 1848, dr. fan Gerlof Jans Holwerda, learloaier te Kollum, en Klaaske Klazes Jouwersma.
Ut it earste houlik:

XIV. **Simke Jans Sikkama**, b. Lytsewâld (Augsbuurt) 21 okt. 1822, st. Twizel 28 jann. 1849, tr. Achtkarspelen 9 jann. 1847 **Ritske Wytses Kloosterman**, b. Twizel 26 aug. 1817, einierde boer te Twizel oant 1876, lid gemeenterie Achtkarspelen 1855-79, rintenier dêr, st. Twizel 2 okt. 1879, sn. fan Wytze Binderts Kloosterman en Tætske Minses Sytsma (§ 1).

§ 5. Stamrige Broersma

I. **Jan Eebes**, te Boerum 1719/25.
Yn 1652 wurde Tiaert Alma, keapman te Kollum, omke, en Pyter Dirx te Gerkeskleaster, op fersyk fan Ebbe Jans, 23 jier (b. ±1629), de âldste soan út it gesin, beneamd ta *curatoren en voormombers* (fâlden) oer de minderjierrige bern fan Jan Dirx en Thomet Alma (Allema) silger, yn libben op de Uterdyk ûnder Kollum. Dat gesin bestiet út seis soannen en ien dochter: Ebbe (de requirant) en Tziegh 21, Jelt 20, Jan, Lou, Dirck en Claes Jans. Dy lêste fjouwer soannen sille dus berne wêze tusken ±1635 en ±1640.[60]
It hat wol eigenskip dat Jan Dirx en Thomet Alma foarâlden binne fan Jan Eebes. De namme Æbe is in kaainamme en it kin hast net oars as dat Thomet in dochter is fan Æbe (Louwsz) Allema en Aet Tiaerdts te Bûtenpost, hy is kurator 1586, letter wenje se te Kollum 1603/10 dêr't hy 1603 tsjerkfâd is. Æbe Allema syn pake en beppe binne Gielt Alma en Thomet Herbranda.[61] Yn it recesboek fan Kollumerlân wurde 1652-55 noch mear Alma's as kuratoaren neamd: Tiaerd (1640 eig. Kollum (Tsjerkebuorren) stim 24), Hed en Wybet Alma. Dat sille broers fan Thomet wêze.

59 By syn doop hjit syn heit Siccama.
60 KOL 17 (recesb. B14), 15 juny 1652.
61 Gen. Jierb. 1970 72-73. Thomet Alma mei har seldsume namme sil dan nei har oerbeppe neamd wêze.

Mei dy nammen Æbe, Louw, Tiaerdt kin it hast net oars as dat ien fan dy seis soannen de pake is fan Jan Eebes te Boerum, dy't yn it lêste kwart fan de 17e iuw berne wêze sil. It bewiis moat wol te finen wêze yn de rjochterlike argiven fan Kollumerlân, mar sa'n ûndersyk falt bûten it ramt fan dit artikel.

II. **Ebbe Jans [Broersma]**, dpt. Kollum 2 maart 1721, wennet te Aldwâld 1756- , sûnt 1777 te Kollum, boer dêr op Laansterkluft stim 16 (noch 1794), eksekuteur te Kollum, st. nei 1794 mar tinklik foar 1806,[62] tr. Kollum 23 april 1752 **Maayke Cornelis**, dpt. (*Mayke*) Aldwâld 2 maart 1732, dr. fan Cornelis IJes, ridlik wolstelde boer te Aldwâld, letter te Kollum, en Franske [Jans].
1777 maart 4: Æbe Jans en Maaike Cornelis komme fan Aldwâld nei Kollum.
Dit slachte fiert mei wissichheid sûnt 1793 de skaainamme Broersma.[63] De ôfkomst fan de namme sil socht wurde moatte te Kollum, der't ea in Broersma-state stien hat (west fan it doarp, tsjin Aldwâld oan). Dy wurdt yn 1622 by Schotanus noch as aadlik guod neamd, mar wie al yn de 16e iuw in boerepleats wurden (1569, 1612). De stins is om 1630 hinne op ôfbraak ferkoft.[64] De pleats (SC 26) bestiet út twa kavels, noard resp. súd fan de dyk en is yn 1640 eigendom fan Jetske Rosema en Rompt Tammes, elts foar de helte. Der tusken leit SC 23, yn 1640 eigendom fan dr. Pibo Doma. Beide nûmers tegearre sille Broersma-state wêze.
It liket derop dat de agnatyske foarteam út Kollum komt. Ebbe Jans en Jan Ebbes (Æbes) komme lykwols net foar yn Kollum op it quotisatiekohier fan 1749, ek op it stimkohier fan 1728 is der neat fan harren te finen. Mar yn 1832 binne in stikmannich perselen út SC 26 eigendom fan Kornelis Ebbes Broersma resp. widdo Louw Elzes Sikkama (*i.e.* Wytske Æbes Broersma, in suster fan Cornelis, beide bern fan Ebbe Jans (II). Dat bewiist wol dat de skaainamme oan de state ûntliend is.

III. **Wytske Æbes (Ebbes) Broersma**, dpt. Aldwâld 12 okt. 1766, it lêst rintenierske te Kollum, st. Kollum 28 aug. 1844, tr. 1. Kollum 26 aug. 1787 **Louw Elzes Siccama**, b. Boerum 12 sept. 1760, dpt. Kollum 28 sept. 1760, boer te Boerum, docht belidenis Boerum 10 febr. 1796, adj.-maire fan Boerum 1811, st. (*Sikkama*) Boerum 10 sept. 1822, sn. fan Else Louwes Siccama en Taatske Everts (§ 4).
1813 maart 13: Wytske Eebes Broersma hat de famyljenamme oannommen (tocht net komme te hoegen).[65]

§ 6. Tadema / Botnia van Broersma

It wapen Broersma dat Simke brûkt hat is fan it slachte Botnia van Broersma. Staach A skaait fan in einierde boer op Tadema yn 1511, dy't letter de namme Broersma oannimt nei de mem, dy't tinklik út in aadlik slachte Broersma skaait. Mar staach A stjert út en de lêste man beneamt syn folle neef (staach B) ta iennichst erfgenamt, ûnder betingst dat hy de namme Broersma oannimme sil. Dy neef wie einlik in Botnia, in aadlike famylje, mar in bewiisde oansluting is der net. Lykwols fiere se wol it aadlike wapen Botnia.[66] It liket derop dat dizze staach Botnia fan in basterdsoan skaait. Yn it wapen Botnia van Broersma is neat fan it wapen Botnia werom te finen.

I. **Hessel Eyntez Tadema**, boer en mei-eigner fan Tadema-state te Eastrum (Eastdongeradiel), keapet lân te Eastrum 1525/26, folmacht fan de 'Gemeene Zijlvesten' fan Eastrumersyl, st. foar 9 juny 1551, tr. **Wisck Gerroltsma**.[67]
1511: '*Hessel Tadema* I C XIXJ (119½) pm 7½ ensz (= eins), Lantheeren *Take Heemstra* 21½ fl., *Menke Heemstra* 13½ fl., *den Patroen* 9 st., *Rypke Mynie* 6 st., syn eygen 10 fl., summa 45 fl. 15 st.'
In mânske pleats, der't it grutste diel (35 ha) fan oan de Heemstra's heart en wêrfan Hessel sels 22% yn eigendom hat.

62 Ik fûn him noch yn it reëelkohier fan 1794. Hy wurdt net neamd 1806-1811 en ek net yn de boargerlike stân. Yn de bylagen fan de trouakte fan Jan Braak (Ljouwert 31 maaie 1829, nr. 83), soan fan Anthoni Braak en Franske Ebbes Broersma wurdt sein, dat de breugeman syn pake en beppe fan memmekant, Ebbe Jans Broersma en Maaike Kornelis, 'landbouwers te Kollum', 'reeds voor ettelijke jaren zijn overleden zonder het juiste tijdstip te kunnen bepalen'.
Yn Ljouwert en Marsum wenje om 1770 hinne ek Broersma's (dy't de skaainamme sûnder patromym brûke), dermei sjoch ik gjin ferbân. De Broersma's fan Smellebrêge (wapen: in hoanne) binne perfoarst in oare famylje, ek al suggerearret jhr. M. de Haan Hettema dat der wol ferbân bestean soe [*Stamboek* II 244 nt. 9a].

63 Trouakte fan Franske Broersma en Antoni Braak, Kollum 22 july 1793. [DTB 450] Neffens koll. P. Nieuwland al yn 1791.

64 It is stim 26 Laansterkluft (FC 149) [sjoch *Stinzen CD-rom* 132 mei ferwizing nei KOLoudh. I 70, 140, 155, 171; II 42-43 (al ferhaalt Andreæ dit yn ferbân mei de famylje fan Gaius van Broersma).

65 *Commune* Boerum, neikommen nammeoannimmen, BRF (T8) ynv.nr. 3713.

66 Yn blau in omdraaide sulveren rjochterearm yn harnas mei in rjochtopsteand sulveren swurd mei gouden hânfet (ek wol: in gouden swurd) yn de hân. Helmteken: de earm fan it skyld, skoarjend op de earmtakke. Dit wapen (ôfkappe) te Kollum as kertierwapen op de sarken fan Gajus Botnia van Broersma (1678) en syn soan Gajus van Broersma (1694).

67 Gen. Jierb. 1981 102-103; RvdA I 166; *Stinzen CD-rom.*

II. Mr. **Tyepcke Hesselsz**, substitút-sekretaris 1546- en sekretaris 1557/58-1578 fan Kollumerlân, notaris 1553, ek substitút-grytman, st. 23 sept. 1578, begr. Kollum,[68] tr. 1. NN; tr. 2. **Lyse Brandenborch**, st. 11 des. 1592, begr. Kollum.[69]
Hy hie ek lânbesit yn Westergeast. Syn erfgenamten te Kollum hierden ien pm yn de finne fan de pastorij te Bûtenpost 1581.[70]
Ut it earste houlik:
1. **Hessel**, folget IIIa. (**A**)
2. Sytse Tyepckesz, st. foar 1583, tr. Willemtie Jobsdr, te Eastrum 1583/87 wannear't sy prosedearret as erfgenamt fan har man.

Ut it twadde houlik:
3. Truidt Tyepckedr.
4. Aelcke Tyepckedr, st. 8 sept. 1586, begr. Kollum,[71] tr. Liuwe Sapis.
5. **Wisck**, folget IIIb. (**B**)

A

IIIa. Mr. **Hessel Tiepckesz**, einierde, st. 10 nov. 1581, begr. Westergeast, tr. **Wycke**, st. 15 des. 1611, begr. Westergeast,[72] nei alle gedachten dr. fan **Gatze Broersma**, ealman te Westergeast.[73]
Ut dit houlik:

IVa. **Gadie (Gatze) Hessels Broersma**, b. ['naar het schijnt'] 1581, st. 2 febr. 1641, begr. Westergeast,[74] tr. **Jetscke Bauckedr**, st. 1613, dr. fan Baucke Hayes, folmacht fan Westergeast 1585- , folmacht op 'e lândei 1601, en Auck Romptsdr en widdo fan Pieter Harmens Cleveringa te Boerum.[75]
Ut dit houlik gjin bern. Gatze beneamt yn 1638 Gajus, soan fan syn folle neef Jarich van Botnia, ta erfgenamt ûnder betingst dat hy de namme Broersma oan syn skaainamme tafoegje sil.

B

* IIIb. **Wisck Tiepckes**, b. ±1566, eignerse fan Rodenburgh 1616, st. 12 maaie 1650, begr. Kollum, tr. **Hendrick Botnya**, tinklik provisioneel grytman fan Baarderadiel 1581, wennet te Kollum en is yn kriichstsjinst om 1584 hinne, ûntfanger 1590-94,[76] begoedige te Boerum 1603,[77] wennet mei syn frou te Kollum 1610, st. 13 maart 1614, begr. Kollum.[78]
Ut dit houlik:
1. **Jarich**, folget IVb.
2. (tinklik ek:) Truyke Botnia, b. ±1597, st. 24 [ûnlêsber] 1659, 62 jier, begr. Kollum, tr. 1. Cornelis NN; tr. 2. NN Wygers.

IVb. **Jarich Botnia**, b. ±1590, st. 4 maaie 1659, begr. Kollum, tr. NN.[79]
Ut dit houlik:

68 KOLgesch. 51, KOLoudh. II 169; FVE nr. 3337.
69 *Maartenskerk* nr. 53; FVE nr. 3341.
70 GOO 201.
71 FVE nr. 3340.
72 KOLoudh. II 43; FVE nr. 6671, nr. 6673.
73 Gaetzie Broersma wurdt neamd yn RvdA IV 76 (1545), mar de nammen yn dat stik binne oernommen út in stik fan 1504. Keizer Karel V hat yn 1545 de hearskippen foarroppen dy't him yn 1504 de 21e pinning tasein hiene, mar dat wol net sizze dat dy doe noch yn libben wiene: dan gong it dus om harren erfgenamten. Dy Gaetzie moat wol fan in eardere generaasje wêze, miskien wie it Gatze syn pake. Gaycke *alias* Gaythie Broersma wie 1515-18 grytman fan Kollumerlân; yn 1543 binne 'Gayke Broersma arffgenaemen' neistlizzers te Westergeast. [Benb. 433]
74 KOLoudh. II 44. FVE 6673 skriuwt as stjerjier '16[2]1 oud 60 jaar' (lyk as it *Stamboek* II 244), mar dat kin net wier wêze want hy testearret yn 1638, sadat der nei alle gedachten 1641 stien hat.
75 *De Ned. Leeuw* 1984 333. Ut Baucke Hayes skaait it slachte Idema.
76 GPCV diel IV 757; 1593: Ontvr. der Geconfisceerde Goederen [oantek. E.M. van Burmania], T347 393 (stikken troch de PB oerdroegen oan it Ryksargyf (no Tresoar), âld nr. PB 1010Hs).
77 Meidieling fan drs. Ype Brouwers oan ir. H.A.E. de Vos tot Nederveen Cappel (1906-2010) te Zeist, ±1983.
78 KOLoudh. I 154; FVE 3384. Andreæ (*Nalezing* 80, 81 nt. 1) ornearret dat hy in soan is fan Jarich Botnia (1505-1583), olderman fan Frjentsjer 1554 en grytman fan Frjentsjerteradiel (-1567). Dat hat wol eigenskip, mar Hendrick wurdt net neamd yn it *Stamboek* en hy moat dan berne wêze wylst Jarich syn frou noch libbe (siz mar om 1555 hinne). Dat soe betsjutte dat hy net út it houlik fan syn heit skaait. Dat kin de ferklearring wêze dat Upcke van Burmania him ek net neamt, want in bastert heart net ta de adel. Op syn grêfstien stiet: 'eersamen' en net 'edele erentfeste' sa as men by de adel ferwachtsje soe (dat stiet yn 1659 wol wer by syn soan Jarich; wie de sûnde doe lang genôch ferlyn of kaam dat omdat dy soan wer yn in aadlik fermidden libbe?).
79 FVE 3425; neffens de kertierwapens op de sark fan syn pakesizzer Gajus (1694) soe syn frou in Scheltinga west hawwe. De wapens binne útkappe.

1. Elisabeth Botnia, b. ±1620, st. 12 maart 1700, begr. Koartehimmen, tr. Kollum 11 des. 1642[80] Ennius Idema, b. ±1617, notaris te Beetstersweach 1642- , meirjochter fan Smellingerlân en Opsterlân,[81] st. 8 july 1680, begr. Koartehimmen,[82] sn. fan Arent Harmens Idema, einierde op Idema-state te Driesum (1640 eig. stim 3), en Sjuw Edes Allema.
   Ut dit houlik neiteam.
2. **Gajus**, folget V.
3. (mooglik ek): Styntje van Botnia, b. ±1639, st. 23 juny 1684, begr. Kollum.[83]

V. **Gajus Botnia van Broersma**, b. 1626, sekretaris 1656-1673 en ûntfanger-generaal fan Kollumerlân (û.o. 1659), rekkenmaster fan Fryslân 1671, folmacht op 'e lândei, deputearre steat 1672, st. 5 des. 1678, begr. Kollum, tr. 1. foar 1654 **Jetscke van Rosema**, b. 6 okt. 1632, st. 26 jann. 1658, begr. Kollum, dr. fan Jacob Jilderts Rosema, rintmaster-generaal fan Kollumerlân, folmacht op 'e lândei, en Tryntje (Pietersdr) Cleveringa; tr. 2. (ûndertrou Ljouwert (stêdhûs) 19 maart, att. ôfjûn 27 maart) 1659 **Tætske de Schepper**, dpt. Ljouwert 4 jann. 1618, st. 2 maart 1671, begr. Kollum, dr. fan Sybrandt de Schepper, sidelekkenkeapman en boarger fan Ljouwert, en Feyck Jochems.[84]

Op de grêfsark Broersma-Rosema steane ôfkappe alliânsjewapens Broersma-Botnia; boppe de helm is it helmteken noch te sjen: in klaverblêd tusken twa ieren, eltse ier mei in koart en in lang blêd.

Ut dit earste houlik:

1. **Gajus (Botnia) van Broersma**, ûntfanger-generaal fan Kollumerlân, mei-kommittearde yn de Rekkenkeamer, folmacht op 'e lândei, st. 21 febr. 1694, begr. Kollum.[85]

80 *De Ned. Leeuw* 1984 338. Dit houlik stiet net yn *AlleFriezen*; it trouboek begjint pas yn 1718.

81 It grêfskrift seit: 'pra…oergerechten van S… en Opsterland'. Pra… stiet foar *prætor* (rjochter).

82 FVE 3457 en 3458.

83 FVE 3420; *Maartenskerk* 65 (nr. 43) mei wapen Botnia yn in manneskyld.

84 FVE 3398, 3412; *Maartenskerk* 59 (nr. 13), 60 (nr. 14). Tætske: *De Ned. Leeuw* 1929 139; FVE 5318: syn rouboerd yn de tsjerke te Aldwâld.

85 FVE 3425; *Maartenskerk* 60 (nr. 15). Op de sark liket ek de namme Botnia te stean dy't hy ornaris net mear brûkte.

   Syn rouboerd hinget yn de tsjerke te Aldwâld mei it wapen sa as beskreaun troch Hesman.[86]
   Op syn grêfsark stiet in alliânsjewapen en acht ôfhakte kertierwapens mei de nammen: Botnia, Scheltinga, Schepper, Hessels, Rosema, Cleveringa, Alma, Brandenburg. De Schepper is de twadde frou fan syn heit; Hessels en Brandenburg binne betoerpakes en -beppes fan heitekant en Alma is de mem fan syn sweager Ennius Idema. Der sitte dus mar seis echte kertierwapens tusken!
2. Wia Catharina van Broersma, b. Kollum ±1658, st. 5 nov. 1720, begr. Bûtenpost, tr. Kollum 1 des. 1678 Livius van Scheltinga, ûntfanger-generaal fan Kollumerlân, sn. fan Livius van Scheltinga, grytman fan Achtkarspelen, kommittearde yn de Rie fan State, en Wisckje (Cornelisdr) van Kinnema.

Ut it twadde houlik:

3. Jetscke Wisckia van Broersma, b. ±1662, st. 23 maaie 1694, begr. Bûtenpost, tr. (att. ôfjûn Ljouwert 5 april) 1680 dr. Martinus van Scheltinga, dpt. Bûtenpost 27 july 1656, jur. stud. Grins 11 maart 1675, prom. JUL Frjentsjer 12 febr. 1678, riedshear Hof fan Fryslân 1679-1714, president 1714, grytman fan Einjewier (Ængwirden) 1715-1721, dêrnei substitút-grytman foar syn minderjierrige pakesizzer, st. 21 jann. 1726, begr. Bûtenpost, broer fan Livius (junior) hjirboppe neamd.[87]
   Op harren grêfsark ôfkappe kertierwapens: Scheltinga, Broersma (as op it rouboerd), Kinnema, Schepper.

De twa dochters hiene njoggen resp. fiif bern, werút neiteam oan hjoed-de-dei ta.

§ 7. **Stamrige Rispens**[88]

Te Easterein leine yn 1511 twa pleatsen dy't tegearre de buorskip Rispens útmakken, letter stim 15, 16 en 17 fan Easterein. It lân fan dy twa (letter trije) pleatsen leit op sa'n manier yn en om inoar dat it oarspronklik wol ien

86 Gen. Jierb. 1993 155 (nr. 258). Yn kleuren ôfbylde yn P. Bultsma, A.B. Dull en G.A. Brongers, *Familiewapens in Noord-Nederland* (Uithuizermeeden 2000) 51.

87 GFL I (Achtkarspelen) 32 (G41), op de sark Wisckia Ietske van Broersma neamd. It *Stamboek* jout as houliksdatum 5 april te Kollum, dat fûn ik dêr net werom; 5 wie in moandei dus dat liket net goed. Dat it houlik te Kollum sletten is leit wol foar de hân.

By Martinus syn promoasje stiet dat hy Licenciatus wurden is, mar hy wurdt letter altyd JUD neamd.

88 Kees P. de Boer, 'Rispens, de neiteam fan Ocke', Gen. Jierb. 2014 59-116.

kompleks west hawwe moat, grut 179 pm (60 ha) mei in hierwearde fan *fl.* 52. Rispens wurdt yn 1402 al neamd, neffens it Stamboek wenne der doe in Ocke op de sate.[89] Yn 1511 wie de iene pleats fan Ocka, de oare fan Vlbet. Men hat wol tocht dat it broers binne, mar de nammen by de neiteam jowe dêr gjin oanlieding ta.[90] Sibskip leit wol foar de hân, mar sil dan folle fierder tebek sitte.
Rispens is in goed foarbyld fan it folk der't Simke har mei besibbe fielde: grutte einierden mei in hiele buorskip ta har beskikking, mear pleatsen yn eigendom en fanâlds in wapen. Alde Ocka is ien fan dy foarâlden der't Simke mei rjocht grutsk op wêze koe. Foar Walpert jildt itselde.

I. **Ocka thoe Rispens**, einierde op Rispens te Easterein (55 pm, eig. likernôch 2/3 fan stim 17) 1511, it gehiel brûkt troch syn soan, st. tinklik foar 1534.

II. **Aucke Ockez tho Rispens**, einierde boer op Rispens te Easterein (stim 17), yn 1511 as hierder fan syn heit, yn 1534 blykber sels eigner as er in rinte út de sate ferkeapet oan syn broer heer Aggo, pastoar dêr, st. 1543/48, tr. **Engel**, as widdo to Rispens, st. 1552/60, dr. fan Doedt Mentzedr, eignerse fan in part yn sate Walpert te Easterein,[91] dr. fan Mintye Walpert, eigner fan dy sate en fan parten yn Hoytema op Swyns en yn Hondsboodt, alles ûnder Wommels.[92]

* III. **Anna Auckedr Rispens**, st. 1556/58, tr. foar 1541 **Ydts Claesz**, [einierd] boer te Easterein, st. [dêr] foar 1562, tinklik sn. fan Claes Doedez, boer op it Frijlien te Easterein 1543;[93] Ydts tr. 2. Eelck Wytyedr, dr. fan Wytye Syuckez te Nijlân en widdo fan Simcke Jansz; Eelck tr. 3. foar 1573 Gerryt Harmensz te Kûbaard.

89 OFO II nr. 5 (Andelif in Respenze); Stamboek 303 (Ocke). It Stamboek jout net oan wêr't it dy namme Ocke wei hat; it koe wolris optocht wêze.

90 Allinnich de namme fan Aleph Auckes, fikaris en prebendaris te Easterein, kapelaan te Wommels, de âldste pakesizzer fan âlde Ocka, wiist derop dat de bewenners fan 1511 neiteam wêze koene fan dy Andelif fan 1402.

91 RvdAVD nr. 1191; Walpert is 90 pm grut en wurdt dan brûkt troch (har broer) Gerrolt Mynthyez.

92 Ype Brouwers, 'Parenteel Walpert', Gen. Jierb. 2013 211-286, dêr 215, 217, 220; cf. BbHEN 255, 256, 184; de saten binne letter stim 30, 34 en 4. It wapen Walpert siet yn de (ôfbrutsen) foarein te Wommels, mar de stien is weirekke. Beskriuwing: dield, I. de Fryske earn; II. trochsnien, a. in roas; b. in leelje. As kleuren lizze foar de hân: yn sulver in reade roas, yn blau in gouden leelje.

93 Benb. 794.

IV**. Claes Idtsz Rispens** toe Esquart, b. 1552, einierde boer op Eeskwerd te Easterein (stim 40), st. [Easterein] 26 okt. 1618, begr. dêr, tr. **Ryck Hendriksdr**, (erfdochter) fan Eeskwerd, st. [Easterein] 9 july 1590, begr. dêr, dr. fan Hendrik Yesquert.[94]

* V. **Griet Claesdr**, tr. (ûndertr. Hinnaarderadiel (gerjocht) 27 sept.) 1615 **Ryuerdt Alberts Isckwert**, b. Hinnaard ±1571, [sûnder mis boer (en wol op Eeskwerd, stim 40) te Easterein], st. 20 febr. 1634, begr. dêr.[95]
De stamrige Rispens fan Simke giet twa kear oer yn froulike liny. Lykwols wurdt it wapen Rispens ek fan neiteam yn de froulike liny fierd. Op de grêfsark fan Ids Annes, in neef fan Griet Claesdr (en ek beppesizzer fan Anna Auckedr) te Rie út 1652 stiet it wapen Rispens útbeitele.[96] Dat it wapen mei de namme oergiet is yn Fryslân wol gebrûklik.

VI. **Claes Ruerdts**, b. 1623, tinklik (einierd) boer op sate Eeskwerd (stim 40) te Easterein, st. Easterein 4 aug. 1671, begr. dêr, tr. 1. Easterein 11 nov. 1649 Bauck Wybes Adama, st. 17 maart 1657, begr. Easterein, dr. fan Wybe Ulbes [Adama] en Jeltje Sjoerds; tr. 2. Easterein 16 okt. 1664 **Auck Tiepkes**, fan Wurdum, st. Deinum foar 1705; sy tr. 2. foar 1674 Huig Franses, boer te Deinum (1698-1708 br. stim 29).
Ut it twadde houlik:

VII. **Jan Claeses**, dpt. Easterein 30 maaie 1669, boer te Boksum (1698-1718 br. stem 9), eigner fan parten yn sate Eeskwerd (stim 40) dêr (ferhierd, ferkocht 1698), st. 16 aug. 1722, begr. Easterein, tr. Deinum 5 juny 1692 **Sytske Entes**, dpt. Easterein 29 maaie 1664, dr. fan Ente Hylkes, bakker, ek einierd te Easterein, en Tietje Hayes.

VIII. **Claas Jans Rispens**, dpt. Boksum 22 des. 1695, boer te Hurdegaryp 1719-1727, Boksum (1728 br. stim 9), sûnt 1733 einierd boer te Bûtenpost (stim 46), yn 1749 wolsteld boer (*capitaal* £ 3500), einierd te Easterein (1728/48 eig. ½ stim 33 'Sybada', ferkocht 1752), st. Bûtenpost foar 12 july 1757, tr. Deinum 5 aug. 1718 **Sjoukje Rinses**, dpt. Hurdegaryp 25 april 1697, einierd boerinne (1758 eig.-br. stim 46), st. Bûtenpost 20 nov. 1773, dr. fan Rinse Clases [Reitsma], einierd boer te Hurdegaryp, en Aatje Wytses.

94 FVE 4999. Har heit neffens dr. Josias Rispens.

95 FVE 5009; neffens K.P. de Boer is it net wis dat dy grêfstien sines is, mar mei dy tanamme op de stien liket it my ta fan wol.

96 Gen. Jierb. 2014 66, de grêfsark 79; FVE 5568. It wapen fertoant de dûbelde earn, de toarnekrânse tsjinnet hjir as helmteken.

IX. **Tjeerd Clases Rispens**, b. Bûtenpost 21 july 1734, dpt. dêr (âld 23 wiken 4 dagen) 2 jann. 1735, einierd boer te Bûtenpost, st. Bûtenpost 2 aug. 1796, tr. Bûtenpost 1 aug. 1762 **Jetske Æbes**, b. Eastermar ±1733, dpt. (op belidenis) Bûtenpost 21 aug. 1777, st. Bûtenpost 18 febr. 1784, dr. fan Æbe Roelofs, brouwer te Eastermar, ek einierd dêr, en Simke Alles.
Ut dit boask fiif bern: Æbe, Jan, Sjoukje, Simke (folget VI) en Jan. Allinnich Æbe en Simke hawwe neiteam.
Tjeerd wie eigner fan ¾ fan de famyljepleats te Bûtenpost en kocht yn 1777 noch it lêste fjirdepart fan syn suster Sytske Rispens (1725-1787) foar £ 2500.[97]

X. **Simke Tjeerds Rispens**, dpt. Buitenpost 6 jann. 1771, st. Boerum 30 maaie 1812, tr. Lytsewâld (Augsbuurt) 7 jann. 1798 **Louwe Romkes Wiersma**, b. Warfstermûne, dpt. Boerum 24 april 1768, boer te Lytsewâld (Augsbuurt), assessor fan Kollumerlân 1816- , st. Lytsewâld 17 maart 1829, sn. fan Romke Gerryts [Wiersma], boer, it lêst rintenier, en Martjen Louwes (Wiersma) en widner fan Antje Yntes; hy tr. 3. Boerum 15 febr. 1814 Minke Eeuwes Wiersma, widdo fan 1. Wouter Jans Blauw en 2. Willem Rinses Rispens.

XI. **Martjen Louws Wiersma**, b. Lytsewâld (Augsbuurt) 13 jann., dpt. dêr 16 febr. 1800, st. Nij Kruslân 29 jann. 1829, begr. Boerum, tr. Kollumerlân 26 july 1822 **Jan Louws Sikkama**, b. Boerum 17 aug., dpt. dêr 8 sept. 1799, boer, lid gritenijrie fan Kollumerlân, st. Kollum 18 april 1859, sn. fan Louw Elzes Siccama, boer en adjoint-maire fan Boerum, en Wytske Æbes Broersma. (§ 4).

§ 8. Roorda

It aadlike slachte Roorda fan Tsjummearum

De famylje Roorda ‘mei de baar’ is in tûke fan de Roorda’s fan Tsjummearum, in âld aadlik slachte dat dêr in sterke stins hie. Neffens de tradysjonele genealogyske hânskriften is it slachte tige âld, it soe al neamd wêze yn 778 doe’t Refridus (Ruurd) Roorda keizer Karel de Grutte holpen hawwe soe om Widukind, hartoch fan de Saksen en lieder fan de opstân tsjin de keizer, te oerwinnen. As tank mocht Roorda syn âlde wapen (twa reade roazen en in swarte barenstâle op in sulveren fjild) feroarje yn in gouden leelje op blau. Letter soene de Roorda’s ek wakker meifochten hawwe yn de earste twa Krústochten (1096, 1147). Boudewijn fan Bouillon, kening fan Jeruzalem (1100-1118), soe Goffe Roorda doe tastien hawwe syn wapen oan te foljen mei twa gouden stjerren en in sulveren wassenaar.[98]
Dit is fansels allegearre optocht: yn de tiid fan Karel de Grutte bestie der noch gjin heraldyk en om 1100 ek net. As âldste wapen dat mei wissichheid as heraldyk beskôge wurde kin, wurdt faken beskôge de grêfplaat fan Geoffrey Plantagenet, greve fan Anjou (st. 1151). Dy plaat sil makke wêze om 1167/70 hinne. Neffens de oerlevering hat Geoffrey syn wapen (yn blau seis kliuwende gouden liuwen) krigen fan syn skoanheit doe’t hy ta ridder slein waard by syn houlik yn 1127 mei Mathilde, dochter fan Henry I kening fan Ingelân. Lykwols binne der mear eallju dy’t yn it tredde kwart fan de tolfde iuw begûn binne heraldyske eleminten yn harren segels op te nimmen.[99] De heraldyk nimt dan in grutte flecht, sadat om 1200 hinne al yn hiel West-Europa ridderwapens fûn wurde.
Yn Fryslân begjint de heraldyk wat letter as yn Frankryk en Ingelân, de âldste wapens fan de haadlingen datearje út de 14e iuw. Ek it wapen Roorda mei de leelje, twa stjerren en wassenaar moat yn dy tiid al bestien hawwe. It liket my net tafallich dat de Æbinga’s fan Hijum in wapen fiere dat wol hiel sterk liket op Roorda: yn blau in gouden klaver (ynstee fan in leelje), mei dêrboppe twa gouden stjerren en ûnder in sulveren wassenaar. Goffe Æbinga troude Catharina Roorda, dochter fan Goffe Roorda fan Tsjummearum en suster fan ‘Riffridus’ (Ruurd) Roorda. Roorda betsjut winlik ‘soan (of neiteam) fan Ruurd’.[100]



It wapen Roorda fan Tsjummearum en it wapen Æbinga van Hijum/Stiens. [*Stamboek* nr. 165, nr. 3.]

Wy doare it dus wol oan en begjin de genealogy Roorda mei Goffe Roorda, berne yn de twadde helte fan de 14e iuw. Syn dochter Catharina wurdt mei har bern neamd yn it testamint fan syn soan Ruurd út

97 ACH 131 (hypb. V20) 182.

98 *Stamboek* I 308, 312.
99 Michel Pastoureau, *Traité d’héraldique* (Paris 1979, 1993[4]) 30-32.
100 Gen. Jierb. 1994 143-144; UvB 30v.

1442. Ruurd Goffes stoar yn 1446 en waard begroeven yn it kleaster Thabor.[101]
Ruurd hie trije soannen mei neiteam; hy fermakke de state te Tsjummearum oan de jongste, Ruurd. Wy geane fierder mei de middelste, Johan Roorda, stoarn 1473. Hy ferfear nei Kûbaard en hie op syn minst trije soannen: Ruurd, Watze en Juw.
Hy hat ek in pakesizzer Johan Roorda (mei de baar) hân en de fraach is hwa't dy syn heit wie. Upcke van Burmania plakt dy soan oan Watze,[102] mar dy hie neffens oare boarnen gjin bern. It Lineageboek fan Rinnert van Solckema[103] jout in hiele oare oplossing: Johan jr. wie in soan fan Syts Johansdr Roorda en Baucke Tietema. Hy is neamd nei syn pake fan memmekant en ervet fan dy kant ek it besit yn Kûbaard. De Haan Hettema hat dit oernommen en dit is ien fan de seldsume gefallen dat it Stamboek, ornaris net al te betrouber, in better ferhaal hat as Burmania, dy't as tige betrouber te boek stiet. Burmania skreau syn hânskrift oan 'e ein fan de 16e iuw, doe't by de adel ôfstamming yn manlike liny it iennige wie dat men him foarstelle koe. En dat wylst foar 1500 stinzen, nammen en sels wapens likegoed oer in frou oergean koene. Mar in iuw letter wie eltsenien blyn foar dy mooglikheid.[104]
Dat Baucke Tietema mei Johan Roorda jr. fan dwaan hie blykt ek út de oantekening fan Feye van Heemstra jr. yn syn bewurking fan it Burmaniaboek, om 1700 hinne. Hy skriuwt: 'Johan Roorda uxorem duxit Annam Titema dictam Hankema'.[105] Dat is fansels net sa, want Anna Hanckema wie syn frou en Tietema syn heit, mar it stipet it idee dat de Tietema's ta de famylje hearre. Ek it feit dat Johan syn âldste soan Bavo hjit wiist derop dat se fan Baucke Tietema skaaie kinne.[106] En Johan hie in dochter Syts. Dan binne de twa âldste bern nei pake en beppe neamd, hielendal sa't it heart. Der is lykwols gjin hurd bewiis dat Baucke Tietema mei Syts Roorda in bern (Johan) hân hat.
Yn de literatuer wurdt de staach Roorda dy't skaait fan Johan Roorda *senior* (st. 1473) oantsjut as 'Roorda met de baar'. Hy soe dus al it ôfwikende wapen fierd hawwe. It soe my net fernuverje as it nije wapen earder slacht op Johan Roorda *junior*, de pakesizzer yn froulike liny fan Johan *senior*. Sa'n ôfstamming is in goede reden om in nij wapen oan te nimmen.[107]
Hoe dan ek, it is wol dúdlik dat it wapen mei de twa roazen en de barenstâle en de aadlike famylje Roorda neat mei de foarâlden fan Simke fan dwaan hawwe.

Aldste Roorda's fan Tsjummearum

Goffe Roorda, fan Tsjummearum.
Twa bern bekend:
1. **Ruurd**, folget II.

101 *Worp van Thabor* IV 86.
102 UvB 57v.
103 *Lineageboek* fan Rinnert van Solckema (T 344, (kolleksje [Keninklik] Frysk Genoatskip). Solckema wie deunby besibbe oan de Tietema's en koe it dus wol witte: Baucke wie troud mei in nicht fan 'âlde Ruurd Roorda', dat is Ruurd Ruurdsoan, in broer fan Johan sr. en dus Syts har omke. It moat in wettich houlik west hawwe, want Johan ervet it besit yn Kûbaard fan syn mem en wie dus in wettich bern.
104 De ôfstamming yn froulike liny fan Johan Roorda wurdt ûnderskreaun troch Andreæ, *Nalezing* 83 en Simon Wierstra, op syn webstek oer de Fryske adel, no ferdwûn, mar it materiaal oernommen en bewurke troch Hessel de Walle op dy syn webstek <walmar.nl>.
105 Kopy fan it *Burmaniaboek* mei oanfollingen fan Feye en Schelte van Heemstra; dat is it eksimplaar dat jhr. mr. M. de Haan Hettema brûkt hat foar it *Stamboek*, doe op Fogelsanghstate te Feankleaster, no koll. Harinxma-state, Beetstersweach (sjoch *Stamboek* II 180 noat 48). In kopy yn T 323 (FA Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen) 2754; 19e-iuwske kopy fan it manuskript troch C.F. baron Sirtema van Grovestins by de Hege Rie fan Adel te Den Haach, koll. Grovestins ynv.nr. 3. De bewurker Feye van Heemstra is net de heit (1630-1690) lykas sein wurdt yn Gen. Jierb. 1994 141, mar de soan Feye jr. (1662-1704); Schelte (1665-1733) is syn broer. Nei Feye syn dea hat hy it hânskrift mei kleurde wapens oerskriuwe litten.
106 De namme Bave kin lyksteld wurde oan Baue, Bouwe en Baucke. It is in sterk ferkoarte, ôfsliten foarm fan it Germaanske *bade- (striid) of *balda (dapper), cf. Nederlânsk 'boud', bekind út nammen as Badeloch en Boudewyn.
107 Syts, de mem fan Johan, hat trije bruorren: Watze hat gjin bern, de oare twa hawwe neiteam. Der soe ris neigien wurde moatte oft dy neiteam allegearre it 'âlde' wapen Roorda (mei leelje, stjerren en wassenaar) fiere, of soms ek dat mei de barenstâle.

2. Catharina Roorda, tr. Goffe Æbinga (fan Hijum); sy wurdt neamd mei har bern yn it testament fan har broer 'Riffridus' 1442 en yn 1455 by de boelskieding tusken de Roorda's en de Æbinga's.

II. **Ruurd (Riffridus) Roorda**, op Roordama-stins te Tsjummearum, makke syn testament 1442, st. 1445, begr. kleaster Thabor, tr. 1. **Ath Jaersum**, fan Kûbaard; tr. 2. Foeck Unia, dr. fan Keympe Unia (Vninga).
Ut it earste houlik fiif bern, werfan trije soannen mei neiteam: Goffe, **Johan** (dy't folget) en Ruurd.

III. **Johan Roorda**, te Tsjummearum, letter te Kûbaard, st. 1473, begr. Minnertsgea,[108] tr. **Rints Juwinga**, st. 1482, begr. Minnertsgea, dr. fan Juw Juwinga, op Juwinga-hûs te Boalsert, en Rixt (Tiercksdr) Walta.
Ut krêft fan syn testament waard yn 1474 it Bethaniëkleaster te Tsjummearum stifte.
Ut dit houlik tinklik sân bern:[109]

1. Ruurd Roorda, ferfart nei Menaam, op Ouricxma-guet of Orxma-state dêr,[110] st. nei 1487, tr. [±1470] Syts Camstra, st. 26 nov. 1481, begr. Menaam, dr. fan Rienck Camstra, grytman fan Ljouwerteradiel.[111]
   Neiteam.
2. Watze Roorda, st. foar 1501, tr. 1486 Tiets Unia, dr. fan Keympe Vninga (Unia) en Frouck Amama; sy tr. 2. foar 1501 Tiaerd van Burmania, ridder, riedshear fan de hartoch fan Saksen en fan keizer Karel V.[112]
   Safier bekend gjin bern; út it twadde houlik fan syn frou trije bern (Burmania).[113]
3. Schelto Roorda, net troud.

108 FVE 4559. It pear soe te Kleaster Anjum begroeven wêze, mar harren grêfstien leit yn de tsjerke fan Minnertsgea (dêr binne mear sarken út oare plakken wei nei oerbrocht): 'Iohan Roorda' en 'Rindts van Iongama sin wif.' It slachte Juwinga brûkte ek wol de namme Jongema.

109 UvB 57v. It *Stamboek* jout ek noch in Sybrant, mar dat sil tinklik in soan fan Goffe Goffes Roorda, Johan syn folle neef, wêze. Dy Goffe Goffes hie ek in soan Schelte, dy't wolris ferwiksele wurdt mei Schelto, hjirboppe sub 3.

110 OFO IV 50 (1477); *Stinzen CD-rom* 303.

111 Hy sneuvele te Eagmaryp 1461 (*Worp van Thabor* IV 107). Dat syn twadde frou in Tieth Unia wêze soe, sa't it *Stamboek* wol, fûn ik gjin befestiging fan en soks liket ek net oannimlik.

112 *Heeren van den Raede* 202 (nr. 36).

113 GJb 2000 136.

4. Ath Roorda, begoedige te Tsjom, st. foar 1511,[114] tr. Tæcke Herema, te Tsjom 1494, st. 1496, sn. fan Gerrolt Herema, grytman fan Frjentsjerteradiel, en Hylck (Aggedr) Harinxma thoe Slooten.
5. Rixt Roorda, st. nei 1505, tr. Eda Gerbranda, stud. Keulen 8 nov. 1463, op Gerbranda-state te Almenum, stedshaadling fan Harns, st. foar 1504, sn. fan Douwe Gerbranda, rjochter fan Frjentsjerteradiel.
6. **Syts Roorda**, tr. nei alle gedachten **Baucke Tietema**, fan Elahuzen, sn. fan Parcke Tietema.
   Ut dit houlik wierskynlik in soan **Johan Roorda**, folget hjirûnder § 8c, gen. I.
7. Juw Roorda, tekenet it Reversaalbrief 1504, op de list fan edelingen út Barradiel 1505, hie yn 1511 besit yn Tsjummearum, Furdgum en Rie, tr. Catharina (Katryn) Hermana, st. nei 1514, dr. fan Tæcke Hermana, op Hermana-state te Minnertsgea, en Ael (Werpsdr) Juckema.
   Bern: Johan,[115] Tæcke, Rints, Juw en Hil. Neiteam.

De kop fan de genealogy Roorda mei de baar

Johan Roorda, eigner fan sate Jorum te Kûbaard (stim 3), urven fan syn mem Syts, st. 14 jann. 1541, begr. Kûbaard, tr. **Anna Hesselsdr Hanckema** *alias* **toe Bosum**, st. 16 april 1539, begr. Kûbaard, tinklik dr. fan Hessel Hanckema en Foockel (Hesselsdr) Jongema.
1505: Johan Roorda wurdt net neamd op de list fan Edelingen.
1511: Jan Roorda besit in grutte pleats fan 120 pm te Kûbaard en (no Johan neamd) ek nijlân te Boazum.[116]
Op harren grêfstien yn de tsjerke wurdt hy neamd 'die erntvheste heerscip Johan Roorda'; hja 'Anna Roorda'.[117]

114 RvdAVD 155: Ath Roerda erven binne lâneigners te Tsjom.

115 Syn namme stiet op de tsjerkeklok fan Tsjummearum.

116 RvdAVD nr. 1224, nr. 2223.

117 *Stamboek* II 210 nt. 13. Kertierwapens op de sark (no útkappe) neffens UvB 57v: Roorda, Camstra, Hanckema, Jongema. Jhr. mr. M. de Haan Hettema miende it helmteken, de ienhoarn, op it skeinde wapen Camstra noch sjen te kinnen. De wapens fan memmekant binne goed, fan heitekant hat men dy fan Johan syn omke Ruurd nommen, dy't mei in Camstra troud wie. Sadwaande hat UvB Johan as soan fan Ruurd yn syn boek pleatst.

Ut dit houlik:[118]

1. Bavo Roorda, st. as jongfeint.
2. Sits Roorda, test. as widdo 21 juny 1563, st. nei 1566, tr. Watze Aylva, op Berrum ûnder Tsjom, st. foar 1563, sn. fan Syurd Aylva en Sits Walta.[119] Sân bern.
3. **Ruurd**, folget IIa.
4. Mr. Watze Roorda, JUL, wennet te Kûbaard 1538,[120] grytman Hinnaarderadiel 1541-47, st. 26 maaie 1547, begr. Kûbaard,[121] tr. 1. Ansck Botnya, st. 28 jann. 1543, begr. Kûbaard, dr. fan Tiallingh Botnya, ridder, riedshear Hof fan Fryslân, grytman fan Ferwerteradiel, fan Hinnaarderadiel en fan Frjentsjerteradiel, olderman fan Frjentsjer, ferneamd Skieringer haadling, en Frouck Hottinga;[122] tr. 2. Hylck Roorda, dr. fan Tæcke Roorda, op Camstra-state te Furdgum 1543, en Wick Walta; Hylck tr. 2. Hero Ockinga.
5. Schelto Roorda, net troud.
6. **Hessel**, folget IIb.
7. Foockel (van) Roorda, st. 8 july 1558, begr. Folsgeare (tsjerke), tr. Hobbe (van) Sjaerda, te Folsgeare, st. 27 nov. 1557, begr. dêr (tsjerke),[123] sn. fan Goffe (Peerz) Sjaerda, op Bonninga te Toppenhuzen, en Teth (Hobbedr) Epinga.[124] Ien dochter.

IIa. **Ruurd (Ryoerd) Roorda**, op Lamkama-sate te Hinnaard 1535/60, dykgreve Der Fiif Dielen Seediken, deputearre steat fan Fryslân 1566, 1576, st. 26 des. 1576, begr. Hinnaard,[125] tr. foar 1535 **Doutzen Sassinga**, st. 21 aug. 1585, begr. Hinnaard, dr. fan Hans Hanses, op Sassinga te Hinnaard, en Tiets (Goslicksdr) Hiddema. Ut dit houlik sân bern.

118 Josias Rispens neamt neist Schelte ek in Sybrant as bern, mar it liket derop dat hy yn 'e tiis rekke is mei de twa soannen Schelte en Sybrant fan Goffe Goffes Roorda, folle neef fan Syts, Johan syn mem.

119 Gen. Jierb. 1995 151.

120 Hy wurdt neamd yn it testamint fan Pier Bosum (Walta) te Boazum, 24 okt. 1538, dy't him 'Watze Roorda van Cubairt, zyn neeff' neamt. [G.Verhoeven en J.A. Mol, *Friese testamenten tot 1550* (Ljouwert 1994), nr. 148 (side 301 rigel 11)].

121 FVE 3484: de 'erntvheste meist. Wattie Roorda' en 'Ansck v. Botnija zy[n] wijf'.

122 Gen. Jierb. 1998 138; *Heeren van den Raede* 205 (nr. 39).

123 FVE 1585.

124 Gen. Jierboek 2011 246.

125 FVE 2774. Op de grêfsark: Ruurd van Roorda (Ruardus Roordana) en Doutzen van Sassinga. Yn 1535 keapje 'Ryoerd Roerda en Dowtzen syn efte wyff' lân yn Lamkoma te Hinnaard [OFO II 367; cf. BbHEN 19 *et passim*].



Wapen Roo(de), as op de grêfstien fan Albert Jansen Rooda, 1618.

IIb. **Hessel Roorda**, op Bonga-hûs te Easterein, st. dêr 1565, tr. 1. **Tieth Douma**, st. nei 1538, dr. fan Jancko Douwama, fan Aldeboarn, bekend fetkeapers haadling en frijheidsstrider, 'man fan eare' mar finzen yn Vilvoorde, en Teth [Remptsdr] Luersma, en widdo fan Oene Juwsma; tr. 2. Ydt Hemmema, dr. fan Hette Hemmema, grytman fan Menameradiel, en Berber Gratinga.

Ut it earste houlik twa dochters:

1. Teth van Roorda, st. 7 jann. 1606, begr. Easterein, tr. 1. Sybrant van Osinga, sn. fan Agge Osinga, te Wytmarsum 1578, en Rints Aylva; tr. 2. Eelcke van Heringa, stud. Douai 1565, wennet te Winsum, balling 1580; beide testamintsje te Easterein 1596, st. 15 jann. 1606, begr. Easterein,[126] sn. fan Sascker Heringa, boargemaster fan Grins, en Hil van Æbinga (fan Hijum).
2. Anna van Roorda, st. nei 1592, wennet as widdo op Bonga-hûs te Easterein 1592, tr. 1566 Claes van Ysselmuiden, st. foar 1586.[127]

Roo of Roode fan Kollum

De twadde man fan Ath Siccama is Pieter Alberts Roo of (de) Roode. Hy is dus gjin foarfaer fan Simke, mar hy hat wol de oanlieding west om it wapen Roorda mei de baar yn de wapentekening op te nimmen. Dêrom jouwe wy in behindich oersjoch fan dizze famylje út Boerum, basearre op de literatuer.

126 FVE 5006.

127 HvF 16702 154.

Yn primêre boarnen is net folle te finen, mar it resultaat sjocht der hiel wol oannimlik út.
De stamheit sil yn de twadde helte fan de 15e iuw berne wêze. Se buorkje op in kleasterpleats ûnder Boerum, eigen oan it Gerkeskleaster (stim 42) dy't se úteinlik yn 1638 oankeapje. Ek te Stynsgea wenje leden fan dit slachte op in pleats fan Gerkeskleaster; dy wurdt yn 1644 oankocht. It binne kleasterpachters, op grutte pleatsen mei pûrbêste grûn. It is wol dúdlik dat dit slachte neat mei de aadlike Roorda's fan Westergoa te krijen hat.
Der is wol in wapen fûn: op de grêfsark fan Albert Jansen Roorda [*sic*] stiet: 'A° 1618 de 3 Februarij sterf de eersame Albert Jansen Roorda en leit hier begraven'. Op de sark in wapen: dield; I. de Fryske earn; II. in húsmerk yn de foarm fan in kapitale A mei boppeop in ferkoarte dwersbalke en de beide earmen fan de A ferbûn troch in tin skeankrús, boppe it húsmerk twa klaverblêden neist inoar en ûnder ien klaverblêd.

Jan Roo, 'Olde Jan Roo' op de syl te Fiskfliet wurdt 1506 rjochter te Boerum fanwege it Gerkeskleaster.[128]
Hy sil wol deselde man wêze as Jan Roede, konvintsmeier te Boerum, dy't as folmacht fan dy meiers hannelet yn in skeel oer de seediken fan Kollumerlân en Nij Krúslân 20 maart 1534.[129]

Albert Jans Roo, boer te Boerum, st. dêr 1557,[130] tr. **Janke Wytsma**, fan Lytsewâld (Augsbuurt), st. nei 1552.
Ut dit houlik (û.o.?):
1. Jan, folget IIIa.
2. **Pieter**, folget IIIb.

IIIa. Jan Alberts Roo, boer te Boerum, libbe 1552-1602 (?).
Syn bern (û.o.?):
1. Albert Jans Roorda, st. 3 febr. 1618, begr. Boerum.[131]
2. Gerrit Jans Roorda, st. foar 1643.

IIIb. **Pieter Alberts Roode**, b. Boerum ±1540, st. Stynsgea 1589.

128 Gen. Jierb. 1995 44, 45, 47 (Kertiersteat A.A. Houkes); GPCV diel III (d.d. 25/26 april 1552) 298, 299.
129 GPCV diel II 651.
130 KOL 4 (recesb. B1) nr. 148.
131 FVE 919. Dizze Albert Jans moat wol in neef fan Albert Pytters wêze.

IVb. **Albert Pytters Roode**, b. [±1572], boer te Stynsgea, brûkt dêr 60 pm fan it Gerkeskleaster 1606, keapet dy pleats fan 60 pm foar 114 goudg. per pm yn 1644,[132] st. Dokkum (?), tr. **Griet Clases**.
Ut dit houlik:
1. **Pieter** (?), folget Vb.
2. Jacob Alberts (de) Roode, b. Dokkum ±1603, st. Burdaard ±1663, tr. Elysabeth Ypes Adama.[133]
3. Johannes Alberts Rooda, b. ±1605, st. nei 1640.

Vb. **Pieter Alberts Roo** *alias* **(de) Roode**, einierde boer op in kleasterpleats te Boerum, yn 1638 troch him kocht van de Steaten fan Fryslân (1640 eig.-br. stim 42), st. nei 1643, tr. **Ath Siccama** widdo Jan Reyners [Eysma], dr. fan Eelthye Syckema en Emme Pietersdr[134] (§ 4, VI).
1644: Pieter Alberts keapet in pleats fan 65 pm op it Boerumer Nijlân, noch 11 pm en 6 pm bûtendyks lân, mei-inoar 82 pm, foar 115 gg per pm.[135]
1606: Albert Roeliffs brûkt 65 pm op it Boerumer Nijlân fan Gerkeskleaster en 11 pm fan Jacob Janssen à 50 st.
N.B. Soe *dizze* Albert Roelofs soms de heit wêze fan Pieter Alberts? Binne der dan twa mannen Pieter Alberts?
Der is 1606 ek in Albert Roeliffs dy't boade te Dokkum is.
De pleats Boerum stim 42 is yn 1698 eigendom fan en wurdt brûkt troch Pyter Elses erfgenamten en Liuwe Elses erfgenamten, elts foar de helte. Dat binne dus de (bern fan de) beppesizzers fan Ath Siccama út har earste houlik mei Jan Reyners Eysma. Brûker is Else Liuwes, de soan fan de jongste staach, sjoch § 4, Siccama gen. IV.

132 Gen. Jierb. 2018 221 (Augustinusga, Achtkarspelen). Hy hjit hjir Albert Pieters Rode.
133 Ek wol Dedtje neamd, mar dat sil Betje wêze moatte. Ut dat houlik neiteam De Roode.
134 SC KOL nr. 42.
135 Gen. Jierb. 2018 220. It is wol nuver dat deselde man yn 1638 en wer yn 1644 in hiele pleats keapje soe; dat stipet it idee dat der twa mannen Pieter Alberts west hawwe kinne. Ik haw der net fierder nei socht omdat it gjin foarâlden fan Simke binne.

§ 9. Beintema

Stamrige

I. **Luitien (Luytsen) Jelles**, lidmaat te Ryptsjerk 1658, 1695, diaken 1660-62 en âlderling 1667-69, 1673-75, st. Ryptsjerk 4 july 1696, tr. [foar ±1657] **Tryntje Pyters**, lidmate te Ryptsjerk 1658, 1695, 1705, st. dêr 22 sept. 1719.
Ut dit houlik: **Jelle**, folget II, doopt te Ryptsjerk: Willem 1659, Focke 1662; Andries 1665, Tietje 1667, Maijke 1671.

II. **Jelle Luytiens**, fan Ryptsjerk, docht belidenis Oentsjerk 29 sept. 1683, boer te Gytsjerk 1685- , diaken dêr 1692-94, komt mei att. fan Oentsjerk nei Aldtsjerk 30 aug. 1696, boer te Aldtsjerk (1698 br. stim 9), âlderling 1708- , 1712- , en tsjerkfâd 1716 dêr, boer op de Trieme ûnder Westergeast (1718 br. FC 34, 60 pm), wer werom en tsjerkfâd te Aldtsjerk 1721, tr. Ryptsjerk 15 april 1683 **Tryntie Meynerts**, fan Gytsjerk, dpt. (folwoeksen, by har houlik) Ryptsjerk 15 april 1683, dr. fan Meinert Jansen en Fopk Sioerts.
Bern doopt te Gytsjerk: Pitrick 1685, Auke 1687, **Meinert** 1691, 1692 (folget); doopt te Aldtsjerk: Tryntje 1698, Luitjen 1703, 1708, fierder noch Jan en Jetske, fan wa't gjin dopen fûn binne.

III. **Meinert Jelles**, dpt. Gytsjerk 23 okt. 1692, docht belidenis Rinsumageast 8 febr. 1717, boer op de Trieme ûnder Westergeast (1718 br. FC 34 (60 pm), 1728 br. stim 5, 20 en 21), doarpsrjochter-ûntfanger 1742-47 en tsjerkfâd 1729, 1744 dêr, keapet lân en twa huzen te Westergeast, st. Westergeast 4 jann. 1747, tr. 1. Aldtsjerk c.a. 11 aug. 1715 Beitske Jelles, fan Readtsjerk; tr. 2. [Westergeast 1728] **Japke Eelkes**, b. Westergeast, dpt. Driezum 19 febr. 1708, lidmate dêr op 'e list fan 12 maart 1738, as widdo boerinne te Driezum 1748-58, komt dan werom nei Westergeast, st. Westergeast 30 nov. 1768, dr. fan Eelke Jacobs, boer te Driezum, en Sepck Meinses.
Ut it twadde houlik seis bern, twa jong stoarn, twa soannen:

1. Eelke Meinerts,[136] b. De Trieme ûnder Westergeast 11 des. 1732, skoalmaster te Westergeast 1759-1761, te Lytsewâld (Augsbuurt) 1761, 1767 boer ûnder Kollum (Uterdykster kluft), Frysk dichter en skriuwer fan proaza, Oranjegesind, st. Kollum 25 okt. 1810, tr. (3e prokl. Westergeast 1 sept.) 1755 Lysbeth Martens (beide fan dêr), dpt. Westergeast 18 maaie 1738, st. wierskynlik foar 1800, dr. fan Marten Cornelis, boer te Westergeast, en Uilkje Sapes (§ 9, skoanâlden Beintema, gen. IIa, 2).

136 O. Vries, 'Eelke Meinerts (1732-1810). Syn libben op 'e nij besjoen', *Us Wurk* 25 (Grins 1976) 1-32.

1786: Eelke is erfgenamt fan syn omke Luitjen Jelles.
Syn beide soannen nimme yn 1812 de skaainammen Veldinga resp. De Boer oan.

2. **Johannes**, folget IV.

IV. **Johannes Meinerts Beintema**, b. Westergeast 16 jann., dpt. dêr 20 febr. 1746, wennet by houlik te Kollum, docht belidenis Damwâld 3 des. 1775, boer te Driezum 1775, te Muntsjesyl 1777, op Beintema-hûs ûnder Westergeast sûnt 1786, folksrepresentant foar Kollumerlân 1795, federalist, naam de wyk nei Grins 1796, adjoint-maire fan Aldwâld, ien fan 'e heechstoansleinen yn de belêstingen 1812, st. Westergeast 11 maaie 1821, tr. Westergeast 20 nov. 1772 **Jeykjen Douwes**, b. Westergeast, Beintema-hûs, 30 okt. 1743, dpt. Westergeast 22 nov. 1743, lidmate op belidenis Boerum-Muntsjesyl 2 april 1786, st. Westergeast 8 jann. 1821, dr. fan Douwe Cornelis, einierde boer op Beintema-hûs, en Lysbet Pieters.
'Johannes Meinderts te Drijsum' giet (sûnder frou) nei Muntsjesyl 6 maart 1777, dêr't hy 22 maart oannommen is, no mèi syn frou Jaike Douwes.
1795: syn kaptaal is £ 18.000.[137]
1804: Johannes Meinerts keapet de hearebank yn de tsjerke fan Westergeast.[138]
1812 jann. 27: Johannes Meinerts te Westergeast nimt oan de namme Beintema; bern Lijsbeth 35 en Douwe 32 jier; [w.t.] Johs Meinerts.[139]
1812 april 11: Johs. Meinderts te Westergeast stiet op 'e list fan de heechstoansleinen yn de belestingen;[140] hy is ien fan de tsien heechstoansleinen fan de *commune* Aldwâld.
Johannes en Jeykjen hiene fjouwer pleatsen, mei mekoar mear as 400 pm.[141]

V. **Douwe Johannes Beintema**, b. Muntsjesyl 19 sept., dpt. dêr 23 okt. 1779, einierd boer op Beintema-hûs dêr, assessor fan Kollumerlân, st. Westergeast 26 maart 1840, tr. Westergeast 10 maaie 1806 **Tryntje Jans Bijker**, b. Wetsens 25 july, dpt. dêr 20 aug. 1786, st. Westergeast 25 sept. 1834, dr. fan Jan Jans Bijker, boer te Eastrum, en Tryntje Minnes Douma.
1812 jan. 31: Douwe Johannes te Westergeast nimt oan de namme Beintema; bern Jan 4, Jeijkjen 2 en Johannes 1 jier; [w.t.] Douwe Johannis.[142]

137 *Homines novi* 211.
138 Oebele Vries, *Westergeastmer strjitnammen* (2002).
139 Nammeoannimmen *commune* Aldwâld 5v.
140 Nat. Argyf, Binnenlandse Zaken 1796-1813, ynv.nr. 960: Liste des 600 Contribuables les plus imposés du Département de la Frise, printe te Parys 11 april 1812.
141 Breuker, *De keunst as útwei* 28.
142 Nammeoannimmen *commune* Aldwâld 64.

VI. **Jan Douwes Beintema**, b. Westergeast 29 nov. 1807, einierde boer op 'Hanenburg' dêr, lid gemeenterie fan Kollumerlân, st. Westergeast 25 okt. 1856, tr. Kollumerlân c.a. 3 sept. 1842 **Jantje Pieters Wouda**, b. Ie 12 okt. 1814, boerinne, sûnt 1872 sûnder berop, st. Kollum 22 okt. 1897, dr. fan Pieter Berents Wouda, arbeider, en Romkjen Sybes Schaafsma (van der Schaaf);[143] sy tr. 2. Kollumerlân 12 maaie 1859[144] Cornelis Halbes Halbesma, b. De Falom (Damwâld) 5 febr. 1824, boer te Hurdegaryp, lâneigner, st. Hurdegaryp 4 okt. 1872, sn. fan Halbe Lieuwes Halbesma, boer en lâneigner yn De Falom, en Tryntje Cornelis Hoekstra en widner fan Andriesje Douwes Wadman.

VII. **Tryntje Jans Beintema**, b. Westergeast 9 nov. 1850, st. Ljouwert 25 nov. 1916, tr. Kollumerlân 6 july 1876 **Jan Ritskes Kloosterman**, b. Twizel 23 febr. 1847, einierde boer te Twizel 1876- , rintenier 1881- , skriuwer fan Fryske poezij, st. Grins 17 febr. 1914, sn. fan Ritske Wytses Kloosterman, einierde boer te Twizel, en Simke Jans Sikkama (§ 1).

De skoanâlden: de keapers fan Beintema-hûs

Beintema-hûs kaam fia in erfdochter oan it slachte dat fanwegen dat besit de namme Beintema oannommen hat. Dy skoanfamylje wenne al sûnt begjin 18e iuw op Beintema as pachter en hat in twa parten de sate kocht, ±1751 en ±1762.

I. **Cornelis Martens**, einierde boer op de Wygeast ûnder Aldwâld 1728 (eig.-br. stim 19) en tagelyk pachter fan Beintema-hûs (stim 62) te Westergeast 1708/28, lidmaat dêr 1728, tr. [1. ?] Grytie Folckerts, st. foar 1704 (?), dr. fan Folckert Metsckes, einierd te Kollum, en Abeltie Gerrits Roda; tr. [2. NN].

143 Pieter en Romkjen koene net skriuwe om't se dat net leard hiene, blykt út harren houliksakte te Ie 8 sept. 1816.

144 Neffens Breuker, *De keunst as útwei* 30 binne se in jier letter al út inoar gongen en ek skieden, mar yn de trouakte is gjin kantmelding fan in formele echtskieding ynskreaun; blikens Cornelis syn stjerakte wiene se yn 1872 noch troud, mar wenne sy doe te Ie. Nei it houlik gong it pear nov. 1859 nei Damwâld, mar Cornelis kaam al yn 1860 mei syn bern werom nei Hurdegaryp. Jantje ferhuze mei har trije bern yn 1864 nei Westergeast en kocht doe't har soan Douwe op de pleats kaam yn 1872 in hûs te Kollum, dêr't se har nei in jier ferbliuw by famylje yn Ie mei har twa dochters te wenjen sette.

Grytie Folckerts kin net de mem wêze fan Marten en Douwe Cornelis, want dy twa binne gjin erfgenamt fan Grytie har âlden yn 1704. Lykwols kin it hast net oars dat sy bruorren binne en soannen fan Cornelis Martens. Douwe wurdt ommers fâd oer Marten syn bern. En hy folget syn heit op op Beintema-hûs. Se sille dus út in twadde houlik wêze, wat ek om de tiid better past. De bruorren sille nei alle gedachten om 1705/09 hinne berne wêze: Douwe yn 1709, Marten inkelde jierren earder.
Ut it [earste] houlik: fjouwer dochters, Aefke, Metske, Riemcke en Martien Cornelis (1682-1693), dy't erfgenamten binne fan harren pake en beppe fan memmekant, Folckert Metsckes en Abeltie Gerrits Roda.[145]
Syn soannen:
1. **Marten**, folget IIa.
2. **Douwe**, folget IIb.

IIa. **Marten Cornelis**, boer op Weardebuorren ûnder Westergeast, st. 1742, tr. foar 1735 **Uilkjen Sapes**, lidmate 1738; sy tr. 2. [1744] Hendrik Gerryts.
1744 juny 24: Douwe Korneles, húsman by Beintema-hûs ûnder Westergeast wurdt op syn fersyk beneamd ta *curator ad actum divisionis* oer de weesbern fan Marten Corneles silger, yn libben húsman op Weardebuorren ûnder Westergeast, en Uilkjen Sapes, dy't op 'e nij troud is oan Hendrik Gerryts, te witten: Korneles 7, Lijsbert 6, Sape sawat 4 en Marten Martens, oardel jier âld.[146]
Ut dit houlik fjouwer bern û.o.:
1. **Cornelis**, folget IIIa.
2. Lysbert Martens, dpt. Westergeast 18 maaie 1735, tr. 1755 Eelke Meinerts (§ 9, Stamrige, gen. III, 1).

IIIa. **Cornelis Martens Westra**, dpt. (*Knellis*) Westergeast 16 sept. 1736, [boer] te Westergeast 1761-1770, te Kollum 1772-1783, arbeider dêr 1815, st. Kollum 30 des. 1825, tr. Westergeast 13 maaie 1759 **Gepke Rinnerts**, dpt. Eanjum 26 april 1739, by houlik te Kollum, docht (as frou fan Kornelis Martens) belidenis Kollum 3 sept. 1783, st. dêr 11 okt. 1817, dr. fan Rindert Meinzes, 'gemene' boer te Westergeast, en Aaltje Baukes.[147]
Ut dit houlik njoggen bern: Baukjen, Uilkje (2x), Marten (2x), Rindert, Sape, Yttje en Klaaske.
Neiteam Westra en De Vries.
1812 febr. 1: Cornelis Martens Westra te Collum nimt oan de namme Westra; bern: Baukjen 50 te Loge, Marten 46, Klaaske 31, Rindert 44 te Grypstsjerk, Yttje 33 te

145 KOL 60 (autb. N) nr. 408.

146 KOL 23 (recesb. B20) 376v (akte 588).

147 Gepke har broer Minze Rinderts te Surhuzum nimt 31 des. 1811 de namme Dijkstra oan.

Grypstsjerk, Saape 41 te Eanjum, Uilkjen 39 te Eanjum; bernsbern: Cornelis 10, Wobbe 8, Harm 2, Marten 1, Eeke 16 jier, allegearre te Grypstsjerk.[148]
1815 des. 12: Kornelis Martens Westra en Gepke Rinderts te Kollum ferkeapje in (harren?) hûs te Kollum oan (harren soan) Marten Cornelis Westra foar de priis fan 300 gûne.[149]



Beintema-huys. J. Stellingwerf 1723.

IIb. **Douwe Cornelis**, b. 1709, wolstelde, einierde (1751-) boer op Beintema-hûs ûnder Westergeast 1738-1784, st. [dêr] 1784, tr. (koart) foar 1740 **Lysbert Pytters**, b. 1706, st. 1788.[150]
Hy folget syn heit op as boer op Beintema-hûs (stim 62) en is brûker 1738, yn 1751 is hy ek eigner fan de helte en yn 1762/78 eigner fan de hiele pleats; yn 1788 is de widdo eigner en (skoansoan) Johan Meinerts brûker.
Douwe en Lysbert keapje 1748-1766 stikken lân oan, tegearre 23 pm plus in stik dellen, yn totaal foar £ 4054. Mar de oankeap fan Beintema-hûs is nuver genôch net te finen yn de proklamaasjeboeken fan Kollumerlân.[151] Mar mei help fan de stimkohieren (1708-1788) en reëelkohieren (sûnt 1711) is it jier fan oankeap wol te benaderjen.

148 Nammeoannimmen *commune* Kollum 39v.
149 Notaris L. Faber, Kollum I, ynv.nr. 070006, akte 621.
150 *Homines novi* 210-211.
151 KOL 113 102, 150v, 213v, 325, 377. Dr. Oebele Vries hat ek omdôch nei dy oankeap socht.

Neidat Eecke Douwes Beintema (sjoch § 10, ynlieding en gen. V, 1) de pleats Beintema-hûs yn 1671 ferkocht hie oan Antonius Jennema (±1629-1678), lekkenkeaper, boargemaster en notaris te Dokkum (tr. 2. 1653 Saeckie Wringer), is dy lang yn besit fan syn neiteam bleaun. Yn 1698 is syn soan Joannes Jennema (±1660-1704), 'actuaris der boelgoederen' en sekretaris fan Ferwerderadiel eigner. Dan komt de pleats oan skoansoan Jan Hayes Eisma (1685-1729), mr. brouwer en boargemaster te Dokkum, troud (Dokkum 21 july 1709) mei Saakje Jennema. Opfolger is harren skoansoan Tjepke (de) Penijn, stêdsropper te Dokkum, troud (Dokkum 5 febr. 1736) Tryntje Jans Eisma. Dy hawwe de pleats 1750/51 ferkocht oan Thijs de Haan (1700-nei 1781), sâltsieder en boargemaster te Dokkum en Douwe Cornelis, de boer op de pleats, elts foar de helte. Uteinlik hat Douwe de helte fan syn meieigner oernommen yn 1761/62.
De skiednis fan de foarâlden fan Simke op Beintema-hûs is dan as folget:
1708-1711-1730: Cornelis Martens brûker RC 121 (in pleats 64 pm mei hûs), eigner Johannes Jennema erven, 1718 eigen oan Jan Hayes, letter neamd J.H. Eysma, boargemaster te Dokkum.
1738: Douwe Cornelis brûker, eigner boargemr. J. Eysma (SC 62).
1741-1750: Douwe Cornelis is brûker RC 123 (in pleats fan 64, sûnt 1751 84 pm), 1741 eigner erven Jan Hayes Eisma, 1748-1750 Tjepke de Penijn eigner.
1751-1761: Douwe Cornelis brûker gehiel en eigner fan de helte, de oare helte eigner boargemr. Thijs de Haan.
1762-1778: Douwe Cornelis brûker en eigner fan de hiele pleats, 84 pm.
1788: Wed. Douwe Cornelis eignerse, Johan Meinerts brûker.
De konklúzje is dat Douwe Cornelis yn 1750/51 de helte koft hat fan Beintema-hûs en yn 1761/62 de oare helte.
1744: Douwe Corneles, Westergeast, 7 pers., oanbean bedrach £ 12.
1749: Douwe Corneles, Westergeast, 'welgestelde boer' mei 5+3 pers., oanslach £ 66 (*capitaal* £ 3000).
Ut dit houlik:

1. Elisabeth Douwes, b. Beintema-hûs ±1740, st. Zuurdijk (Gr.) 1 aug. 1782, tr. Westergeast 27 okt. 1765 Marten Ædsges [Teenstra], b. Tearns 30 des. 1742, menist, boer te Eanjum, te Kollum, kocht yn 1775 de beklemming fan de pleats 'Castor' (135 juk) te Zuurdijk (Gr.) foar £ 21.550, en yn 1793 foar syn beide soannen 377 bunder yn it Ruigezand (dat noch bedike wurde moast) foar *f* 16.000; bekend lânboupionier, patriot, lid Comité Revolutionair febr. 1795, representant foar Hunsingo (en de Ommelannen) apr.-nov. 1795, st. Zuurdijk 2 april 1806, sn. fan Ædsge Dirks, boer te Tearns, sûnt 1755 te Aldwâld, en Berber Martens;

hy tr. 2. 1785 Geertje Jans Houwinga (st. 1792) en tr. 3. 1793 Anna Luies Dijkhuis (1761-1824).[152]

2. **Jeykjen Douwes,** b. Westergeast, Beintema-hûs, 30 okt. 1743, dpt. Westergeast 22 nov. 1743, st. Westergeast 8 jann. 1821, tr. Westergeast 20 nov. 1772 **Johannes Meinerts Beintema**, b. Westergeast 16 jann. 1746, einierde boer op Beintema-hûs ûnder Westergeast sûnt 1786, folksrepresentant foar Kollumerlân 1795, adjoint-maire fan Aldwâld, ien fan 'e heechstoansleinen yn de belêstingen 1812, st. Westergeast 11 maaie 1821, sn. fan Meinert Jelles, boer te Westergeast, en Japke Eelkes. (§ 9a, IV).
3. Korneliske Douwes, dpt. Westergeast maaie 1748.



Sate mei dwershûs, Beintemawei 6 te Westergeast. Foto Rijksdienst Cultureel Erfgoed.

§ 10. Beintema van Peyma[153]

Simke har foarâlden hawwe de namme Beintema ûntliend oan de pleats fan dy namme. Oan de eardere eigners hat se it wapen ûntliend dat yn Twizel hinget. Dat wapen is in kombinaasje fan Beintema en Peyma.

152 Oer Marten Ædsges bestiet in soad literatuer, ik neam hjir allinnich: GJb 1988 64-75 (de âldere generaasjes), *Homines Novi* 110-111, en IJ. Botke, *Boer en heer. 'De Groninger boer' 1760-1960* (Assen 2002) 36 *et passim.* Hy wurdt yn de literatuer hast altyd 'Teenstra' neamd, mar dy skaainamme is pas yn 1811 troch syn soannen oannommen.

153 Dit haadstik is benammen basearre op neilitten oantekeningen fan drs. Onno Hellinga (1960-2011); cf. *Stamboek* I 285; II 194; Gen. Jierb. 1974 24.

Eecke Beinttzyema wurdt yn 1552 neamd te Westergeast mei in 'volle rusting', d.w.s. in kompleet harnas mei speets en degen.[154] It hat wol eigenskip dat hy in foarfaer is fan Douwe Douwes, dy't wy yn 1620 en 1640 as eigner fan Beintema-hûs (stim 62) oantreffe, ek al omdat Douwe syn âldste soan Eecke hjit. Lykwols hawwe wy de stambeam Beintema net fierder opfiere kinnen as dy Douwe Douwes. Hy troude mei Beytske Peyma en wy begjinne mei de stamrige Peyma.

I. **Sybet Peyma**, einierde boer op Peyma-sate te Ternaard 1511, in pleats fan 30 floreen (de grutste fan Ternaard) dêr't hy sels mei Tziemma Hellenge eigner fan is. Fierder hat hy besit te Eanjum, Wierum, Easternijtsjerk en Peasens.[155]

Peyma-state wie yn 1511 grut 73 pm (wêrfan 25 pm ûnder Wierum) en lei hielendal yn it easten fan Ternaard tsjin de Peasens oan, grinzjend oan Eastdongeradiel. Op de OAT (1832) en op de kaart fan Eekhoff (1849-1859) is it grutte fjouwerkantige hiem noch goed te sjen. By opdollingen is midsieusk guod fûn en der hat in stiennen hûs (in stins?) stien met grêften der omhinne.[156]

154 J.A. Mol, *De Friese volkslegers tussen 1480 en 1560* (met een editie van de Monsterlijsten van Friesland 1552 en Ameland 1558 door P.L.G. van der Meer en J.A. Mol), (Hilversum, 2017), de monstercedels op side 175-336, dêr 268.

155 RvdA I 118: de twa prysters en de 'patroen' (tsjerkfâdij) fan it doarp hawwe ek in stikje, mar sokke oandielen wiene meastentiids mar inkelde pûnsmieten; de oandielen wurde net oanjûn; RvdA I 122, 144, 145, 155, 157.

156 OAT en kaart; J.A. Mol en P.N. Noomen, *Prekadastrale Atlas fan Fryslân*, diel 16, Westdongeradiel (Ljouwert 2002) 32-35; Herma M. van den Berg, *De monumenten van geschiedenis en kunst. Noordelijk Oostergo,* deel II *De Dongeradelen* 70. Fan Peyma-state te Ternaard is gjin ôfbylding bekend.



Peyma-state te Hantumhuzen. J. Stellingwerf, 1723.

II**. Worp Sybets Peyma**, einierde, neamd 1543-1555, tr. **Beits Tsommedr Hellinga**, st. nei 1570, dr. fan Tsomme/Thiemme Hellinga.
1543: Worp Peyema hat besit yn Wânswert, Eanjum en Holwert.[157]
Sy wurde neamd as troude lju 1547-1555. Beyts Thiemmedr keapet noch 1570/71 lân te Wytmarsum.
Ut dit houlik fjouwer soannen:

1. Sybe Peyma, boargemaster fan Dokkum 1576, st. 1582/84, begr. Ternaard, waans âldste soan Worp yn 1624 it fideicommis Peyma ynsteld hat, wêrfan de oare soan Tiete de earste begunstige wie.
2. Tyomme Peyma, op Peyma-state te Hantumhuzen,[158] st. 1 sept. 1611, begr. Hantumhuzen,[159] tr. Eesck Harckema; út dit houlik fiif bern, fan wa't dochter Lolck tr. Douwe Douwes Hopperus (1583-1639); oer harren is mear te finen yn it artikel Hopperus fan P. Nieuwland yn dit Jierboek.
3. **Æbe**, folget III.

157 Benb. 497, 298; Rrek. XIV 14r (1546/47).

158 Bûten Peyma-state te Ternaard (stim 43) wie der ek in Peyma te Hantumhuzen oan de dyk nei Wierum ta. Guon ûndersikers tinke dat J. Stellingwerf syn tekening ferkeard taskreaun hat, want Tyomme syn soan Hero Peyma hat midden 17e iuw 'door het bouwen van een groot nieuw huis sigselven geruineert' [Gen. Jierb. 1971 23]. It 16e iuwske gebou op de tekening soe dan buorman Rintjema-state wêze. [Jan Leemburg, webstek <stinseninfriesland.nl>, *i.v.* Hantumhuizen.]

159 Op syn grêfsark it wapen Peyma, dield mei de Fryske earn, helmteken in leelje [koll. A.L. Heerma van Voss].

4. Dr. Sjuck (Sixtus) Peyma, stud. Keulen 1582, advokaat, twadde besitter fan it fideicommis, st. 1631. Syn trije soannen binne allegearre foar him stoarn.

III. **Æbe Peyma**, eigner fan Peyma-state, folmacht op 'e lândei foar Westdongeradiel 1585, 1590, testearret Ternaard 24 july 1628,[160] st. 24 jann. 1631, tr. [lang] foar 1610 **Aelcke Oenes Rouckema**,[161] st. foar july 1628, dr. fan Oene Rouckes Rouckema, boer te Broek, meirjochter fan Doanjewarstal, en Tryn Jans van Coelen.
Ut dit houlik:

1. Worp Peyma, st. 1628/31, gjin bern.
2. **Beytscke**, folget IV.
3. **Sybe Peima**, fan Ternaard, wennet te Ljouwert 1628, st. 1628/31, tr. Ljouwert (stedhûs) 23 nov. 1616 **Athcke Jelles**, neamd as widdo en fâdesse oer har twa bern 1631, st. 1633/37, dr. fan Jelle Pieters, sidelekkenkreamer te Ljouwert, en Jantien Meuesdr; sy tr. 2. Ljouwert (stedhûs) 14 des. 1633 dr. Arent van Bolten sr., b. Swol 16 nov. 1606, JUD, boarger van Ljouwert 1632, advokaat foar it Hôf fan Fryslân, krige in boete foar it útoefenjen fan de roomske godstsjinst 1639, st. Ljouwert okt. 1666, begr. Galileeërtsjerke; hy tr. 2. Swol 26 nov. 1637 Janneke Otten Vos.[162]
   Ut it houlik fan Sybe en Athcke:[163]
   a. **Worp van Peyma**, b. ±1621, jur. stud. Leiden (*Veropæus Peima, Frisius Leowardiensis, 20*) 13 okt. 1640, stud. Frjentsjer (*Veropæus Peima, Leovardiensis*) 9 jann. 1643, begr. Ljouwert (mei de wezen) 13 jann. 1656, tr. Ljouwert (stedhûs) 22 nov. 1645 Aeltie van Bolten, fan Swol, dr. fan Arent van Bolten en Brecht Lantinck (en suster fan dr. Arent hjirboppe sub 3); sy tr. 2. Ljouwert (ûndertr. stedhûs 4 april, griff. att. ôfjûn 12 april) 1657 Cornelis Fockens Eringa, klerk fan Dep. Steaten.

160 HvF 16777 (EEE 1) 400.

161 Gen. Jierb. 1994 54; Walsweer seit dat it pear trout foar 1610 (Aelck ferkeapet dan lân), dat is perfoarst sa, mar it houlik sil wol sa'n tweintich jier earder sletten wêze.

162 GFL 17 (G21) en 18; *De Ned. Leeuw* 67 (1950) 15-17. Syn ymmatrikulaasje net fûn yn hegeskoalle yn Nederlân.

163 It *Stamboek* makket fan Worp (1621) en syn soan Worp jr. ien persoan; Onno Hellinga hat der blykber gjin oandacht oan jûn en dit sa út it *Stamboek* oernommen. Dêrom wurdt dit staachje hjir mei de korrekte filiaasje opnommen.

1657 april 2: Dr. Richart van Bolten, advokaat foar it Hof, wurdt beneamd ta kurator oer de bern fan Worp van Peyma silger by Aeltie van Bolten, te witten Worp, Brigetta en Arent.[164]

Ut dit houlik trije bern, werfan **Worp**, de jongste en sûnder mis postúm, folget aa.

aa. **Worp van Peyma** jr., b. 1656, by syn houlik fan Ljouwert, st. ±1687, tr. Dokkum (ûndertr. stedhûs) griff. 3 sept. 1683 Anna Sippens, b. [Itens] ±1642, by houlik fan Easterein, st. nei 1705, dr. fan Gosse Gerbens Sippens, einierde boer te Itens, en Sieucke Sibles Rispens; sy tr. 2. 1695 dr. Jacobus (Worp van Peyma) Beintema [van der Meulen], (sjoch hjirnei gen. V, 2).

b. **Jelle Peyma**, b. ±1627, stud. Utrecht (*Gellius Peima, Frisius*) yn 1643, phil. stud. Franeker (*Gellius Peima, Leovardiensis*) 25 nov. 1643, tr. (att. ôfjûn Ljouwert 8 jann.) 1648 Agatha van Velsen, dr. fan dr. med. Wilhelmus van Velsen, boargemaster fan Ljouwert, en Ena van Tiara.

Ut dit houlik neist trije dochters in soan Dr. **Johannes Peyma**, advokaat te Grins, st. foar 1708; út dy syn houlik mei Maria Rispens neist trije dochters (allegearre troud) in soan **Julius Peyma**, st. 9 maart 1689, de lêste manlike leat fan it slachte van Peyma.[165]

4. Sibbel Peyma, st. 1728/31, tr. 1621 Pieter Jans Peima; syn soan Jan neamt him ek Peima en dy syn pakesizzers yn froulike liny neame har Worp van Peyma. Dizze staak is útstoarn yn 1775.
5. Romcke Peyma, st. foar 1631, tr. 1624 Grietke Bernardi; hjirút trije bern, mar dizze staak is útstoarn.
6. Auck Peyma, st. foar 1624; hjirút bern.

* IV. **Beytscke Peyma**, op Weardebuorren ûnder Westergeast 1631, testearret op 'Benten huys' mei har man 7 aug. 1640,[166] neamd as widdo 1641, tr. **Douwe Douwes** (*alias* Dominicus) **Beintema**, b. 1582, eigner fan Beintema-hûs dêr 1620, 1640, st. 1640/41 (foar 1 okt.).

1641 okt. 1: Dr. Hector Meinsma, advokaat foar it Hof, wurdt fâd oer Eecke 24, en Oene 20 jier, bern fan Douwe Douwes silger en Beytscke Peyma om skieding fan heite erfskip mei de mem te meitsjen.[167]

Ut dit houlik:

164 HCL (autb. Ljouwert) 3320 179.

165 Sa wurdt sein yn in sentinsje fan it Hof fan Fryslân fan 27 maart 1703 yn de prosessen oer it fideicommis Van Peyma.

166 HvF 16777 (EEE 1) 235. De datum yn it *Stamboek* is ferkeard.

167 HvF 16793 (autb. HHH 2).

1. Eecke Douwes (Eco) Beyntema, b. ±1617; Eco Douwes Benttema en syn broer Oene wurde boarger fan Dokkum 28 des. 1644, eigner Beintema-hûs 1657/1666, wennet dêr ek 1665,[168] ferkeapet 1671 Beintema-hûs oan Antonius Jennema, tr. Kollumerlân (gerjocht) 14 des. 1650 Auckje Hayes, beide fan Westergeast.

   Safier bekend tinklik ien bern:

   a. Haye *alias* Hyacinthus Beintema, fan Beintema-huys te Westergeest, wurdt boarger fan Dokkum 25 okt. 1680.
2. Bauck Douwes, st. Tsjerkwert 7 april 1639, tr. Gaetze Hilles Bualda, einierde boer op Buwaldabuorren (1640 eig.-br. stim 28), tsjerkfâd te Tsjerkwert, subst.-ûntfanger fan Wûnseradiel, test. 1642, st. Tsjerkwert 15 sept. 1649, sn. fan Hille Ruirdts, op stim 28 te Buwalda 1578, en Jayts Sibledr Oenema.[169]

   Hjir sit in nijsgjirrige konneksje. Gaetze hie in broer Sible Hilles Buwalda (1585-1660), dy't him letter Rispens neamde, einierde boer te Easterein, tr. 1614 Auck Siercks Hanckema widdo Anne Johannes Rispens. Harren dochter Sieucke (Sibles) Rispens tr. 1639 Gosse Gerbens Sippens: de âlden fan Anna Sippens, (hjirnei V, 2).[170]
3. **Oene**, folget V.

V. **Oene Douwes Beyntema** *alias* **Onuphrius Worp van Peyma Beintema van der Meulen**,[171] b. ±1621, wurdt boarger fan Dokkum 28 des. 1644, st. nei 27 jann. 1690, tr. 1. Dokkum 22 maaie 1653 **Titia** (Tiets) **van Ruffelaert**, dr fan Jacob (Jacques) Rufelaert, hopman, en Jell van Andringa; tr. 2. Dokkum 18 maaie 1680 Johanna Agneta Rulandt, erfdochter fan Rinsma-state te Driezum, test. 2 maart 1678, st. (blykber yn de kream) tusken 19 juny en

168 KOL 18 (recesb. B15), 7 okt. 1665. Neffens dy boarne wennet hy dêr 'op Weerdebuorren', tegearre mei in freondinne [*sic*].

169 HvF 16777 (EEE 1) 11, sjoch Gen. Jierb. 1989 42.

170 Gen. Jierb. 1979 22, 2013 188-190; FVE 7221.

171 Catharina van der Meulen, widdo fan Tiete (Sybes) Peyma (neef fan Oene syn mem Beytscke), beneamt Oene ta erfgenamt, mits hy 'sal voeren de wapens ende de name van mijn geslachte Van der Meulen'. [HvF 16777 (EEE 1) 393v (1652), 16770 (DDD 1) 395 (1656)].

7 july 1681, dr. fan jr. Joas Rulandt (van Roeland), luitenant, en Siadde Ruffelaert, widdo fan Hessel van Aysma, kapitein ynfantery yn Steatetsjinst.[172]\
1644 des. 28: Eco en Oene Douwes Benttema van Beintemahuis wurde boarger fan Dokkum.
1689 febr. 26: Onuphrius Beintema van der Meulen te Dokkum ferklearret syn soannen dr. Jacobus Beintema van der Meulen, 33 jier, advokaat foar it Hof, en dr. Johannes Ignatius Beintema van der Meulen, 25 jier, 'te emanciperen ende uijt syn vaderl. macht te stellen'.[173]
1698: Oene Beyntema eig. Driezum stim 3. De trije bern en erfgenamten fan Onuphrius Beintema van der Meulen binne eig. ½ Ternaard stim 43; de oare helte heart oan de famylje van Peyma.
Ut it earste houlik:

1. Juliana Catharina [Beintema], liket mei har suster yn Delft wenne te hawwen.
   Douwe Hopperus frege him ôf wêr't it orizjinele testamint fan Worp Peyma bedarre wie; de heit fan Johannes Ignatius hie it grif yn besit hân, wie it no by Johannes Ignatius of miskien yn bewarring by syn susters te Delft?[174]
2. Dr. Jacobus Beintema van der Meulen, JUD, b. Dokkum ±1656, phil. stud. Frjentsjer (*Jacobus Beintema van der Meulen, Frisius Doccumanus*) 5 maart 1672, hat *venia ætatis* krigen, advokaat foar it Hof 5 sept. 1682 (mei oantekening: 15 Julij geroyeerd),[175] st. Dokkum 27 juny 1697,[176] tr. Hinnaarderadiel (gerjocht)16 maaie 1695 (tsjerklik Readtsjerk (r.-k.) 28 maaie 1695) Anna Sippens, b. [Itens] ±1642, by houlik fan Easterein, st. nei 1705,[177] dr. fan Gosse Gerbens Sippens, einierde boer te Itens, en Sieucke Rispens,[178] en widdo earst fan Johannes Banier, dernei fan Worp Peyma jr. (pakesizzer fan Sybe Peyma, sjoch hjirboppe gen. III, 3, a, aa).
   By syn houlik hjit hy: Jacobus Worp van Peima Beintema, fan Dokkum, en sy Anna Sippens wed. van Peyma.

172 Har earste houlik is sletten om 1668 hinne, Hessel van Aysma st. 1679; *Ned. Adelsboek* 1988 98; Gen. Jierb. 2022 302; Rufelaert: *Jaarboek Centraal Bureau voor Genealogie* 28 (1974) 217-238, ald. 227; T.E. Teunissen, *De Dokkumer Wâlden* (s.pl. (Damwâld/Dokkum) 1937) 78.
173 HvF 16794 (autb. HHH 3) 41.
174 HvF 8612 'Positien ende articulen probatoir post litem confessam,' foar Douwe W.P. Hopperus, 8 maaie 1705.
175 www.mpaginae/advocaten.
176 As de foarige noat.
177 HvF 8612 (CS 121-2).
178 Gen. Jierb. 2013 189.

3. Dr. Dominicus Beintema van der Meulen, JUD, b. Dokkum [om 1660 hinne], jur. stud. Frjentsjer (*Dominicus Franciscus Beintema van der Meulen, Frisius, iur. cand.*, 22 maart 1685), prom. jur. Frjentsjer (*Dominicus Beintema van der Meulen, Doccumo-Frisius*) 24 maart 1685, advokaat foar it Hof 18 maaie 1685, st. Ljouwert 1703, tr. (ûndertr. Ljouwert 12 july, att. ôfjûn 1 aug.) 1687 Brigitta Maria Bogaer(t)s, fan Amsterdam, st. nei 1717; sy tr. 2. Ljouwert (r.k.) 9 nov. 1704 (dan beide te Ljouwert) dr. Dominicus Rispens, advokaat te Ljouwert, st. 5 jann. 1711.[179]
   1704 okt. 7: Dominicus Rispens, advokaat foar it Hof, wurdt fâd oer Theodora Maria Theresa en Maria Helena Tecla, bern fan Dominicus Worp Peima van Beyntema silger, yn tiden advokaat foar it Hof, en Brigitta Maria Bogaers.
   1711 jann. 6: Dirck Jans, keapman te Ljouwert, wurdt fâd oer Theodora Maria 17 en Maria Helena Beintema 12 jier.[180]
   Ut dit houlik:
   a. dochter, begr. Ljouwert (Jacobijnertsjerkhôf) 29 des. 1690.
   b. Theodora Maria Theresa Beintema, b. 1693, st. 1711/16.[181]
   c. Maria Helena Tecla Beintema, b. ±1698, neamd as '*vagabunda*', foarhinne wenjend te Ljouwert,[182] st. nei 1726.[183]
4. **Johannes Ignatius**, folget VI.

Ut it twadde houlik:

5. Anna Brigitta van Peyma, dpt. Dokkum 19 juny 1681.[184]

179 Gen. Jierb. 2014 91; HvF 10102.
180 HvF 16794 (autb. HHH 3).
181 HvF 9415 (CS 208-5).
182 HvF 11720, def. sent. nr. 1, 4 juny 1726.
183 HvF 10254 (CS 295-24), se wurdt neamd 1717, en wie nei alle gedachten by it proses fan 1726 ek noch yn libben.
184 De heit wurdt hjir neamd: Monseigneur Worp van Peyma. Sy wurdt ek Anna van Beyntema neamd.



STOF-SCHEIDENG.
Door
GEORGE STARKEY
in 't Engelsch geschreeven, en vertaald
Door
D. FEIO. IOANNES WINTER
univ. Medic. Doctor &c.
Bestreeden en ter Neergeveld
Door
JOANNES IGNATIUS BEINTEMA
P. C. A. J.
Te LEEUWARDEN,
Gedruckt by HERO NAUTA, Boek-verkoper, en Drukker, in de gekroonde Waarheid in de Peperstraat, MDCLXXXVII.

KOORTZEN,
In 't algemein:
In 't welk aangeweesen wordt, door onveylbaare deductien, waar in de Koortze bestaat: ende wat Medesoete moet gebruykt worden. in het geneesen van deese siekte, welke geen menschen ontgaan, eerse uyt dit leven vertrekken.
Waar nog by gevoegd wordt een
Korte VERHANDELENGE van de
BLUTZ,
Mitsgaders een Apologie, waar mede sigh de Autheur verdedegt, tegens eenige Lasteraars, ende Faamroovers, die des selvs Eer, ende Reputatie soeken vuyl te maaken, ende te beliegen;
DOOR
J.I.W. BEINTEMA van PEIMA,
Med. Doct.
In 's GRAVENHAGE
By HERMANUS GROENHOUT, woonende op de Kappels-brugge, 1692.

Twa titelsiden fan boeken fan Joh. Ign. W. Beintema (van Peima), 1687 en 1692.

VI. Dr. **Johannes Ignatius Worp Freiherr Beintema von Peima**,[185] b. Dokkum ±1664, phil. stud. Frjentsjer (*Johannes Ignatius Beintema van der Meulen, Frisius*) 26 maart 1685, prom. med. dr. Leiden (*Johannes Ignatius de Beintema, Friso,* 'de Peste') 17 july 1688,[186] liifarts fan de keizer fan it Hillige Roomske Ryk te Wenen,[187] 'kaiserlicher Rat und Leibarzt', hie neffens it stimkohier 1698 besit yn Foudgum, Hantum, Ternaard en Eanjum, 'papist', st. Wenen 1 juny 1723, tr. 1. Wenen (St. Stephan) 6 okt. 1707 Maria Anna von Florkin, st. Wenen 9 april 1720, widdo Stephan Pestalozzi, bankier; tr. 2. Wenen (St. Stephan) 27 aug. 1720 Maria Cordula Holler von Doblhoff, dpt. Innsbruck (St. Jakob) 25 aug. 1698,[188] st. Wenen 11 april 1768, dr. fan prof. dr. med. Franz Holler von Doblhoff, kais. Rat und Leibarzt, heechlearaar te Innsbruck, en Maria Katharina Mayr; sy wie widdo fan NN von Orelli en tr. 3. Wenen (St. Stephan) 2 april 1725 Johann Christoph Freiherr von Bartenstein, kais. geh. Statssekretär.

1689 febr. 26: Dr. Johannes Ignatius Beintema van der Meulen, 25 jier, wurdt neamd as emansipearre soan fan Onuphrius Beintema van der Meulen te Dokkum.

1697 sept. 3: Johann Ignaz en syn broer Dominik waarden ferheft ta Reichsfreiherr (baron fan it Keizerryk), mar sy hawwe har diploma net lichte (ophelle), d.w.s. de leges net betelle, dan ferfalt de titel.

1705 jann. 20: Johann ferheft ta Baron (fan it Keninkryk Hongarije).

1709 sept. 29: beide titels befêstige (*confirmation desdits titres*).

Hjirmei wurdt dúdlik werom op de wapentekening yn Twizel it jiertal 1709 stiet.

Ut it twadde houlik:

Franz Wilhelm Rudolf Johann Nepomuk Leopold Freiherr Beintema von Peima (1722-1723).

Maria Katharina Barbara Margaretha Freiin Beintema von Peima (1723-1806), tr. 1738 Georg Christian von Knorr (1691-1762), Reichshofrat.

Ut dit houlik neiteam.

185 Gen. Jierb. 1970 42 (út Oesterreichisches Familienarchiv 1969 24-25).

186 *Album Promotorum Academiæ Lugduno Batavæ*, ed. P.C. Molhuysen (Hagæ Comitis 1913-1924): (Bronnen tot de geschiedenis der Leidsche universiteit, Rijks Geschiedkundige Publicatiën 45), diel 4 (1920) 201*.

187 Keizer fan it Ryk (en kening fan Hongarije) wiene yn dy tiid: Leopold I (1658-1705), Joseph I (1705-1711) en Karl VI (1711-1740): pake, heit en soan.

188 Cordula wurdt neamd as 'Corduta' yn HvF 11720, def. sent. nr. 1, 4 juny 1726.

Ferkoart oanhelle literatuer en ôfkoartings

Andreæ, *Nalezing*	A.J. Andreæ, *Nalezing op de Nieuwe Naamlijst van Grietmannen* (Leeuwarden 1893).
BbHEN	D.J. van der Meer, *Boerderijenboek Hennaarderadeel 1511-1698* (Ljouwert 2004).
Benb.	P.L.G. van der Meer en J.A. Mol (ed.), *De Beneficiaalboeken van Friesland, 1543* (Leeuwarden 2013).
Breuker, *De keunst as útwei*	Philippus Breuker, *De keunst as útwei. Biografy fan Simke Kloosterman (1876-1938)* (De Gordyk 2023).
Burmaniaboek	sjoch UvB.
HvF (CS)	Civiele Sententies Hôf fan Fryslân, sjoch ek R.S. Roarda, *Nammen út de bylagen fan de sivile sentinsjes fan it Hof fan Fryslân 1700-1811* 4 dln. (Ljouwert 1957-1962).
FVE	Hessel de Walle, *Friezen uit vroeger eeuwen* (Franeker 2007); mei oanfollingen op ynternet <walmar.nl/inscripties.asp>.
Gen. Jierb.	Genealogysk Jierboek(je), 1951- .
GFL	*Grafschriften tussen Flie en Lauwers*, diel I, Achtkarspelen, ed. A.L. Heerma van Voss (Leeuwarden 1950), diel III, Leeuwarden: Galileërkerk, ed. H.M. Mensonides (Leeuwarden 1952).
GOO	J. Reitsma, *Register van Geestelijke Opkomsten van Oostergo … 1580-1581* (Leeuwarden 1888).
GPCV	G.F. thoe Schwartzenberg en Hohenlandsberg (ed.), *Groot Placaat- en Charter-boek van Vriesland* 6 dln. (Leeuwarden 1768-1795).
Heeren van den Raede	O. Vries, B.S. Hempenius-van Dijk, P. Nieuwland, P. Baks, *De Heeren van den Raede* (Hilversum/Leeuwarden 1996).
Homines novi	P. Brood, P. Nieuwland en L. Zoodsma (ed.), *Homines Novi. De eerste volksvertegenwoordigers van 1795* (Amsterdam 1993).
KOLgesch.	A.J. Andreæ, *Kollumerland en Nieuwkruisland geschiedkundig beschreven* (Kollum 1883).
KOLoudh.	A.J. Andreæ, *Oudheidkundige plaatsbeschrijving van de gemeente Kollumerland en Nieuwkruisland* 2 dln. (Kollum 1885).
Maartenskerk	R. Bosgraaf, *De Maartenskerk te Kollum* (Kollum 1973). De 77 grêfskriften op side 55-69.
NT	Nadere Toegang (ynventaris op Tresoar).
OFO	P. Sipma (ed.), *Oudfriesche oorkonden* deel I-III ('s-Gravenhage 1927-1941); deel IV (O. Vries ed.) ('s-Gravenhage 1977).
RvdA	I. Telting (ed.), *Register van den Aanbreng van 1511 en verdere stukken tot de floreenbelasting betrekkelijk*, 4 delen (Leeuwarden 1879 [1880]).
RvdAVD	J.C. Tjessinga (ed.), *De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514* , 5 dln (Assen 1942-1954).
Rrek	Rentmeestersrekeningen (Tresoar T 4); sjoch ek R.S. Roarda, *Nammen fan keapers en ferkeapers út de Rintmasters-rekkens 1518-1575* (Ljouwert 1965).
De Siccama's	A.C. Fokkema-Siccama, *De Siccama's* (eigen útjefte, Groningen 1973).
Stamboek	Jhr. M. de Haan Hettema en A. van Halmael, jr., *Stamboek van den Frieschen, vroegeren en lateren, adel* 2 dln. (Leeuwarden 1846).
Stinzen CD-rom	P.N. Noomen, *Stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners* (Hilversum 2009), bijlage *CDrom: een voorlopige inventarisatie.*
UvB	Upcke van Burmania (1543-1615), *Frisicæ nobilitatis genealogia* (1597-1604), yn T323 (fam. argyf Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen) 2575. Der besteane ferskate kopyen, sjoch noat 105.
Worp van Thabor	Worp Tyaerda van Rinsumageest, *Kronijken van Friesland* vijf delen (Leeuwarden 1847-1871), deel IV (Leeuwarden 1850).

Der wurdt ferwiisd nei de argiven fan de nedergerjochten mei de trije letters fan de gritenij, lykas wenst op Tresoar, mei ynv.nr. en dernei tusken heakjes it soarte argyf en de âlde ynv.nrs út de ynventaris fan J.L. Berns (1919).

Jiertallen	1504 Reversaalbrief, 1505 Register van Edelinghen, 1511 RvdA, 1511/1514 RvdAVD, 1543 Beneficiaalboeken, 1578 Personele Impositie, 1581 GOO, 1744 Omschrijvinge van Familiën (folkstelling fan Fryslân), 1749 QC.
ad actum divisionis	om skieding en dieling te meitsjen.
br.	brûker.
carg., £	caroligûne fan 20 stûren.
goudg., *fl.*	goudgûne of floreen fan 28 stûren (yn moderne notaasje *f* 1,40).
f	gûne, sûnt 1816 fan 100 sint, foar dy tiid fan 20 stûren.
frs	francs (in Frânske franc wie 1811-1813 *f* 0,40).
FC	Floreen Cohier: kohier fan de grûn- of floreenbelêsting (1700-1858).
griff.	grifformeard, 'Ware Gereformeerde Religie', d.w.s. wat nei 1816 Ned. Herfoarme neamd waard.
HvF	Hof fan Fryslân (T 14).
HvF CS	Civiele Sententies: sivile sentinsjes, arresten yn boargerlike saken fan it Hof.
JUD	Juris Utriusque Doctor, doktor yn de beide rjochten (hjoed: master).
JUL	Juris Utriusque Licenciatus, licenciaat yn de beide rjochten (ferl. bachelor).
nom. liberorum	út namme fan syn bern.
nom. uxoris	út namme fan syn frou.
PC	Personeel Cohier: kohier fan de personiele guodskatting (belêsting).
QC	Quotisatie Cohier (1749).
RC	Reëel Cohier: kohier fan de belêsting op ûnreplik guod.
SC	Stem Cohier: stimkohier 1640 / 1698 / 1708-88.
T	Tagong (ynventaris op Tresoar).

De nije wapentekeningen binne fan de hân fan J.C. Terluin, *H.F.* I.

… Hopperus

PIETER NIEUWLAND

HOPPERUS

Naam

Hoe de familie Hopperus aan haar naam is gekomen is niet bekend; de voornaam Hoppe komt er ten enenmale niet in voor. Er was destijds – we spreken over de 16e en 17e eeuw – een vooraanstaande Friese familie Hoppers, van wie de naam ook vaak werd geschreven als Hopperus.[1] Vermoedelijk meenden ze met die familie verwant te zijn, want in de oudste vermeldingen wordt de naam geschreven als Hoppers. Bewijzen voor een familierelatie zijn niet voorhanden, de auteurs van het *Stamboek* geloofden er ook niet in.[2] De component Hopperus in de naam Hopperus Buma is afgeleid van de voornaam Hopke. Ook hier is van verwantschap geen sprake.
Waar gelatiniseerde familienamen gewoonlijk voor het eerst worden gevoerd door academici is dat bij deze familie niet het geval. We vinden de naam vanaf 1617 bij Douue Douuesz (gen. IV), in laatstelijk boer te Idaard. Naar wat hem heeft bewogen kunnen we alleen raden. Misschien was het de omstandigheid dat zowel zijn moeder als zijn vrouw klinkende familienamen voerden: Andringa resp. Peyma. In elk geval kunnen zijn eigen prestaties als eigenerfd boer moeilijk als reden worden aangevoerd. Noch Douue zelf, noch zijn nakomelingen hebben openbare functies als bijzitter of dorprechter, laat staan afgevaardigde ten landdage bekleed. Voor rooms-katholieken was dat sowieso al onmogelijk, ze konden wel een officiersrang in het leger bereiken.
Al snel daalde de maatschappelijke status van de familie, met als gevolg dat de naam niet consequent meer werd gevoerd, ja hier en daar zelfs is vergeten. In 1811 hebben vier personen, twee mannen en twee vrouwen, de naam officieel aangenomen. In 1947 woonden er nog vier naamdragers in Nederland, allen in Friesland, maar in 2007 kwam de naam Hopperus niet meer in ons land voor. Ik heb tien generaties uitgewerkt, voor zover ze de naam Hopperus voerden. Een familiewapen is niet bekend.

---

1 Zoals de in zijn tijd zeer bekende jurist Joachim Hopperus (1523-1576), bevriend met Viglius van Aytta. Omstreeks 1620 woonde er een Joachim Hoppers te Roordahuizum.

2 Stbk. I 221; II 148.

Genealogie

I. Widmer Lyeuwezn, boer te Boer, overl. voor 1541, tr. N. Symonsdr, dochter van Symen Gerritszn, eveneens boer te Boer, en mogelijk Auck N.
1511, 1514: Widmer Lyeuwezoen wordt vermeld als landgebruiker te Boer; hij betaalt 'frou Lutka'[3] te Sneek 24 fl. huur.[4] Zijn schoonvader Symon Gerrytszoen aldaar huurt in 1511 land van o.a. heerschap Hessel Martena en betaalt daarvoor 31 fl. 18 st.[5] Hij overleed vermoedelijk in 1541; Symen Sackezn kocht toen een huis c.a. te Boer van 'salige Symon Gerritzn eruen'.[6]
Uit dit huwelijk minimaal vijf kinderen, onder wie Pieter, volgt II.

II. Pieter Widmerszn (zoon van I), geb. [Boer voor 1516], woont 1541 als boer te Boer, 1552, 1557 te Harlingen, later weer boer te Boer, vermoedelijk ruim 50 jaar lang kerkvoogd aldaar; gedeputeerde van het waterschap Der Vijf Deelen Zeedijken binnendijks (1569), mederechter van Franekeradeel (1569, 1573), overl. [Boer] 1593, tr. 1 (?). (voor) 1557 Anna Bastiaensdr; tr. 2. Andle Douwedr; tr. 3. Luts Aenedr, overl. na 1593.



Handtekening van Pieter Widmersz in zijn functie van mederechter van Franekeradeel, 1575. FRL 55 scan 27.

Dat Pieter een zoon is van Widmer Lyeuwezn is feitelijk een aanname, er is geen genealogisch bewijs. De zeldzaamheid van de naam Widmer is voor mij reden om deze filiatie als zeker te beschouwen. Dat Symen Gerritszn zijn grootvader was is wel zeker.

1541 maart: Pieter Widtmerszn verzoekt consent op de koop van 'dat huys hoff ende stien daer hy nv ter tyt inne woont ende gebruyckt staende te Buyr, gecoft van zyn broeren ende zusteren'.[7] Het consent werd verleend 31 maart 1541. Dit moet wel hun ouderlijk huis zijn, helaas worden geen namen van de broers en zusters medegedeeld. Pieter was dus toen al meerderjarig (boven de 25 jaar).

3 Te identificeren als Luts Harinxma wed. Schelte Liauckama; Stbk. I 150.
4 RvdAVD afl. I, Franekeradeel, 9 en 70, nrs. 61 resp. 493.
5 Idem 8 en 70, nrs. 56 resp. 496.
6 FRL 92 scan 15, consent verleend 30 juni 1541. Met dank aan Harmen Foekema, die mij ook attent maakte op een aantal andere vermeldingen in het archief van het gerecht van Franekeradeel.
7 FRL 92 scan 11.

19 Ik skriuw dizze namme meast as Pieter; yn de orizjinele stikken, en dus ek yn sitaten, stiet gauris Peter.
20 Leuwerderadeels Aenbrengh 1540 38. Blykber waard it saneamde Middeltrimdel wat de oanbring oanbelange noch ûnder Ljouwerteradiel rekkene.

ferstoarne dochters.[21] De erfgenamten binne Reyner Petersz, Jan Petersz, Rixt Petersdr, Tonis Jansz, soan fan Nies Petersdr silger, Anna Romckesdr en de bern fan Petrick Romckesdr silger.

Wy hawwe te krijen mei in mingd boerebedriuw yn likwidaasje. Wy sjogge dat Romcke de lêste tiid al frij wat fee ferkocht hie en ek de foarried nôt opromme: 'vercofft an burgmr. Cornelis Sijmonszn eenich koorn, bedragende ter summa van twee hondert negen ende negentich gouden gs vier st. fc in karls gs IIII^{C} XVIII £ XVI st.' Oan in boer te Marsum 'hoij, weit en koorn' foar goed 270 gg. Reyner Peters, de âldste soan fan Lijsbet, hie it hûs en de 'ruiminge' al oernommen.

De eigen lannen bestiene út seis perselen, mei inoar 22 pm en 2½ einse grut, mei in wearde fan 2401 cg. Alle lân wie troch Romcke en Lijsbet tegearre oankocht; it grutste part lei oer de Swette yn in miensker oan de kant fan Ritsumasyl. Lijsbet hie yn har testamint bepaald dat de weesbern harren oandiel alhiel yn 'gereeden gelde' hawwe moasten, en dat dat jild op rinte set wurde moast. Dat sadwaande moast alle guod taksearre wurde. De iene helte gie nei Romcke, de oare helte nei de fjouwer bern dy't noch libben.

It replik guod liket frij gewoan foar in boerehúshâlding. By it 'meskenwerck' falt de 'groote keesketel wegende 65 pont' op. Boeken wurde net beskreaun, ûnder it houtwurk wol 'dree taferelen'. Soene dy by hear Ivo weikommen wêze? Se wiene mei inoar mar ien gûne wurdich, dus kwalik mear as it hout fan de listen.

By de 'vuitschulden' sit in nijsgjirrige post, in foardering fan £ 74 fan soan Reyner Pieters. Dat jild hie hy foar de samtlike erven útjûn 'tot onderhoudinge van twee der erffgen. olde moien, miserabel gewest sinde', mar fierder wurde wy dêr neat oer gewaar. Frjemd is lykwols dat der gjin keapakten, obligaasjes en oare papieren beskreaun wurde, likemin as it oanwêzige jild. Dat moat der allegearre wol west ha, oars komme jo nea út op it totaal fan 5173 £ 4 st. dêr't de boel op taksearre waard. Foar't it oan it ferdielen ta wie moast earst noch de ynbring fan Lijsbet, 700 gg, oan it part fan de bern tafoege wurde. Romcke hie neat ynbrocht, wat eins wol bewiist dat hy foarhinne de feint fan Lijsbet west hat. Hy hat gelokkich de papieren goed bewarre, al koe er se net lêze.

1593 dec. 5 en 6: beskriuwing fan de neilittenskip fan w. Rompke Sypkeszn, stoarn 'dree weken na meij lestleden' yn it hûs fan (syn steesoan) Jan Peterszn, 'schoemaker opte Nije stadt'. It wie op fersyk fan Jan Femmeszn en Anna Rompkedr, en Sicke Douwes as heit fan syn trije bern by w. Petric Rompkedr.[22] Húsrie liet Romcke hast net nei, 'Instrumenten breuen ende obligatien' des te mear, om te begjinnen syn testamint fan 5 jann. 1593. De keapakten lykje der allegearre noch te wêzen, de âldste is fan 1572. De obligaasjes binne meast fan nei Lijsbets dea, mar fan dy fan Jantke Arents is gjin datum opskreaun. De lêste obligaasjes binne fan maaie 1593, koart foar syn dea dus. Romcke moat wol in skoft siik west ha, der stiene rekkens iepen fan dr. Johannes Velsius foar 'visitatien ende medicijnen' en fan 'Gerhardus predicant te Marsum van medicinen'.[23]

Foar't Romcke op de Nijestêd delstruts hat er by syn dochter Anna en har man te Koarnjum wenne, dy hiene noch kostjild te goede. In protte stikken hawwe te krijen mei Romcke syn kuratele oer Lyoets Andriesdr, sjoch fierderop by de bern. Mei skoansoan Sicke Douweszn siet Romcke yn tsjok waar. Se hiene tsjin inoar prosedearre, der is oantekening fan twa sentinsjes fan it gerjocht fan Ljouwerteradiel d.d. 24 juny 1591. Sicke krige net it behear oer it erfskip fan Lijsbet en Romcke dat Sicke syn bern tafallen wie. Sjoch hjirûnder by 6.

Op 23 jann. 1594 koe de balâns opmakke wurde. Der stie foar 1778 cg oan obligaasjes út, it boelgoed hie hast 140 cg opbrocht. De neilittenskip fan Lijsbet Jansdr foar de bern fan Sicke Douweszn wie nea útkeard. Bûten de eigen lannen,16 pm, wie Romcke syn neilittenskip goed 1205 cg wurdich.[24] It lân wie yn 1591 taksearre op 77-7 gg it pûnsmiet, dat komt del op 1236 gg. Alve pm wie him tafallen by de boelskieding mei de erven fan Lijsbet Jans, fiif pm hie hy letter oankocht.

1594 april 29: Jan Femmeszn te Koarnjum docht út namme fan de erven fan Romcke Sipckezn ôfrekkening fan Romcke syn bewâld as kurator fan Lyoetske Andriesdr.[25]

Bern, út it houlik fan Pieter (Reynersz?) mei in ûnbekende frou:

a. Andries Pietersz, boer op it Nijlân ûnder Ljouwert, stoarn (foar) 1584, tr. Trijn Pietersdr, dochter fan Pieter Tyaerdtsz en Syouck Philipsdr; sy tr. 2. Allert Pietersz te Deinum.

   Andries buorke tegearre mei Romcke Sipckes, mar hie mei Trijn wol in eigen húshâlding. Trijn woe fan it mienskiplike besit ôf, dat sadwaande kaam op 2 des. 1584 de bekende Ljouwerter boargemaster Adye Lambertsz mei sekretaris Laurens van Veen (ek: de Veno) op it Nijlân om de boel te beskriuwen en te skieden.[26] Njonken Trijn en Romcke wienen ek presint Syouck Philipsdr, de mem fan Trijn en beppe fan it weesbern Lyoetske Andriesdr, Reyner Peterzn as omke 'ende meede tutor' fan it weesbern, en Lijsbet Jansdr, 'oeck grotemoder van des vaders sijde vanden voors. Lyoetske'.

   Andries wie foar de helte eigener fan it hûs, it fee en it 'huysmanne gereetschap'. It waard foar 310 gg oernaam troch Romcke Sipckes. Andries en Trijn hiene tegearre 4½ pm nijlân by de stêd oankocht, mar hy besiet ek lân yn eigen namme. Dat wiene fyfteparten fan 'een koeganck in de Galge fenne', twa pm nijlân en 15 einsen 'op Ritsume langh lant', nei alle gedachten dus erfgoed út syn heite' famylje.

21 LWN 3459 142 (scan 74).

22 LWN 3357 391 (scan 198).

23 Romein 58: Gerardus Raphanus ofwel Gerrit Radijs. Dy die dus ek oan masterjen, dat diene wol mear dûmnys. Sjoch ek Gen. Jierb. 2021 9-10.

24 LWN 3511 217v.

25 LWN 3511 232v (scan 237).

26 LWN 3354 338 (scan 172).

Ut dit houlik:

Lyoetske (Luyts) Andriesdr, tr. (1602) Jorryt Wopckesz te Marsum.

Sa't hjirboppe sein is wurde der in soad stikken oer Lyoetske yn de boelbeskriuwing van Romcke Sipckes neamd, want hy wie mei Reyner Pietersz ek har fâd. Sadwaande komme wy te witten dat har mem wer troud is mei Allert Pieterszn en mei him te Deinum wenne. Alhoewol't Lijsbet Jansdr yn 1584 opfierd wurdt as beppe oan heitekant fan Lyoets kin it net oars of sy wie har styfbeppe, want Lyoets bliuwt alhiel bûten byld as erfgenamt fan Lijsbet. Fia har beppesizzer Tierck Piers skaaie famyljes Hiemstra en Swierstra fan Lyoets ôf.

Ut it houlik fan Lijsbet Jansdr en Pieter (Reynersz?), folchoarder ûnbekend:

1. Reyner Pietersz, boer te Ingelum (1578), fan 1591 ôf op it Nijlân ûnder Ljouwert, ek noch 1602.

   1578: Reyner Pietersz te Ingelum wurdt yn de personele ymposysje oanslein foar 3 cg.[27]

   1584 dec. 2: Reyner Petersz is 'meede tutor' fan Lyoetske Andriesdr.

   1594 jan. 23: Reyner Pietersz is as omke fan de bern fan Pieter Rompckedr by Sicke Douwesz oanwêzich by de skieding fan de neilittenskip fan Rompke Sipckez.

   1602 april 22: Reyner is as omke by de ôfrekkening fan Jan Femmesz (sjoch hjirûnder by 7).

   1602 juny 22: Reyner Pietersz rekkent ôf oangeande syn kuratele fan Loytske Andryesdr. Hy hat in lytse 12 gg oerholden en fuortendaliks útbetelle oan Loytske, koartlyn troud mei Jorryt Wopckes.

2. Jan Pietersz, skuonmakker op de Nijestêd te Ljouwert (1591).

   1571: 'Jan Peters Schomaker vant nijlant' wurdt oannommen as boarger fan Ljouwert.

3. Nies Pietersdr, tr. Jan Thonisz, beide stoarn foar 1591; hja lieten in soan Tonis Jansz nei, dy't ûnder fâdij stie fan Pieter Jansz.

   Dy Pieter Jansz wie troud met Hil Thonisdr, earder widdo fan Jan Jasperz en suster fan Jan Thonisz. Se wennen 'opte Vischmerckt',[28] dat is it stik fan de Voorstreek tusken de Minnemastrjitte en de Wortelhaven.

   Ut dit houlik:

   a. Thonis/Thoenis Jansz, b. 1575, tr. Ljouwert (stedhûs) 5 maaie 1599 Ybel Sipckesdr.

      4 maart 1600: Hil Thonisdr, widdo fan Pieter Jansz, docht rekken fan it bewâld dat har man hân hie as kurator fan Thonis Jansz, dy't ferklearret dat er no mearderjierrich is.[29]

4. Rixt Pietersdr, tr. Jan Dirxzn.

   Wêr't Jan en Rixt wennen wurde wy net gewaar, mar it stiet wol fêst dat Jan boer wie. Ut de boel fan skoanmem krige Jan de grutte tsiistsjettel mei foar 24-8 cg en oan kij ('beesten') foar 139-6 cg.

5. Trijn Petersdr, stoarn (koart foar) 1588.

   Trijn liet gjin bern nei, Thonis Jansz (sjoch by 3) hat fan har erfd.[30]

Ut it houlik fan Lijsbet Jansdr mei Romcke Sipckeszn, folchoarder ûnbekend:

6. Pietrick (Petrick, Pieter, Peter) Romckesdr, stoarn foar 1591, tr. Sicke Douwesz, boer te Lekkum (1588, 1602).

   Pietrick har âlden hienen it net stean op skoansoan Sicke Douwesz. Doe't Lijsbet Jans yn 1591 stoar wie Pietrick al wei. Gewoanlik ferskynt yn sokke situaasjes de widner om de belangen fan de bern te behartigjen. Mar hjir kaam in Peter Gerbensz opdaagjen as *curator divisionis* fan dy bern. Dat kin neat oars betsjutte as dat Lijsbeth har skoansoan by testamint it behear fan har neilittenskip ûntsein hie. Nei it ferstjerren fan Romcke Sipckesz wie it net oars. Sicke wie der wol by, mar doe't it oan de boelskieding takaam naam mr. Gerryt Tarquinius 'als geauthoriseerde curator tot deesen' de honneurs waar.

   Ut de neilitten papieren fan Romcke wurde wy gewaar dat Sicke 100 gg fan him liend hie en dat Romcke yn 1591 30 gg hier foar him betelle hat. Dat blykt út in ferklearring fan ds. Bartoldus Schuringa, 'predicant te Leckum',[31] dus it moat foar de pastorijpleats west hawwe.

   In oantekening oer rjochtsaken tusken Romcke en Sicke makket jin nijsgjirrich. Ik koe dy saken yndie weromfine yn it resesboek fan Ljouwerteradiel op 24 juny 1591.[32] Yn de earste saak easke Rompcke Sipckes 'als beste vaeder tot ende ouer d'kinderen by Sicke Douwes aen w: Pietrick Sipckedr in leuene gesuscitert' fan Sicke betelling net allinnich fan de 300 gg, dy't Pietrick by har houlik meikrigen hie, mar ek noch 300 gg ekstra en húsrie, bêdeguod, frouljusklean, ensfh., allegearre neffens in list dy't 10 maart 1591 opmakke wie. Dy ekstra 300 gg wie de helte fan de winst dy't Sicke en Pietrick tegearre makke hiene. Romcke beduchte blykber dat it guod fan de bern net feilich wie ûnder it bewâld fan Sicke. Dy fersette him net tsjin de eask, dy't dus tawiisd waard. Mei de twadde saak gie it krekt sa, dy gie oer de liening fan 100 gg en de 30 gg fan de foarsketten lânhier. Mar begjin 1594 hie Sicke noch net oan de útspraken foldien.

27 Personele Ymposysje 224. Trije gûne wie de standertoanslach foar kwalifisearre hierboeren (idem, side 167).

28 LWN 3511 214v (1593).

29 LWN 3512 5v.

30 LWN 3511 70v.

31 Bartoldus Schuringa wurdt troch Romein net neamd as dûmny te Lekkum, yn dy snuorje stie hy nammentlik te Jelsum. It kin dat hy Lekkum waarnaam, mar it kin ek wêze dat hjir sprake is fan in âlde kombinaasje dêr't Romein net fan op 'e hichte wie. Yn alle gefal yn 1597 hiene Lekkum en Miedum in eigen dûmny yn de persoan fan ds. Vincentius Jacobi Canabaeus *alias* Hempenius, letter te Dokkum (Romein 66, 452).

32 LWL 20 147-149.

Ut dit houlik:

a. Douwe Sickesz, boer op de pastorijpleats te Lekkum, grut 66 pm, stoarn foar 1626, tr. Teth Eelckedr, stoarn 1638/41; sy tr. 2. 1626 Frans Florisz, stoarn (nei) 1662, ek boer te Lekkum op de pastorijpleats (stim nr. 6); hy tr. 2. 1641 Barber Huyghsdr.
   Op 23 maart 1626 waard de boel fan Douwe Sickesz beskreaun; syn widdo wie wer troud met Frans Florisz, earder har feint – hy hie noch lean tegoede.[33] Douwe liet twa bern nei, Eelcke fan 7 en Pytrick (Pietke) fan 5 jier. Pytrick wie yn 1638 al wei.

b. Aecht Sickesdr, stoarn 17 jann. 1641, begr. Lekkum, tr. Claes Claeszn, b. 1578,[34] boer te Lekkum, soan fan Claes Reynerszn en Lijsbet Claesdr.[35]
   Claes wie yn 1618 kurator oer syn broer Jan, yn 1620 oer syn healbroers Hans en Reyner Claeszn en yn 1626 oer de bern fan Douwe Sickesz en Teth Eelckesdr.

c. Sipcke Sickesz.

7. Anna Romckesdr, tr. Jan Femmeszn, boer te Koarnjum; beide libben noch 1631.
   Yn de personele ymposysje fan Koarnjum wurde Jan, syn broer Pieter Femmes en (harren mooglike heit) Femme Alberts allegearre oanslein foar 3 cg.
   Jan Femmesz docht 22 april 1602 rekkening as kurator oer de weesbern fan Pietrick Rompckedr by Sicke Douweszn te Lekkum, fan syn behear sûnt 11 maaie 1597 fan de neilittenskip fan Lijsbet Jansdr en Romcke Sipckes.[36]

IIb. Aernt Jansz, b. [om 1510 hinne], stoarn [Raerd] nei sept. 1584.

Fan Aernt witte wy mar in bytsje, allinnich dat hy lang te Raerd wenne hat. Foar 't neist wie Aernt boer, dat berop oefenen syn soannen en fierdere neiteam ek út. De namme fan syn frou is net oerlevere, mar it soe my gjin nij dwaan as it in Sybrich west hat. Dy namme komt in protte foar by de froulike neiteam. It foel my op dat guon nammen yn de neiteam ek foarkomme by de famylje Heringa, dy't ek yn Raerd tahold: Eelcke, Æde en Womck. Mar soks hoecht net fuortendaliks op in famyljerelaasje te wizen.

33 LWL 88 98.
34 LWN 3512 119v.
35 Gen. Jierb. 2012 174 e.f.
36 LWN 3512 118v.



1551 okt. 1: de saak yn heger berop tusken Aernt Janszn, appellant, tsjin de grytman Hetto Albada kin noch net ôfdien wurde: 'Thoff wyst partien in feyten cum juramente calumnie'.[37]

Dit is oant no ta it âldste spoar dat fan Aernt Jansz bekend is. De grytman wie foarsitter fan it gerjocht fan Raarderhim en dan falt it net ta om dêr jins gelyk te heljen. It docht my deugd dat dizze foarâlder by it Hof yn heger berop gie, mar hoe't it ôfrûn is witte wy net. Der binne út dy tiid gjin sentinsjeboeken bewarre bleaun.

1573 okt. 12: it gerjocht van Raarderhim docht útspraak yn de saken fan fan Albert Gerbensz tsjin Aede Aerntsz en Aerndt Jansz.[38] Wêr't it oer giet wurdt net dúdlik; it gerjocht kin gjin definitive sentinsje útsprekke.

Yn de personele ymposysje fan 1578 wurdt Aernt Jansz net neamd. Tinklik rinteniere hy al en wenne er yn by (ien fan) syn soannen.

1584 sept. 15: Aernt en syn suster Lijsbet binne de erfgenamten fan Ivo Johannes, sjoch by I.3.

Aernt Jansz liet op syn minst trije soannen nei, folchoarder net bekend:

1. Jencke Aerntsz, folget IIIa.
2. Eelcke Aerntsz, folget IIIb.
3. Aede Aerntsz, hat wenne earst te Raerd, tink tichteby syn broer Eelcke, letter te Jirnsum.
   Fan Aede haw ik gjin frou of bern fûn.
   1573 okt. 12: it gerjocht fan Raarderhim docht útspraak yn de saak tusken Albert Gerbensz en Aede Aerntsz, sjoch hjirboppe by syn heit.
   1578: Aedo Arentzn stiet yn de personele ymposysje daliks ûnder syn broer Eelcke en wurdt foar £ 3 oanslein. Sa't ik al earder skreau wie dit de standertoanslach foar in kwalifisearre hierboer.

37 HvF 16690 scan 93.
38 RAU 1 scan 163.

1582: Aede Aens stiet daliks ûnder syn broer Eelcke op de list fan striidbere manlju ('weerbare mannen'),[39] mei in 'kaliber cum annexis'.[40]
1596 juny: Aede Aernszn 'binnen Irnsum' keapet de helte fan in hûs dêre fan Claes Gerbensz te Akkrum.[41]

4. (?) Jan Aerntsz, wennet 1577 te Raerd.
   Om de namme en de tiid soe Jan skoan by de famylje passe, mar der is gjin bewiis. Hy wurdt neamd yn de boelbeskriuwing fan Syrck Rochus silger, keapman te Frjentsjer; hy is £ 116 skuldich. Dy hat er ek ôfbetelle.[42]

IIIa. Jencke (Jancke, Jantke) Aerntsz, b. [Raerd ± 1540/45], boer te Jirnsum, doarpsrjochter en ûntfanger dêr, st. Jirnsum (nov.) 1604, tr. Anna Dircxdr, st. om 1598 hinne.
1574 dec. 6: Jancke Arndtz te Jirnsum wurdt neist Kempo Buwesz oansteld as fâd oer de minderjierrige bern fan Thonis Foeckez en Jets Foecke widddo.[43]
1578 dec. 5: Janke Aernzn en Kempo Buwezn , beide te Jirnsum, lizze rekkening ôf as kuratoaren fan de weesbern fan Thoenis Foeckesz, t.w. Foecke Thoeniszn en Anna Thoenisdr.[44] Ut it ferfolch blykt dat Jets Foecke widdo harren beppe wie.
1578: Janke Aerndtz wurdt lykas syn broers foar £ 3 oanslein. Hy betellet ek £ 3½ foar de fikarij.[45]



39 EVC pag. 65, ynv.nr. 6, foarhinne Suppl. EVC 31. De ynventarisator datearret it stik op ± 1575. Ik hâld it op 1582, mei't hopman Syrck van Bootsma de oanfierder wie. Hy wie dat jier grytman fan Raarderhim wurden. Soartgelikense listen fan oare gritenijen binne ek fan 1582 of noch wat letter.
40 Ien fan de betsjuttingen fan 'kaliber' is neffens it Woordenboek der Nederlandsche Taal ('s-Gravenhage 1864-2001): 'Voorheen de naam van eene soort van handvuurwapen.'
41 RAU 3 10v.
42 FRR 126 671 d.d. 30 maaie 1577; FRR 127 51 (scan 54) d.d. 1 sept. 1581; mei tank oan Jelle de Jong.
43 RAU 1 185 (scan 190).
44 RAU A2 47 (scan 32).
45 Personele Ymposysje 216.

1580 sept. 1: Jancke Arntsz jout mei de tsjerkfâden en de skoalmaster fan Jirnsum it tsjerklik guod fan it doarp op oan de kommissarissen fan de Steaten fan Fryslân.[46] Jancke koe blykber net skriuwe, wol wat behyplik foar in doarpsrjochter anneks ûntfanger. Hy tekenet mei in fiifpuntige stjer (pentagram).
1582: Jancke Aernszn stiet te Jirnsum as earste op 'e list fan striidbere manlju fan Raarderhim (sjoch hjirboppe by syn broers). Lykwols stiet yn de marzje: 'In tgeheel absent', dat fan nimmen is de bewapening opskreaun.
1595: Jancke Cornelisz en Riuertke Dyrcksdr te Weidum keapje 3/5 fan goed 8 pm lân op de Blink ûnder Raerd fan Jancke Aernsz te Jirnsum, Jan Jansz te Jorwert en Dirck Bauckez te Grijpskerk.[47] Ds. Van Dijk ornearre dat dit lân wolris erfguod fan Anna Dircks wêze koe en dêr kin ik my wol yn fine. Twa soannen fan Jencke en Anna hawwe dêr letter buorke.
1604 des. 6: Eelcke Aernszn, Dirck Freerckzn en Jancke Cornelisz wurde autorisearre ta kuratoaren oer de trije jongste bern fan Jancke Aernsz silger te Jirnsum, om harren guod te behearen en om skieding te meitsjen mei de âldste bern.[48]
1606 febr. 27: it gerjocht fan Raarderhim hat mar ien saak op 'e wurklist: it besljochtsjen fan de neilittenskip fan Jencke Aernsz silger. De hiele famylje is der by, yn it 'Waerhuys' te Raerd. De boel is no skieden, de fâden fan desimber 1604 wurde ûntslein. Mei't de jongste bern noch altyd minderjierrich binne krije se no elk in kurator. Rienck komt ûnder fâdij fan omke Eelcke Aernsz, Trijn fan har broer Jan Jenckez en Baucke fan syn sweager Freerck Jenckez.[49] De weesbern hawwe elk rjocht op 350 gg.[50] Yn de marzje steane notysjes út 1611 en 1616 oer de útbetelling fan Trijn har oanpart.
Ut dit houlik (folchoarder net hielendal wis):
Ik gean hjir wat koart om 'e hoeke en ferwiis fierder nei Gen. Jierb. 1967 21-38, benammen as ik net folle nijs te melden ha. De neiteam wie meast mennist, mar dy fan Sytse grifformeard.

1. Jan Jenckez, boer te Reduzum (1605), letter te Jirnsum op de pleats dy't yn 1640 stim nr. 16 krige, tr. foar 1605 Griet Jacobsdr, widdo fan in Feddrick; beide stoarn foar 1632.
   Jan en Griet hiene tegearre gjin bern, Griet hie wol bern út har earste houlik. Op 22 maart 1632 kamen de erven by inoar om de boel te skieden. Fan Jan wiene noch fjouwer broers en ien suster yn libben, twa susters wiene ferstoarn. Fan Griet har fiif bern libben der noch twa, soan Take en dochter Antke Feddricx. Dochter Minne en soannen Jacob en Feddrick Feddricx wiene al stoarn en hiene bern neilitten.

46 GOO 23. It orizjineel is no: argyf Staten van Friesland 1580-1795 (T5) 2779.
47 RAU 3 7v
48 RAU 4 108.
49 Dat koe yn 1604 net, omdat Jan en Freerck belanghawwenden wiene yn de boelskieding.
50 RAU 4 143v scan 147) e.f.

Jan Jenckez bebuorke in grutte pleats; dy waard oernaam troch broer Rienck. Jan en Griet hiene frij wat skulden makke, û.o. by dyselde Rienck, dat sadwaande bleau der mar 908 gg oer foar de famyljes om te ferpartsjen.[51]

2. Sytse Jenckez, boer te Jirnsum (1596), letter op de Blink ûnder Raerd (1623), st. nei 1643, tr. (foar) 1595 Griet Jenckedr, st. nei 1623.
   Sytse en Griet sille grifformeard west ha, harren neiteam hearde alteast by dy tsjerke. Se lieten seis soannen en fiif dochters nei. Der wiene twa soannen mei de namme Jentje, beide pakes krigen in genamt.
   De âldste Jentje troude yn 1641 mei Siouck Martens (Adema) en wenne te Weidum. Trije fan harren bern hawwe de namme Blinksma (Blinxma) fierd, by Sytse Jentjes te Winsum yn Grinslân waard dat ek wol skreaun as Blinksema/Blinxema.[52] Dy nammen binne yn de 18e iuw útstoarn.
   Tietske Jentjes Blinxma is stoarn te Ferwert om 1705 hinne. Sy hat trije kear troud west, earst mei Johannes Wilhelmy, fiskaal fan Ferwerderadiel, twads mei Claes Dircks Gerbranda en treds mei Duirt Elema van Rijpema, kastlein te Ferwert. Tietske hie bern út alle trije houliken.[53]
   De jongste Jentje troude, ek yn 1641, mei syn folle nicht Antje Bauckes (IIIa.8a). Jentje en Antje wiene net botte honkfêst. Op 25 aug. 1650 waarden se oannommen als lidmaten te Jorwert, frjemdernôch mei twa attestaasjes, de iene datearre 17 aug. 1647 fan Bears, de oare fan Hilaard 21 aug. 1650. Yn Jorwert ha se ek mar koart wenne, se steane net op 'e lidmatelist fan 1652. Foar 't neist wennen Jentje en Antje doe yn Weidum (dêr't ek âldere broer Jentje wenne), se waarden mei attestaasje fan dat doarp te Burchwert oannommen 11 aug. 1661. Likernôch 1668 kamen se te Lytsewierrum en letter binne se noch nei Ysbrechtum ferhuze. Bern haw ik net mei wissichheid fûn, mar ik hâld Grietje Jentjes, dy't 29 maart 1663 te Burchwert belidenis die, wol foar harren dochter.
   Ds. Van Dijk woe der wol opút dat de famyljes Singelsma en Harsta fan Jentje en Antje ôfstamme soene. Dy skaaie ôf fan it echtpear Sytse Jentjes en Jetske Ages, dy't yn it lêste kwart fan de 17e iuw te Dearsum wennen. Om de tiid soe it dus wol kinne, mar fierder sprekt der neat foar dy hypoteze, wol wat tsjin. Sa hie dy Sytse Jentjes in suster Dieucke, in namme dy't yn de famylje fan Jentje Sytses en Antje Bauckes net foarkomt. Ek wiene Sytse en Jetske doopsgesind, wat dus ek net past.
3. Willem Jenckez, boer te Poppenwier, tr. Antke Jetzedr.
   Willem tekenet de boelskieding fan syn broer Jan yn 1632 mei itselde hânmerk as syn heit, in pentagram dus. Hy hie twa genamten yn Raarderhim, dat kin jin maklik op 'e doele bringe. Fan Willem en Antke is gjin neiteam bekend.
4. Wompck Jenckedr, st. nei 1632, tr. foar 1606 Freerck Jenckez, boer te Jirnsum, stoarn (foar) 1629.
   1606 febr. 27: Freerck Jenckez wurdt kurator oer Baucke Jenckez (nr. 8 hjirûnder).
   1629 juli 20: Wompck Freercxdr te Jirnsum, widdo fan Freerck Jentkes, ferklearret, foar harsels en foar har bern, 150 gg skuldich te wêzen oan (har broer) Willem Jentkes te Poppenwier. It betreft in liening tsjin 6% rinte.
   1632 maart 22: Wompck Jentkes ferskynt op de boelskieding fan broer Jan, har man wurdt net neamd. Wompck tekenet mei in hânmerk.
5. Sybrich Jenckedr, tr. foar 1606 Seerp Sioerdtsz.
   Yn 1632 libbet Sybrich net mear. Har widner komt by de boelskieding fan Jan Jenckez út namme fan de bern, hy wennet te Drylts.
6. Rienck Jenckez, b. Jirnsum 1586, boer te Jirnsum op stim 16, ek ûntfanger fan dat doarp, st. Jirnsum 1670, tr. (foar) 1610 Maycke Albertsdr, st. foar 1670.
   1606 febr. 27: omke Eelcke Arents wurdt oansteld as fâd fan Rienck, omtrint 20 jier âld.
   Rienck naam 1632 de ôfkeap fan broer Jan syn pleats foar 5900 gg oer.
   1670 maart 14: boelbeskriuwing yn it stjerhûs van Rienck Jenckes; syn frou wie al earder stoarn. Rienck en Maycke lieten fiif soannen en fiif dochters nei. Ds. Van Dijk hat fan de neiteam in protte byinoar fandele, hy skaaide fan de soan Evert Riencks ôf,[54] lykas famyljes Troelstra, De Groot en Gerbrandy.
7. Trijn Jenckedr, b. Jirnsum 1589, st. foar 1632, tr. (foar) 1611 Jacob Dircksz te Terherne, ek st. foar 1632.
   1606 febr. 27: Trijn komt ûnder fâdij fan har broer Jan Jenckez; yn 1611 tekenet hja foar ûntfangst fan har erfdiel. By de boelskieding fan broer Jan yn 1632 binne sy en har man beide al wei, Willem Jenckesz is fâd oer de bern.
8. Baucke Jenckez, b. Jirnsum [±1592], boer te Raerd, st. dêr 1637/38, tr. om 1618 hinne Mints Minnesdr, b. Grou ±1595, st. nei 1655, dochter fan Minne (Menno) Simonsz en Anna Melisdr; sy tr. 2. 1639 Sybren Imesz.
   1606 febr. 27: Baucke komt ûnder fâdy fan syn sweager Freerck Jenckez. Syn âldens wurdt net opjûn, mar om't hy as lêste fan it rychje oan bar komt nim ik oan dat hy de jongste wie. Mar yn in oare akte wurdt er as earste neamd; hy kin dus ek wol fan ±1583 wêze. Mooglik hat hy earder troud west mei Sybrich Sybrens, gerjocht Idaarderadiel 30 sept. 1616, beide fan Reduzum.
   Baucke en Mints buorken op it bedriuw op de Blink dêr't earder syn broer Sytse wenne hie. Mints sette it bedriuw mei har twadde man fuort.

51 RAU 8 pag. 81 (scan 35).

52 It is my opfallen dat grifformearden foar 1811 faker famyljenammen fierden as mennisten. It fieren fan in famyljenamme ('titel') waard benammen op it plattelân gauris sjoen as grutskens, en grutskens joech foar mennisten gjin foech. Sjoch Friezen Gezocht 56, foar de hún dy't boer Willem Piers te Boazum oer him hinne krige by it ôfkundigjen fan syn houlik.

53 Sjoch fierder Gen. Jierb. 1991 65, dêr't Tietske wol de ferkearde âlden krigen hat.

54 Syn ûndersyk hat ek in skoft fêstsitten. Hy krige by tafal in trochbraak doe't hy yn it rjochterlik argyf fan It Bilt socht nei de famylje Stonebrink (Gen. Jierb. 1967 33).

Ut dit houlik:

a. Antie Bauckes, b. [Raerd] 1620, tr. Snits 21 july 1641 (beide fan Mantgum) har neef Jentje Sytses (de jonge), (IIIa.2); sjoch fierder hjirboppe.
b. Sybrich Bauckes, b. [Raerd] 1622, tr. Idaarderadiel (gerjocht) 6 april 1646 (hy fan Reduzum, sy fan Raerd) Pauwels Gerloffs, skuonmakker te Raerd.



De Blink lei tusken Flânsum en it doarp Raerd. Ut de atlas fan Schotanus-Halma (1718), dy't de tastân fan 1684 werjout.

Ut dit houlik (û.o.) twa soannen, Gerloff en Baucke Pauwels.

c. Jentje Bauckes, b. Raerd 1629, boer te Jirnsum, letter te Skearnegoutum, yn 1698 br. stim 20, st. Skearnegoutum 1712, tr. Raarderhim (gerjocht) 24 maart 1656 Gerbrich Hettes, dochter fan Hette Bartelsz en Lieuts Sioerdtsdr. Ut dit houlik fjouwer bern: Baucke, Hette, Mincke en Sjoerd, dy't syn heit op de pleats opfolge.

   Jentje Bauckes is myn foarâlder. Syn oerpakesizzer Jacob Palses liet by syn earste houlik (Boksum 1749) de namme Blinkstra troch dûmny opskriuwe.[55] Dy namme is lykwols net beklibbe, syn bern wisten hjir tink neat fan en keazen foar de nammen Cuperus/Kuperus en Nieuwland. In oare tûke naam yn 1811 te Ferwert de namme Wijmstra oan.

IIIb. Eelcke Aerntsz, boer te Raerd, letter te Jirnsum, st. nei 1606, tr. Griet Dircxdr.

1578: Eelck Arentzn te Raerd wurdt yn de personele ymposysje oanslein foar £ 3.

1582: op de list fan striidbere manlju fan Raarderhim stiet ûnder it doarp Raerd: Eelcke Aernszn een kaliber cum annexis (sj. hjirboppe by broer Aede).

1598: Eelcke Aernszn en Griet Dircksdr te Raerd keapje 47 pm lân dêre, dy't sy sels bebuorkje, fan Johan van Hermana te Minnertsgea. Yn de marzje en op de folgjende siden stiet gâns in ferhaal oer it near ('niaer') dat Pieter van Eysinga en Syrck van Bootsma derop lein hawwe. Lêstneamde kriget by eintsjebeslút de keap tawiisd.[56]

1604 des. 6: Eelcke Aerntsz wurdt ien fan de fâden fan de trije jongste bern fan syn ferstoarne broer Jencke. Op 7 febr. 1606 wurdt hy oansteld as fâd fan Rienck Jenckesz; hy wennet dan te Jirnsum.

Dêr ha se buorke op de pleats 'Lutke Leert', dy't foar in part ek eigendom wie. Soan Arent kocht in pear kear achtste parten fan in broer en in suster.

Ut dit houlik op syn minst fjouwer bern (folchoarder net bekend):

1. Sybrich Eelckes, st. 1626/32, tr. 1. Leeucke Bottes; tr. 2. Ljouwert 30 sept. 1610 Jorrit Hemmes, portier fan de Hoeksterpoart, st. 1652; hy tr. 2. Ljouwert 9 maaie 1632 Jancke Coenders en 3. Ljouwert 3 aug. 1645 Claeske Pytters.

   Sybrich die belidenis (griff.) te Ljouwert 25 sept. 1608. Se wie tink doe al widdo en hie in winkel yn bûter, tsiis en oar itensguod oan de Tuinen. Sy ferkocht har achtste part lân te Jirnsum yn 1626 oan broer Arent.[57]

55 Dat ha'k faker sjoen: in houlik mei in partner dy't al in famyljenamme hie (yn dit gefal Berber Minnes Cuperus) is gauris in trigger om sels ek ien ynskriuwe te litten, al wie dy earder alhiel net yn gebrûk.
56 RAU 3 17v (scan 20-22).
57 RAU 7 244v.

By har earste man hie Sybrich twa dochters: Auck en Nieske.[58] Nieske Leeuckes troude yn 1628 mei Jan Eelckes, skipper te Ljouwert, widner fan Nieske Jans (tr. 1622). Dy Jan hie in broer Jentje Eelckes, keapman te Snits. Nieske Jans, frou fan Jan Eelckes, ferkocht yn 1626 har oanpart yn Lutke Leert te Jirnsum oan Arent Eelckes. Neffens de keapakte hy sy dat erfd fan pake en beppe Eelcke Arents en Griet Dircks.[59] Hoe't dat krekt sit wit ik net, mar dizze Jan Eelckes en syn broer Jentje binne dus gjin famylje.

2. Jetse Eelckes, grutskipper, tr. 1. Ljouwert 1 jann. 1608 (hy fan Jirnsum, sy fan Ljouwert) Hilke Jans; tr. 2. Ljouwert 11 july 1632 (beide fan Ljouwert) Grietje Roeloffs, widdo fan Anthoon Anthonis.
   Jetse wurdt neamd yn de boelbeskriuwing fan Sybrich Eelckes as har broer; hy hat yn 1608 in 'crabschuyte' fan har kocht. Hy waard datselde jier boarger fan Ljouwert, 'van Raad', en letter ek lid fan it grutskippersgilde.
3. Arent Eelckes, skipper, tr. (3e prokl. Ljouwert 14 aug. 1614) Frouck Clases (hy fan Raerd, sy fan Leegkerk by Grins); sy tr. 2. Ljouwert (stedhûs) 27 jann. 1638 Arent Sybrens, skipper.
   Arent Eelckes waard yn 1613 boarger fan Ljouwert en letter lid fan it grutskippersgilde. Hy kocht yn de jierren 1626-1629 lân te Jirnsum fan syn famylje. Arent liet trije bern nei.
4. Jan Eelckes, fan Raerd, tr. Snits (stedhûs) 30 maaie 1623 Maey Siuerdtsdr, fan Snits.
   Jan Eelckes, 'cramer, van Raerd', waard 1626 boarger fan Snits. Hy ferkocht syn oanpart yn it lân te Jirnsum yn 1629 oan broer Arent.[60]

58 LWN 3465 250 e.f.
59 RAU 7 245.
60 RAU 7 255v.

Ofkoartings:

b.: berne.
cg: carolusgûne fan 20 stoeren, symboal £.
den.: denarius, Latyn foar penje.
gg: goudgûne fan 28 stoeren.
pm: pûnsmiet, pondemaat (0,3674 ha).
st.: stoarn, mar in inkelde kear: stoer fan 16 penjes.
tr.: trout.

Literatuer en boarnen

Beneficiaalboeken: P.L.G. van der Meer en J.A. Mol (ed.), *De Beneficiaalboeken van Friesland, 1543* (Leeuwarden 2013).

EVC: B.H. de Vries, *Het familiearchief Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen* (Leeuwarden 2010).

Friezen Gezocht: P, Nieuwland, *Friezen Gezocht* (Leeuwarden/Den Haag 2005).

Gen. Jierb. 1967: D. van Dijk, 'De neiteam fan Jencke Aerns en Anna Dircksdr', yn *Genealogysk Jierboekje* 1967 21-38.

Gen. Jierb. 1969: D. van Dijk, 'In lytse neirispinge foar de neiteam fan Jencke Aerns', yn *Genealogysk Jierboekje* 1969 44-45.

Gen. Jierb. 1991: P.J.C. Elema en R. Van der Ley, 'Rijpema, een Fries-Groningse familie', yn *Genealogysk Jierboek* 1991 45-79.

Gen. Jierb. 2012: J.T. Anema, P. Nieuwland en S. Wierstra, 'Rienks, Sipma, Blijstra en Koopmans, fjouwer stagen út itselde laach', yn *Genealogysk Jierboek* 2012 117-228.

Gen. Jierb. 2014: K.P. de Boer, 'Rispens, de neiteam fan Ocke', yn *Genealogysk Jierboek* 2014 59-116.

Gen. Jierb. 2021: I. Verhaar, 'Parenteel van Gerrit Roberts Radijs', in *Genealogysk Jierboek* 2021 7-43.

Gen. Jierb. 2024: G. van der Plaats en M. Breij, 'Parenteel Simon Juckes de Geest, de vader van His, Gelis én Wybrand de Geest', yn *Genealogysk Jierboek* 2024 9-100.

GOO: J. Reitsma, *Register van Geestelijke Opkomsten van Oostergo … 1580-1581* (Leeuwarden 1888).

Heiligen en Heren: O.D.J. Roemeling, *Heiligen en Heren. Studies over het parochiewezen in het Noorden van Nederland vóór 1600* (Leeuwarden 2013). Met bijlage 1 op cd-rom: Corpus met gegevens over patroonheiligen en priesters in de middeleeuwse parochies van Friesland.

Leuwerderadeels Aenbrengh 1540: J.A. Mol, *Leuwerderadeels Aenbrengh gemaect int jaer 1540* (Ljouwert 1989).

NEF: M. Schroor (hoofdred.), *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* (Gorredijk/Leeuwarden 2016).

Personele Ymposysje: P.L.G. van der Meer (ed.), 'Registers fan de Personele Ymposysje út 1578', yn P.L.G. van der Meer, J.A. Mol en P. Nieuwland, *Administrative en fiskale boarnen oangeande Fryslân yn de ier-moderne tiid* (Ljouwert 1993) 155-395.

Romein: T.A. Romein†, *Naamlijst der predikanten, sedert de Hervorming tot nu toe, in de Hervormde gemeenten van Friesland* (Leeuwarden 1886).

Singels: J.C. Singels, *Inventaris van het Oud-archief der stad Leeuwarden* (Leeuwarden 1893).

… *Rixt Heslinga*

JAN T. ANEMA

EARHERSTEL FOAR RIXT HESLINGA

Yn de genealogy Heslinga it *Genealogysk Jierboek* 2019[1] wurdt skreaun dat Rixt Hansen [Heslinga] in bern oerwûn hie út in relaasje mei har omke Ferck Diurres Wiglama. Dat is oernommen fan Simon Wierstra (1934-2016) dy't in genealogy Wiglama makke hat.
Yn it doopboek fan Ingelum stiet te lêzen: '*Hans Sijbrens kint gedoopt genaemt Dijurre den 4 Februari anno 1655 de moeder Trijn Diurres*'. Tryn wie lykwols Hans syn skoanmem: Tryn Diurres is Tryntie Jorrytsdr widdo Diurre Gosses Wiglama. Hans syn frou wie harren dochter Pytrick Diurres. De hear Jan D. Hoekstra te Lieveren mient dat de mem der letter byskreaun is, dan wurde der gauris flaters makke.
Tryn Jorryts mocht wol graach doophâldster wêze foar har beppesizzers, sa by Rixt Hanses yn 1636, dy har suster Tietske yn 1638,[2] en no in Diurre yn 1655. Soe Diurre yn Ingelum doopt wêze en net yn Marsum of Bitgum, lykas de oare bern, omdat hy nei pake Diurre neamd is, beppe dêre noch wenne en soks graach woe?

Wierstra stelt dat Diurre Ferks yn 1694 neamd wurdt as soan fan Rixt Hanses. Hy soe him basearre hawwe op in regest fan D.J. van der Meer (1917-2002).[3] Mar dêr lêze wy: '*Weesrekening van Djurre Ferks Wiglama, huisman te Engelum, als voogd over Djurre Jorrits Wiglama.*' Rixt Hanses wurdt yn it regest net neamd en de tekst stimt oerien mei de akte fan 1694, de rekken fan Diurre Ferx Wiglama as curator oer Diurre Jorrits Wiglama. Op fol. 173 wurde de erfgenamten (of harren fertsjintwurdigers) opsomme. En dêr lêze Jan Hoekstra, Pieter Nieuwland en iksels dúdlik: '**Diurre Sierks** wegens zijn moeder Rixt Hanses'. Dat is in hiel oar ferhaal, dat is de soan (berne 1669)

1 Gen. Jierb. 2019 7-90.

2 Den 16 Decemb. Trijn Duijres haar swager Hans Sijbrans kindt ter doope gehouden ende worde genaemt Tietske.'

3 MEN 83 (weesboek âld nr. I 37), fol. 173-176v, 11 july 1694 (yn de potleadnûmering fan D.J. van der Meer blêdside 365-373; scan 189): 'Reekening bewijs en reliqua … welke Diurre Ferx Wiglama Huysman tot Englum als curator over Diurre Jorrits Wiglama heeft gehadt … sedert … 26 Oct. 1693 gedaen.' Yn de oanhef fan de akte steane in margine de partyen yn de akte fan 11 july 1694, û.o.:… *Diurre Sierks wegens zijn moeder* Rixt Hanses, … De úttreksels fan D.J. van der Meer: Nadere Toegang 13.168 nr. 280 (weesboek 76-83), bls. 124.

fan Rixt en har man Sierk Annes (troud yn 1658). Blykber hat Wierstra earne yn syn eigen oantekeningen in fersin of in skriuwflater makke.



De akte van verdeling van 1694 [MEN 83 fol. 173 (scan 189)].
Regels 7 en 8: … 'Diurre Sierks wegens Zijn moeder Rixt Hanses,' …

Der binne fjouwer akten dy't bewize dat Diurre Fercks gewoan in wettige soan is fan Ferck Diurres Wiglama en syn twadde frou Antie Claeses, en twa akten dy't bewize dat Diurre Hansen, de dopeling fan 4 febr. 1655, in soan is fan Hans Sybrens (en syn frou Pytrick Diurres Wiglama):

1. Deselde akte fan 1694, wêryn Wierstra *Ferks* miende te lêzen wylst der dúdlik Sierks stiet. Yn dy akte wurdt it erfskip ferdield fan Diurre Jorryts [Wiglama] oer syn neven en nichten, 'de erffgenaem[en] tot twintig int getal', elts part wie £ 21-3-8. Alle erfgenamten binne bloedsibben yn de fjirde graad (neven), guon binne dûbeld famylje (troud mei in neef of nicht) en ervje dan 2/20e part.
   Diurre Sierks komparearret op fol. 173 út namme fan syn mem, mar Rixt ûndertekenet de akte sels. En as syn mem noch libbet kin Diurre nea fan syn mem har neef ervje! De regel fan it Fryske erfrjocht yn de sydliny is: *it neiste bloed ervet it guod.* De curator Diurre Ferx krijt ek syn part, as fjirde graads neef. Mar hy kin allinnich ervje as hy in wettich bern is. Diurre Sierks is sibbe yn de fyfte graad en is gjin erfgenamt.
2. In proklamaasjeakte:[4] op 23 april 1681 hat Jan Djurres Wiglama foar £ 800 in achtste diel fan de sate kocht dêr't hy sels op wennet, Meerstra-sate te Ingelum (stim 3), dy't eigen wie oan Antie, Tiets, Dieucke, Jeltie, Teth en **Diurre Ferx**, bern fan de keaper syn broer Ferck Diurres Wiglama. Seis fan de njoggen bern binne Ferck syn erfgenamten; Diurre en Antie binne út it twadde houlik. As Diurre fan syn heit lân urven hat, is hy perfoast in wettich bern fan dy heit.
3. In akte fan 20 maaie 1667 dêr't fâden beneamd wurde oer de minderjierrige bern fan Ferck Diurres Wiglama.[5] As bern út it twadde houlik wurde hjir neamd Diurre 11 jier en Antie 9 jier, 'bij Antie Claesses in echte verweckt').
4. Yn 1673 komt Diurre Ferckx, dan 17 jier, 'naegelaten soon van Ferck Diurres bij Antie Claeses in echte verweckt' ûnder fâdij fan Sierk Annes te Marsum, de man fan Rixt Hanses.[6]
5. Prokl. akte 1679 july 26:[7] it hûs te Bitgummole der't Hans Sybrens stoarn is wurdt ferkocht troch syn erfgenamten, Sybren Hansen Heslinga te Marsum, Jeltie Hansen Heslinga, frou fan Claes Joeckes, boade fan Deputearre Steaten, mei fanwege harren susters en broer, oan Tymen Sioerts te Bitgum, foar 200 goudg. Neistlizzer Cornelis Heynes, mr. timmerman te Bitgum, fersiket it near.
6. Prokl. akte 1679:[8] Sybren Hansen Heslinga te Marsum en Jeltie Hanses Heslinga, frou fan Claes Joeckes, boade fan Deputearre Steaten, mei foar harren susters en broer as erven fan Hans Sybrens Heslinga, ferkeapje 9 pm lân te Bitgum oan Cornelis Cuinder, mr. skuonmakker te Ljouwert, foar 70 goudg. it pm.

Yn beide lêste akten ferskine Sybren Hansen Heslinga en syn suster Jeltie út namme fan de erven, de susters (dat binne Rixt en Tietske) en harren broer (dat is Diurre Hanses Heslinga). Oft harren healsuster Pytrick Hanses ek ûnder de 'susters' begrepen is falt net út te meitsjen; tinklik wie sy al ferstoarn. Mar der is mar ien broer en dat kin allinne Diurre Hanses wêze.

Yn in fâdijakte kin noch wol ris in flater stean, mar in skieding en dieling fan it erfskip en in ferkeapakte fan ûnreplik guod jowe oertsjûgend bewiis dat Diurre Ferx in wettige soan is fan Ferck Diurres Wiglama. En dat Diurre Hanses [Heslinga], de dopeling fan 1655, de soan is fan Hans Sybrens Heslinga en Pytrick Diurres Wiglama.

Rixt wurdt dus suvere fan it krijen fan in oerwinneling by har omke Ferck en der is in Diurre mear as Wierstra wol tocht hat: Diurre Jorrits, 'innocent', waans boel ferdield wurdt yn 1694, Diurre Ferx syn curator, neef en erfgenamt, Djurre Sierks dy't út namme fan syn mem ferskynt, mar har sels as erfgenamt de akte tekenje lit en Diurre Hanses, gjin pakesizzer mar soan fan Hans Sybrens Heslinga.

4 MEN 19 146v, prokl. 31 jan., 14 en 28 febr. 1682. (Ek yn Gen. Jierb. 2019, Heslinga noat 247).

5 MEN 72 45 (bls. vdM 93) en ynf. 72 45v-50 (bls. vdM 94-105).

6 MEN 75 226v (bls. vdM 458).

7 MEN 19 76v (ek yn Gen. Jierb. 2019, Heslinga noat 238).

8 MEN 19 79v (ek yn Gen. Jierb. 2019, Heslinga noat 239).

Fierder stiet yn it artikel dat Rixt foar de twadde kear troud west hawwe soe mei Ids Johannes. Mar dat is de man fan har suster Tietske, troud te Winaam 1674. Dy beide geane letter fuort út Winaam mar it plak werhinne is net ynfold. Pieter Nieuwland hat it pear weromfûn yn Tsjom.
Dat Rixt de frou fan Ids west hawwe soe stiet yndie yn in proklamaasjeakte út 1682: Jan Diurres Wiglama hat op deselde dei as werop hy de bern fan syn broer Ferck útkocht hat, it 1/8e part fan syn suster Pytrick yn Meerstra-sate te Ingelum oankocht.[9] As ferkeapers wurde dan neamd: Sybren Hansen Heslinga, Jeltie Hanses, húsfrou fan Claes Joeckes, en Rixt Hanses húsfrou fan Ids Joannis! Mar yn de 'coopbrieff' sil sûnder mis stien hawwe:
… 'Rixt Hanses *huijsvr. van Sierk Annes, Tietske Hanses* huijsvr. van Ids Joannis … (ensfh.) En de klerk dy't de proklamaasjeakte opmakke hat, hat de skean printe wurden by it oerskriuwen by fersin oerslein.
Rixt kin net troud west hawwe mei Ids Johannes, want doe't dy yn 1674 troude mei har suster Tiets wie Rixt har man Sierk Annes noch yn libben. As Ids yn 1704 ferstjert libbet syn frou noch, sadat it net mooglik is dat hy ek noch mei Rixt troud west hat. Boppedat tekenet Ids de akte fan 1694 foar syn frou as erfgenamt fan har neef Diurre Jorrits.



Schema Wiglama-Heslinga.

9 MEN 19 147 (proclamatieboek, 'coopbrieff' 23 april 1681), prokl. 31 jan., 14 en 28 febr. 1682. (Ek yn Gen. Jierb. 2019, Heslinga noat 247).

It lemma fan Rixt Hansen Heslinga en har bruorren en susters yn it *Gen. Jierb.* 2019 side 67-68 wurdt ferfongen troch ûndersteande tekst, mei postume ferûntskuldiging dat sokke feiten oan har taskreaun binne.[10]

1. Rixt Hansen [Heslinga], berne Ingelum, doopt Marsum (as 'Rycxte') 26 maaie 1636, stoarn nei 1694, tr. Bitgum 3 okt. 1658 Sierk Annes, fan Bitgum, boer te Marsum, stoarn 1679/94.
   Rixt hie út har houlik mei Sierk Annes sân bern, allegearre doopt te Marsum: Meyns 1660, Meyns 1661, Dieuke 1663, Anne 1665, Diurre 1669 (*dat is dus ús man dy't yn 1694 út namme fan syn mem yn de akte ferskynt*), Pyterigh 1673 en in bern dêr't de namme net fan neamd wurdt. Allinnich fan Dieuke Sierks haw ik in houlik fûn (Bitgum 28 maaie 1693 mei Cornelis Symons, fan Berltsum).
   Dat der gjin fâdijakte is, is logysk omdat Rixt net in twadde kear troud is. 1679 maaie 31: kwitânsje dat Sierck Annes as man fan Rixt Hansen fan Jan Djurres Wiglama ûntfongen hat de rinte fan de somma jild dêr't Tryntie Jorrits by testamint fan beskikt hat dat dy by libben fan Hans Sybrens op rinte stean bliuwe soe.[11]
2. Tietske Hansen Heslinga, doopt Marsum 16 des. 1638, docht belidenis Winaam febr. 1675, derby skreaun 'beide vertrocken naa …' [net ynfolle], stoarn Tsjom 17 maart 1716, tr. Winaam 19 july 1674 Ids Johannes,[12] docht belidenis Winaam 1670, nij ynkommen en 'dienstknecht' by Nanne Gorrelts dêre, ferfart mei syn frou nei Tsjom, beide lidmaten te Tsjom op 'e list 1684, 1685, 1700, stoarn dêr 25 maart 1704.
3. Antie Hanses Heslinga, *gjin wizigingen.*
4. Sybren Hansen, doopt as Sybrand, folget Vd.
5. Jeltie Hansen Heslinga, *gjin wizigingen.*
6 Diurre Hanses [Heslinga], doopt Ingelum 4 febr. 1655, stoarn nei 1681.[13] Ut it twadde houlik:
7. Pytrick Hanses Heslinga, doopt Bitgum 6 okt. 1672, stoarn foar 1681.[14]

10 De skean printe tekst heart der net by, dat binne opmerkingen fan de skriuwer.
11 Stik yn de ynventaris fan Jan Diurres Wiglama, MEN 81 259 sqq.
12 Hy fan Winaam, sy fan Bitgum.
13 Hy is ien fan de ferkeapers fan it 1/8e erfpart fan syn mem yn Meerstra-sate op 23 april 1681 (MEN 19 146v).
14 By de ferkeap op 23 april 1681 fan 1/8e erfpart troch de bern fan Pytrick Wiglama wurdt sy net mear neamd (MEN 19 146v).

… Fryske Rie foar Heraldyk

FRYSKE RIE FOAR HERALDYK

It twadde part fan it Genealogysk Jierboek wurdt fersoarge troch - en stiet ûnder ferantwurdlikens fan - de Fryske Rie foar Heraldyk. De Rie bestiet út de neifolgjende persoanen:

mr. J.T. Anema, foarsitter,
J.C. Terluin, H.F. I, twadde foarsitter,
K.J. Bekkema, skriuwer, argivaris,
R.J. Broersma, Heraut Frisia IV, wapentekener,
P.H. van den Muijzenberg, lid, adviseur flaggen,
drs. S.M. Hoekstra, lid,
drs. A.R. Looijenga, lid,
drs. D.J. Muntendam, lid,
dr. C.J. Kuiken, korrespondearjend lid.

De Fryske Rie foar Heraldyk jout ried by it ûndersyk nei en it ûntwerpen fan famylje-, korporaasje- en oerheidswapens en -flaggen yn Fryslân. Fierders registrearret de Rie dy wapens en flaggen yn it Genealogysk Jierboek.

Ynhâld

In memoriam:	Jan Romkes van der Wal.	222
R.J. Broersma:	Enkele wapens afkomstig van Fries zilver en andere bronnen.	225
Wapenregistraasje		
Famyljewapens en -flagge:	De Boer, De Goede, Jansma, Jorritsma, Ritsma, Van der Tempel, J.J. van der Tol.	241
Doarpswapens, -flaggen en -wimpels:	Beetstersweach, Hallum.	255



Bron: https://www.titusbrandsmaparochie.nl/1518-in-memoriam-em-pastoor-jan-romkes-van-der-wal

In memoriam

De Ljouwerter Krante brocht ús it berjocht dat it âld-lid fan de Fryske Rie foar Heraldyk, Jan Romkes van der Wal, ferstoarn wie op 6 desimber 2024 te Wytmarsum. Op 26 maart 2016 hat hy de Rie ferlitten om't hy fûn dat hy te ferjitlik waard om noch in goed lid fan de Rie wêze te kinnen. Wy hawwe sûnt dy tiid gjin kontakt mear mei him hân, omdat wy net mear wisten wêr't hy no syn wenplak hie, hy wenne net mear yn Frjentsjer. Jan Romkes wie pastoar te Balk en Boalsert en hie in grutte kennisse fan natoer en symboalen. Hy hat ús in protte leard fan de eftergrûn fan dy symboalen, spesifyk fan kristlike symbolyk. Jan Romkes waard lid fan ús Rie yn it jier 2000 en beneamd ta tsjerklik adviseur. Doe't hy noch pastoar te Balk wie hat hy it doarpswapen fan Wâldsein ûntwurpen yn it jier 1985/'86. Heraldyk wie ien fan syn hobbys. Yn 2004 frege hy oan de Rie oft der ek ien wie dy't inkelde stimpels foar it Jabikspaad tekenje woe. Hy wie de stifter fan dat Jabikspaad, it noardlik diel fan de pylgerrûte nei Santiago, fan Sint Jabik oant en mei Hasselt yn Oerisel. Dy 'inkelde stimpels' waarden der fyftich, dêr't heraldyk ek in plak yn krigen hat. Yn 2009 krigen alle leden fan de Rie in titel sa't dat wenst is yn heraldyske kolleezjes. Wy wiene in Herautskip en yn dat Herautskip hiene de leden in part fan Fryslân yn harren titel. Sa waard Jan Romkes van der Wal beneamd ta Heraut It Bilt. Dat kaam goed út, want syn 'troetelbern', it Jabikspaad, begjint ommers yn It Bilt. Yn 2014 wie der in feroaring yn de Rie troch it betankjen fan in lid. Dêrtroch kamen der twa titels frij en waard Jan Romkes beneamd ta Heraut Westergoa en gong de titel It Bilt nei in oar lid fan de Rie, dy't konneksje hie mei dit diel fan Fryslân. Jan Romkes wie in leafdefol man en sa sille wy him yn neitins hâlde, tankber foar it wurk dat hy foar de Rie dien hat. Persoanlik tink ik faak oan him om't hy my syn skoudertas jûn hat dy't ik nochal ris brûk.

J.C. Terluin, *Heraut Frisia* I.

Enkele wapens afkomstig van Fries zilver en andere bronnen

De wapens van de predikant Hilarius Sibrandi en zijn nageslacht[1]

Stamvader van dit geslacht is Hilarius Sibrandi, predikant te Anjum. Over hem en zijn familie is niet zo heel veel bekend.[2] Hij zal als jongen waarschijnlijk als Hille Siebrens door het leven zijn gegaan. Vóór 1600 komen we die naam echter niet tegen op de website *Alle Friezen*. Wel is bekend dat hij in augustus 1588 tot en met juli 1596 conrector was in Dokkum[3] en volgens Romein was hij in 1598 predikant in Anjum en lid der Synode te Leeuwarden.[4] Het is niet bekend wanneer hij is getrouwd en met wie. Hij overleed in 1630 te Anjum, waar hij ook is begraven. Zijn wapen staat op de noordzijde van de klok uit 1618 in Anjum, met de vermelding 'Hilarius Sibrandi pastor in Aengium'.



Wapen op de klok. Foto Warner B. Banga (detail).

1 Dit artikel is (hier in enigsins aangepaste versie) eerder verschenen in *De Sneuper* 39 (2026) nr. 1 (tijdschrift van de Historische Vereniging Noordoost-Friesland).
2 Zie hiervoor o.a.: Pieter Nieuwland: https://pnieuwland.nl/humogen/index.
3 https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/img/undersyk/skoalmasters/Dokkum.pdf.
4 T.A. Romein, *Naamlijst der predikanten, ... van Friesland* (2 dln., Leeuwarden 1886-1888), blz. 555.

Wapen:
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. twee klaverbladen op een takje, boven vergezeld van een ster; b. een zwaan.
Helmteken: een uitkomende adelaarskop (of een vogel met opgeslagen vleugels).

Op een zerk in Anjum staat een zwaar beschadigd wapen, waarvan alleen de linkerhelft nog redelijk herkenbaar is en dat onlangs kon worden toegeschreven aan (de familie van) Hilarius Sibrandi. Van het oorspronkelijke en zwaar beschadigde randschrift zijn enige vrijwel onleesbare tekstfragmenten zichtbaar, waarbij nog net de naam Hilarius te herkennen was. Omdat dit wapen afwijkt van het wapen dat op de klok staat, lijkt het of dit wapen op dat van zijn oudste zoon Livius is gebaseerd. De zerk is hergebruikt voor Berber Watses, het op 17 november 1737 jong gestorven dochtertje van Watse Aebes en Grietje Iepes.



Wapen op de zerk te Anjum. Foto Hessel de Walle (detail).

Wapen:
[gedeeld: I. (ongetwijfeld) de Friese adelaar]; II. een keper, boven vergezeld van een ster en twee klaverbladen, geplaatst 1, 2 en beneden van een zwaan (mogelijk staand op een grond).
Helmteken: een uitkomende vogelkop (of een vogel met opgeslagen vleugels).

In de aantekeningen betreffende de zerken in Anjum door D.J. van der Meer en H. Bierma (gemaakt in 1977 en 1979) wordt als helmteken: 'een rechts gewende uitkomende adelaar' genoemd. Het wapen was bij hen niet bekend en ook de naam Hilarius hebben ze op de zerk niet kunnen ontdekken.



3. Zerk uit de eerste helft van de 17e eeuw; (203 x 70 cm); het randschrift afgekapt. Binnen de rand :
Anno 1737 den 30 8br, / is geboren Berber Watses / en [illegible] den 17 9ber 1737 in / den Here Gerust oud 17 / dagen ende leit alhier / begraven /
In een cartouche een mannenwapen onder een helm met wrong; helmteken : uitkomende rechts gewende adelaar. zwaan.'

D.J. van der Meer en H. Bierma, grafschriften Anjum 1977 en 1979.

Zijn oudste zoon **Livius Hilarius**, predikant te Ternaard 1619- , te Bolsward 1633- , te Leeuwarden 1644- , overl. aldaar sept. 1656, ondertr. (hij van Ternaard, zij van Leeuwarden) Leeuwarden (stadhuis) 22 april, att. afgegeven 8 mei 1625 Aafke Dircks, ged. (als 'Aeff') Leeuwarden 22 april 1604, dr. van Dirck Annes, bakker, en Trijncke Abeles.[5]
Hun wapens met de initialen L. H. - A. D. komen voor op een zilveren lepel, gemaakt in Leeuwarden door Laurens Thomas in 1620/21.



Livius Hilarius en Aafke Dircks. Foto op: https://roosjen.sog.nl/qr/494 (detail).

Mannenwapen:
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een keper, boven vergezeld van een ster en twee klaverbladen, geplaatst 1, 2 en beneden van een zwaan.
Vrouwenwapen:
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een huis- of handmerk in de vorm van een 4 met een verticaal balkje door de verlengde horizontale balk en in het verlengde van de verticale balk de gespiegelde en omgekeerde vorm van deze 4.
Opvallend is het verschil met het wapen van zijn vader op de klok te Anjum. Het takje waarop de klaverbladen staan is verdwenen en de doorsnijdingslijn is vervangen door een keper. De figuren boven de keper zijn hier lastig als klaverbladen te herkennen.

5 Romein, *Naamlijst*, blz. 545, 268, 21.

Zijn tweede zoon **Johannes Hilarius**, predikant te (Ooster)Nijkerk 1619- , overl. ald. 1 juli 1670, ondertr. Vrouwenparochie 17 maart 1625 Antje Johannes Papma, dr. van Johannes Papma en Eke Piers.[6]
Hun wapens komen voor op een zilveren brandewijnkom met de initialen I H en A P. Ook deze kom is gemaakt in Leeuwarden door Laurens Thomas in 1642.[7]



Johannes Hilarius en Antje Johannes Papma. Foto's Rijksmuseum, Amsterdam (details).

6 Romein, *Naamlijst,* blz. 557.
7 Rijksmuseum Amsterdam: http://hdl.handle.net/10934/RM0001.COLLECT.18678.

Mannenwapen:
gedeeld: een doorsneden keper, getopt met een ster, met aan beide zijden een klaverblad, en beneden vergezeld van een zwaan.
Vrouwenwapen:
een geplante boom.

Ook hier weer een kleine afwijking, nu ten opzichte van het wapen van zijn broer Livius: de keper is hier doorsneden. De klaverbladen zijn duidelijk als zodanig te herkennen en de ster rust op de top van de keper.
Het wapen Papma komt ook voor in het *Wapen- en vlaggenboek* van Gerrit Hesman,[8] als wapen van Johan(nes) Papma (kleinzoon van de eerder vermelde Johannes Papma), geb. Burgwerd 1648, predikant te Akkerwoude en Murmerwoude 1675- , te Lekkum en Miedum 1688-1711 (emeritus).[9]
Hesman geeft in zilver een geplante groene boom.
Van Johannes en zijn vrouw is, naast twee overleden kinderen (vóór 1646), nog een dochter Janke Hilarius bekend, die in 1654 trouwde met de predikant Harmanus Reneman.[10]

Ten slotte zijn derde zoon **Sibrandus Hilarius**, med. dr., tr. Leeuwarden 5 nov. 1628 Elisabeth Becx (in de trouwakte *Elisabeta Bex*, hij van Leeuwarden, zij van Aken, wonende te Amsterdam). Op 28 januari 1627 is hij ingeschreven als burger van Bolsward; hij was 'landschaps medicinæ doctor' en is overleden tussen 1643 en 1648. Hun alliantiewapen (onder twee toegewende helmen) komt voor op de grafzerk van Elisabeth, overleden Leeuwarden 4 augustus 1638 en begraven in de Galileërkerk te Leeuwarden, waar ook enkele van hun kinderen zijn begraven.[11]

8 Berust in het Historisch Centrum Leeuwarden, zie Gen. Jierb. 1993, blz. 50-192, nr. 302.
9 Romein, *Naamlijst* blz. 462, 67-68.
10 https://pnieuwland.nl/humogen/family/2/F199973?main_person=I113005.
11 *Grafschriften tussen Flie en Lauwers,* deel III: *Leeuwarden, Galileërkerk*, ed. H.M. Mensonides (Leeuwarden 1952). Zie ook: https://www.mpaginae.nl/Galilea/Mensonides.htm.



De wapens Hilarius en Becx.[12]

Mannenwapen:
een keper, boven vergezeld van een ster met aan beide zijden een klaverblad, en beneden van een zwemmende omgewende zwaan. Helmteken: een omgewende adelaarskop.
Vrouwenwapen:
gevierendeeld: I. en IV. een dubbel slangenkopkruis; II. en III. drie omgekeerde gesteelde meerbladeren, 2 en 1. Helmteken: een uitkomend dubbel slangenkopkruis.
De klaverbladen en de ster zijn hier naast elkaar geplaatst en de zwaan is nu zwemmend afgebeeld en, net als de helm met het helmteken, uit courtoisie omgewend afgebeeld (dus richting het schild van zijn vrouw). Van het wapen Becx, Bex, Becks zijn verschillende varianten bekend. Van het echtpaar zijn ten minste 5 kinderen bekend, waaronder een drietal meisjes (Maria, Sibrichien en Maria) die op jonge leeftijd zijn overleden.[13]

Een wapen dat waarschijnlijk te identificeren is als Hilarius komt voor op een ongemerkte zilveren brandewijnkom.

12 *Grafschriften tussen Flie en Lauwers,* deel III: *Leeuwarden, Galileërkerk*, ed. H.M. Mensonides (Leeuwarden 1952).
13 Idem, blz. 66.



Brandewijnkom met de wapens Reneman en (waarschijnlijk) Hilarius.
Foto's via J. Schipper (zilverstudie.nl).



Het gaat waarschijnlijk om ds. Harmannus Reneman, ged. Leeuwarden 29 maart 1633, predikant te Morra 1654- en te Anjum 1657- , overl. Anjum in oktober 1682, zoon van Harmanus Reneman en Grietje Hermanni Kolde. Hij trouwde in 1654 met Janke Hilarius, dochter van Johannes Hilarius en Antje Johannes Papma.

Mannenwapen:
een omgewende springende hinde op een grond.
Helmteken: een omgewend uitkomend hert.
Vrouwenwapen:
een keper, getopt met een ster, met aan beide zijden een klaverblad, en beneden een zwemmende zwaan, met boven de kop een ster.
Helmteken: een klaverblad.
Reneman voert in zilver een springende rode hinde op een groene grond (o.a. in Hesman nr. 171, er zijn varianten). De hinde is hier kennelijk omgewend

uit courtoisie. De brandewijnkom geeft geen kleuren aan. Het helmteken op haar wapen wijkt af van de eerder genoemde helmtekens.[14]

De wapens op een zilveren avondmaalsbeker te Anjum.[15]

De betreffende beker is door Richaeus Elgersma gemaakt te Leeuwarden in 1715 naar het voorbeeld van een oudere beker uit 1620 in deze kerk.[16] De wapens van de kerkvoogden Claes Renderts en Bartel Douwes zijn de in Friesland veel voorkomende uitvoering met de Friese adelaar en drie klaverbladen boven elkaar, zogenaamde eigenerfdenwapens. Bij het wapen van Claes valt echter de bijzondere vormgeving op, omdat het een kopie is van het adellijke wapen Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg op de beker uit 1620. Alleen het middendeel van het helmteken ontbreekt.
De uitvoering van het helmkleed en de helm van het wapen van Bartel Douwes wijkt echter merkwaardigerwijs af van dat van zijn medekerkvoogd Claes Renderts. Het helmteken is een kroon met drie punten.
Opschrift:

> 'CLAES RENDERTS EN BARTEL DOUWES HEBBEN DESE BEEKER AEN GELEIT / UIET DIE DEIAEKENISTAET BETAELD TOT AANIUM. Aº 1715'.



Wapens van Claes Renderts en Bartel Douwes. Foto's W.B. Banga (detail).

14 J.B. Rietstap, *Armorial Général* (1887[2]) geeft in zilver een springende rode ree (*chevreuil*) op een grond en vermeldt geen helmteken. Het vormt, met de ree in natuurlijke kleur (lichtbruin), klimmend tegen een uit de deellijn komende boom, de linkerhelft van het wapen Andreæ, cf. Ned. Patr. 77 (1993). Volgens notaris A.J. Andreæ (1845-1899) is het een sprekend wapen: *ree-neman.*

15 Herma M. van den Berg, *Noordelijk Oostergo. De Dongeradelen* ('s-Gravenhage 1983), blz. 261.

16 Catalogus tentoonstelling Friesch Zilver 1927, blz. 38 (nr. 183).

Wapen Claes Renderts (Rinderts, Rinnerts):
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. drie klaverbladen boven elkaar. Helmteken: twee olifantstrompen met (pauwen)veren aan de buitenkant.
Wapen Bartel Douwes:
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. drie klaverbladen boven elkaar. Helmteken: een kroon met drie punten.
Bij beide wapens lijkt het of er nog iets meer bij de helmtekens heeft gestaan. Bij het wapen van Claes zou dat dan de uitkomende man in het helmteken van het wapen van Thoe Schwartzenberg kunnen zijn geweest en bij Bartel mogelijk de struisveren op de hoed van de man, maar dat is slechts een hypothese. Waarom de zilversmid het helmkleed en de helm van zijn wapen een andere uitvoering heeft gegeven is uiteraard niet bekend.



Helmteken van het wapen van Jurch, vrijheer thoe Schwartzenbergh. Album Amicorum Homme van Harinxma (1625/31, detail). [KB 79 J 46].

Claes Renderts (Rinderts, Rinnerts) is geboren Engwierum rond 1686 als zoon van Rinnert Clasen en Gepke Lourens.[17] Hij ondertrouwt Anjum 14 januari 1708 (hij is dan afkomstig uit Ee) Gertje Dirks, geboren Anjum rond 1680, dochter van Dirk Kornelis en Aafke Meintes. Claes is landbouwer en in 1728 gebruiker van stem 40 te Anjum (Luitema-sate, eigendom van het Old Burger Weeshuis te Leeuwarden). Naast zijn functie als kerkvoogd trad hij ook nog op als curator (o.a. 31 jan. 1708).

Bartel Douwes is geboren Anjum rond 1677 als zoon van Douwe Johannes en Sibrig Kornelis. Hij trouwt Anjum 5 maart 1702 (beiden van aldaar) Riemke Poopes, geboren Anjum ca. 1684 en gedoopt (geref.) aldaar 22 juli 1692, dochter van Poppe Jansen (Pope Jans, doopsgez.) en Sybrigh Heerds. Bartel is landbouwer en kerkvoogd, in 1728 eigenaar en gebruiker van stem 29 te Anjum.[18]

17 Cf. Gen. Jierb. 1975, blz. 87 en 1977, blz. 18.

18 Met dank aan K.J. Bekkema voor de genealogische gegevens van beide kerkvoogden.

De oudere beker[19]

De oudere beker is in 1620 in Leeuwarden gemaakt door Laurens Thomas. Mogelijk dat hij deze beker op voorraad had, want pas in 1630 werd de beker door Georg vrijheer van Schwartzenberg en diens vrouw Doed van Holdinga aan de kerk geschonken. Van die schenking is een akte in het kerkboek ingeschreven met daarin enkele opmerkelijke bepalingen. De beker moest bij de predikant in bewaring blijven en na diens vertrek of overlijden worden overgedragen aan de eigenaar van Holdinga-state, die de keuze heeft om de beker aan de nieuwe predikant dan wel aan de kerkenraad ter hand te stellen.[20] Deze bepalingen passen volledig in de traditie in de familie om bij testament gedetailleerde voorschriften voor de toekomst vast te leggen.[21] In die tijd was Doed van Holdinga, als erfdochter, eigenaresse van Holdinga-state te Anjum en hun zoon Johannes Onuphrius baron thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg grietman van Oostdongeradeel (1627-1653). De wapens Schwartzenberg en Holdinga staan ook op de klok uit 1618 in Anjum.

De beker kreeg het volgende opschrift:

'CAVE UT EX POCULO BENEDICTO MALEDICTIONEM
BIBAS Aº 1630'.

Naast deze tekst werden ook de wapens van de schenkers op de beker aangebracht.



Wapen Schwartzenberg . Foto Rijksdienst Cultureel Erfgoed (detail).

19 Catalogus Friesch Zilver 1927, blz. 29 (nr. 123).
20 Harke Iedema, *Van Anigheim tot Anjum* (Dokkum 1976), blz. 99-100.
21 A.L. Hempenius, 'Wilco van Holdinga en zijn drie testamenten', in Gen. Jierb. 1975, blz. 102-125, ald. vooral 112.

Wapen Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg:
gepaald van acht stukken, zilver en blauw. Helmkleed: blauw, gevoerd met wit.
Helmteken: een mannenborstbeeld van natuurlijke kleur, rood gekleed, met een witte kraag en een rode puntmuts met witte omslag, de muts getopt met een kroon van drie bladeren en twee parels, waaruit drie struisveren, blauw, wit en rood, oprijzen, het geheel tussen twee olifantstrompen, blauw en zilver gedwarsbalkt, uit de opening waarvan drie en uit de zijkanten waarvan zeven groene pauwenveren komen.
Van het wapen bestaan varianten zoals: gepaald, blauw en zilver[22] en: in blauw drie zilveren palen. Ook van het helmteken bestaan verschillende varianten.

De wapens van Johannes Sybrants Feitema en Elisabeth Reiners Tempelar en van Frans Reiners Tempelar en Yffke Johannes Tjesma

Deze wapens komen voor op twee zilveren knottekistjes die zijn gemaakt in 1625 en in 1633 door een onbekende zilversmid.[23]

Johannes Sybrants Feitema en Elisabeth Reiners Tempelar (Templar)



Wapens op een knottekistje met omschriften 'Ioannes Syberants Feitema' en '*Elisabet Reinaerts Tempelar'*. Foto's en coll. Museum Het Hannemahuis, Harlingen, objectnr. 005966.

22 Aldus bij de erkenning in de Nederlandse adel 1814 [Nederland's Adelsboek 2006/07, blz. 563; C. Schimmelpenninck van der Oije e.a., *Wapenregister van de Nederlandse adel* (Zwolle 2014), blz. 522].
23 Aanwezig in het Gemeentemuseum Het Hannemahuis te Harlingen.



Mannenwapen:
Een berg (of rots) op een grond, rechts vergezeld van een gans en links van een tegen de berg opstaande vos.
Helmteken: een uitkomende vos.
Vrouwenwapen:
een tempel, waarachter twee schuingeplaatste lansen uitkomen, elk met een wimpel.
Dit wapen is sprekend, templar = tempelier, d.w.z. lid van de Orde der Tempeliers (een kruisridderorde 1118-1314). De term wordt later ook gebruikt voor kerkmeesters of kerkvoogden.



Zegel van de orde van de Tempeliers. [Wikipedia].

Het wapen van Johannes Feitema komt niet overeen met reeds bekende wapens Feitema of Feytama. Dat is wel logisch omdat het wapen dat in de genealogie Feitama van S. Laansma wordt vermeld, in goud een zwarte ossenkop, dateert uit 1790 en alleen bij de tak die zich eind zestiende eeuw in Amsterdam vestigde in gebruik geweest is.[24]
Johannes is kennelijk een zoon van Sybrant Edes Feitema, burger van Harlingen, overl. voor 1625, en Grietie Jan Martensdr. In de genealogie van Laansma komt hij niet voor, maar daar de familie doopsgezind was, is niet altijd zeker hoeveel kinderen er waren. Laansma noemt drie kinderen, maar er zijn geen akten bekend waaruit de gezinssamenstelling blijkt.
Johannes Feitema tr. Harlingen 19 dec. 1626[25] Elisabeth Reiners Tempelar, dochter van Reyner Fransen Tempelaer, geb. ±1571, koopman in rogge te Harlingen, koopt een zoutkeet 1621, lid der Doopsgez. Jan Jacobs gemeente, overl. voor 1666, en Aeghien Tiebbes Popta, echtelieden ald. 1597/1621.[26]

Frans Reiners Tempelar en Yffke Johannes Tjesma



Knottekistje met opschrift om het mannenwapen 'Frans Reyniers Tempelar'. Wapen Tyes(se)ma (blanco). Foto's en coll. Het Hannemahuis Harlingen, objectnr. 005933.

24 S. Laansma, *Feitama* (eigen uitgave 1971); bron: Stadsarchief Amsterdam, familiearchief Hooft, port. 74. Dit wapen vinden we ook in de wapenboeken van Reinier van Heemskerck en B.F.W. von Brucken Fock [coll. CBG]; het eerste vermeldt ook nog twee andere wapens, echter zonder bronvermelding, zodat niet bekend is of deze met de onderhavig familie Feitama verband houden.

25 Dit huwelijk niet in AlleFriezen, bron: https://tempelaar.info/stambomen/1480-reynder-templer/. Daar de knottekistjes dateren uit 1625 en 1633 zal het huwelijk inderdaad omstreeks die tijd voltrokken zijn.

26 De familie Templar/Tempelaer stamt af van een schepen van Gestel (Noord-Brabant) wiens zoon zich wegens de woelingen rond 1574 als lijnwatier in Harlingen vestigt. Zie G.L. Meesters, 'Tempelaer' in *Gens Nostra* 37 (1982), blz. 246-252, 274-276, ald. 275.



Wapen rechts Tyes(se)ma. Tekening volgens Grafschriften Menaldumadeel.

Mannenwapen:
een tempel, waarachter twee schuingekruiste lansen uitkomen, elk met een wimpel.
Er is geen helmteken aanwezig, maar het lijkt er op dat dit nog moest worden aangebracht of dat het is verwijderd, omdat de horizontale arcering boven het wapen ontbreekt.
Vrouwenwapen:
niet ingevuld, maar zij stamt uit de familie Tyessema (Tiesma) die als wapen voert: I. de Friese adelaar; II. [in groen] een [gouden] korenschoof. Helmteken: de korenschoof.[27]

Frans Reiniers Templar, geb. Harlingen 1595, koopman in rogge, overl. Harlingen 1662/66, zoon van Reinier Fransz Templar en Aeghien Tiebbes Popta, tr. Harlingen (stadhuis) 10 maart 1633 Yffke Johannis Tyes(se)ma, van Franeker, overl. 1668, dr. van Johannes Tyesses Tyessema en diens eerste echtgenote Tryntje Lamberts.

27 Kleuren volgens wapenboek B.F.W. von Brucken Fock [coll. CBG].

Wapens Tiesse Johannes Tyessema en zijn vrouw[28]

Wapens op de bodem van een knottekistje met opschrift: 'Getrouw tot in deer doot Anno 1647'.
Afb. coll. K.M. van der Kooi, arch. F.R.f.H.



Mannenwapen:
gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een korenschoof. Helmteken: een korenschoof.
Vrouwenwapen:
blanco gelaten.

Tiesse Johannes Tiessema is een broer van Yffke Johannes Tyessema. Het is niet zeker of hij net als Yffke uit het eerste huwelijk van zijn vader met Tryntie Lamberts stamt, of uit het tweede met Sybbeltie Jacobs (waaruit Jacob Johannes Tjesma (1629-1671);[29] het eerste lijkt het meest aannemelijk. Als hij in 1647 getrouwd is zal hij (ruim) rond 1620 geboren zijn en vernoemd naar zijn grootvader paternel. Yffke was kennelijk de oudste, geboren naar schatting 1613/15 (niet later gezien haar huwelijk in 1633, veel vroeger kan niet daar haar vader in 1591 geboren is).[30] De vrouw van Tiesse Johannes is niet bekend.

28 Op een knottekistje uit 1647, Catalogus Tentoonstelling Friesch Zilver 1927, nr. 290.
29 Gen. Jierb. 1958, blz. 64 (nr. 330).
30 H.R. Heerema, *Enige aantekeningen betreffende het voorgeslacht ... Heerema-Hylarides* (eigen uitgave 1982, op basis van onderzoek door Hessel Bierma), blz. 48.



Wapenregistraasje

De Boer

Dield, goud en grien; oer alles hinne twa krúslings pleatste omkearde heafoarken mei trije tosken, fan it ien yn it oare; de heafoarken oan beide kanten beselskippe fan in nôtier, grien yn it goud en goud in it grien, en ûnder fan in appel mei in stâltsje mei oan elke kant in blêd, fan it ien yn it oare.
Helmteken: twa griene nôtieren elts mei twa blêden, mei dertusken in gouden heafoarke mei trije tosken.
Helmkleed: grien, fuorre mei giel.

Gedeeld, goud en groen; over alles heen twee kruislings geplaatste omgekeerde hooivorken met drie tanden, van het één in het ander; de hooivorken aan beide zijden vergezeld van een korenaar, groen in het goud en goud in het groen, en beneden van een appel met een steeltje met aan elke kant een blad, van het één in het ander.
Helmteken: twee groene korenaren elk met twee bladeren, met daartussen een gouden hooivork met drie tanden.
Helmkleed: groen, gevoerd met geel.

It wapen is basearre op de agraryske eftergrûn fan de famylje. De heafoarken steane symboal foar de hurdwurkjend boer, wylst de ieren en de appel ferwize nei de produkten fan dizze arbeid. De kombinaasje fan nôt en griente/fruit ferbouwe is ûnderdiel fan sirkulêre lânbou.

Stamheit fan dit slachte is Jochem Thomas, fan Wikel, tr. Wikel 15-11-1716 Jeltie Sibrens, fan Tsjerkgaast, st. Boalsert 25-4-1766.
It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme De Boer fan Siebren Thomas, dy't yn 1811 de namme De Boer oannommen hat, berne Wikel 21-1-1759, st. Sleat 25-11-1829, soan fan Thomas Jochems en Mayke Ynties, tr. Sleat 14-04-1782 Fokeltje Wiebrens, berne 1751, st. Sleat 13-08-1814.

Untwerp: Mark van Houten, oanpast troch de F.R.f.H.
Ynstjoerder: J.S. de Boer, De Westereen.





De Goede

Yn goud in blau himd mei trijekwart mouwen en in rûne hals, beselskippe fan trije swarte knopen mei elk fjouwer knoopsgatten, pleatst yn de foarm fan in krús, de knopen pleatst oan wjerskanten en ûnder it himd; in read skyldhaad belein mei trije gouden peinjes.
Helmteken: in útkommende klimmende reade hazze tusken in giele flecht.
Helmkleed: blau, fuorre mei giel.

In goud een blauw hemd met driekwart mouwen en een ronde hals, vergezeld van drie zwarte knopen met elk vier knoopsgaten, geplaatst in de vorm van een kruis, de knopen geplaatst aan weerszijden en onder het hemd; een rood schildhoofd beladen met drie gouden penningen.
Helmteken: een uitkomende klimmende rode haas tussen een gele vlucht.

Flagge:
in reade hys mei in breedte fan ien kwart fan de flaggelingte; in flecht mei trije banen giel, blau en giel yn de ferhâlding fan 1 : 2 : 1, de blauwe baan yn de hys útrinnend yn in punt oant de broeking ta, yn de blauwe baan trije giele skiven mei in diameter fan ien kwart fan de flaggehichte, de earste pleatst op ien kwart fan de flaggelingte fan de broeking en elts mei in tuskenromte fan ien tweintichste fan de flaggelingte.

It berop manufakturier fan Jannes Jans de Goede en syn soan Jan hat laat ta himd en knopen. De peinjes ferwize nei Himmelum en de Nikolaastsjerke; it binne attributen fan Sinteklaas en simboal foar it jild dat mei de hannel fertsjinne waard. De kleuren binne dy fan it âlde wapen fan Sudergoa en Starum, de hazze komt fan Gaasterlân. De flecht symbolisearret it 'útfleanen' by it útsuteljen fan de keapwaar yn de omkriten. De flagge is ôflaat fan it wapen.

Stamheit fan dit slachte is Aart Keessen, berne Kolderveen (Dr.) om 1728 hinne, tr. Wanneperveen 17-11-1754 Jentjen Jans, berne Kolderveen om 1731 hinne.
It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme De Goede fan Jan de Goede, manufakturier, berne Himmelum 1-5-1905, soan fan Jannes Jans de Goede en Marijke Ruurds Visser, tr. Wymbritseradiel 27-11-1929 Wietske de Boer, berne Wâldsein 13-3-1904, st. Himmelum 3-10-1945, dochter fan Marten Sybrens de Boer en Hotske Tjeerds Attema.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.
Ynstjoerder: J.M. de Goede, Beetstersweach.



Jansma

Yn blau trije sulveren ierappelblommen mei in gouden hert boppe inoar, links en rjochts beselskippe fan in gouden stjer; in weagjend gouden skyldhaad belein mei trije reade pompeblêden.
Helmteken: in read ûnklear anker mei in giel tou.
Helmkleed: blau, fuorre mei giel.

In blauw drie zilveren aardappelbloemen met een gouden hart boven elkaar, links en rechts vergezeld van een gouden ster; een golvend gouden schildhoofd beladen met drie rode plompebladeren.
Helmteken: een onklaar rood anker met een geel touw.
Helmkleed: blauw, gevoerd met geel.

De basis foar it wapen wurdt foarme troch it doarpswapen fan Blije, dêr't ferskate generaasjes wenne en wurke hawwe. De ierappelblommen steane foar de gerniers dy't yn dit slachte foarkamen, wylst de stjerren ferwize nei it wapen fan de eardere gemeente Ferwerderadiel, dêr't de widze fan in soad generaasjes stien hat. De pompeblêden refereare oan it Frysk wêzen, wylst it anker foar de hoop stiet.

Stamheit fan dit slachte is Andries Jitses, berne om 1707 hinne, boer te Wânswert, st. nei 1758, tr. Wânswert foar of yn 1733 Antje Stevens, berne om 1709 hinne.
It wapen is ornearre foar de neiteam fan Oebele Jansma, dy't yn rjochte manlike line skaait fan de stamheit, berne Blije 5-1-1905, gernier en lânarbeider, st. Blije 27-3-1995, soan fan Harmen Willems Jansma en Trijntje Klazes Andrae, tr. Ferwerderadiel 25-5-1938 Trijntje Terpstra, berne Blije 18-7-1910, st. Blije 16-6-1996 dochter fan Wiebe Jacobs Terpstra en Geertje Hoekstra.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.
Ynstjoerder: E.A. Jansma, Oerterp.



Jorritsma

Dield, I. yn read in gouden stjoertsjil; II. yn blau in gouden klaverblêd; yn it skyldhaad de ôfskuorde kop fan in gouden everswyn oer de dielline hinne; yn 'e skyldfoet in yndreaune gouden punt, belein mei in grien pompeblêd.
Helmteken: gouden hartehoarnen.
Helmkleed: grien, fuorre mei giel.

Gedeeld, I. in rood een gouden stuurwiel; II. in blauw een gouden klaverblad; in het schildhoofd de afgerukte kop van een gouden everzwijn over de deellijn heen; in de schildvoet een ingedreven gouden punt, beladen met een groen plompeblad.
Helmteken: een gouden hertengewei.
Helmkleed: groen, gevoerd met geel.

De kop fan it everswyn yn it skyldhaad fynt syn oarsprong yn de betsjutting fan de jongesnamme Jorrit, dêr't de famyljenamme fan ôflaat is. Jorrit betsjut: 'sa sterk as in everswyn'. De kleuren fan de dielen fan it skyld komme út de wapens fan de doarpen fan komôf: Wytmarsum, goud en grien, Arum, read en goud en Penjum, blau en goud. De agraryske belutsenheid fan de famylje fynt syn symboal yn it klaverblêd. It stjoertsjil jout it berop fan de pake fan de ynstjoerder oan, sjauffeur, wylst it griene pompeblêd út it wapen fan Wytmarsum komt. Dit doarp hat in wichtich plak yn de stambeam fan de famylje.
De hartehoarnen op de helm is in *pars pro toto* foar it hart yn it wapen fan de gemeente fan komôf, Wûnseradiel. It helmkleed is kleure yn de kleuren fan it Wytmarsumer wapen.

Stamheit fan dit slachte is Thys Klaases Jorritsma, berne Wytmarsum om 1743 hinne, st. Arum 26-1-1808, tr. Wytmarsum 4-10-1778 Baukjen Steffens Elgersma, berne Skraard 31-3-1748, doopt dêr 7-4-1748, st. dêr 31-5-1815, dochter fan Steffen Annes Elgersma en Hinke Hayes Mensonides.
It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme Jorritsma fan Ike Jorritsma, sjauffeur, berne Parregea 30-1-1924, st. Tsjom 14-2-2011, begr. Seisbierrum 18-2-2011, soan fan Gosse Jorritsma en Rigtje de Jong, tr. Barradiel 19-7-1956 Froukje Idsardi, berne Seisbierrum 17-11-1925, st. Ljouwert 17-10-2004, begr. Seisbierrum 21-10-2004, dochter fan Jacob Idsardi en Rienkje de Jong.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.
Ynstjoerder: R. Jorritsma, Bergschenhoek.



Ritsma

Dield: I. yn blau in skean pleatst sulveren swurd mei gouden hânfet, boppe beselskippe fan in gouden kroan mei trije blêden en twa pearels, read fuorre; II. in gouden hammer mei in sulveren kop, boppe beselskippe fan twa gouden klaverblêden neist inoar en ûnder fan in gouden hoefizer, dat foar in part om it ûnderste diel fan de hammerstâle pleatst is.
Helmteken: in útkommend gouden hynder.
Helmkleed: rjochts blau, fuorre mei giel, links read, fuorre mei giel.

Gedeeld: I. in blauw een schuin geplaatst zilveren zwaard met gouden gevest, boven vergezeld van een gouden kroon met drie bladeren en twee parels, rood gevoerd; II. een gouden hamer met een zilveren kop, boven vergezeld van twee gouden klaverbladeren naast elkaar en beneden van een gouden hoefijzer, dat deels om het onderste deel van de hamersteel is geplaatst.
Helmteken: een uitkomend gouden paard.
Helmkleed: rechts blauw, gevoerd met geel, en links rood, gevoerd met geel.

De namme Rits(k)e is ôflaat fan in Germaanske namme begjinnend mei *rik- en de betsjutting ‘machtich, geweldich’ is de ynspiraasje foar it swurd en de kroan. De figueren yn de lofterhelte binne basearre op beroppen út de foarteam: boeren, boerearbeiders en hynstefokkers; de hammer ferwiist nei ynstjoerder syn heit dy’t houtkeunstner is.

It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme Ritsma fan Roelf Ritsma, berne Opende (De Grinzer Pein) 8-5-1941, soan fan Marten Ritsma en Antje Buursema, tr. Tiny Pama, dochter fan Hendrik Pama en Renskje van der Meer.
De âldst bekende agnatyske foarâlden binne Hermanus Ritzema, fan Grins, tr. Grins 11-6-1659 Anna Jans van Munster, fan Rheinberg (Westfalen). Sûnt de tiid fan dy syn pakesizzer Hermanus (1713-1800), bakker te Bûtenpost, waard de namme skreaun as Ritsma.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H
Ynstjoerder: M.H.H. Ritsma, Wynjewâld.



Van der Tempel

Dield: I. de Fryske earn; II. trochsnien: a. yn blau in sulveren tsjerke mei in toer mei spits, op in griene grûn; b. loftsskeane sulver en read: 1. in read sylskip mei spriettúch, kommende út de dielingsline; 2. in gouden hammer, skeanlinks pleatst.
It wapen hingjend oan in tûke mei in blau lint, fuorre mei wyt.
Wapenspreuk: EANGJE NET, yn swarte haadletters op in wyt lint.

Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. in blauw een zilveren kerk met een toren met spits, op een groene grond; b. linksgeschuind zilver en rood: 1. een rood zeilschip met spriettuig, komende uit de delingslijn; 2. een gouden hamer, schuinlinks geplaatst.
Het wapen hangend aan een tak met een blauw lint, gevoerd met wit.
Wapenspreuk: EANGJE NET, in zwarte kapitalen op een wit lint.

Symboal foar de famyljenamme is de Akkrumer tsjerke, in 'Tempel fan de Heare'. 'Timpelje' betsjutte yn it Frysk: in tsjerketsjinst bywenje. Yn de 18e iuw hie de famylje in eigen skipswerf yn Akkrum, sadwaande it reade sylskip en in hammer, goud omdat it de famylje yn de 18e iuw goed gie.
De kleuren goud en read komme fan it wapen fan Utingeradiel, wêrfan Akkrum it haadplak wie. De spreuk 'Eangje Net', is it 'frees net' fan de ingel Gabriël, as hy Zacharias en Maria besiket [Lucas 1:13 en 30].

Dit slachte skaait fan Willem Martens (tinklik in soan fan Marten Harmens), skûtmakker te Akkrum ('scheepstimmerman' 1713), st. nei 1749, tr. [koart foar 1706] Gelske Hendriks, st. nei 1742. Syn soan Klaas (1713-1798) brûkt by syn houlik yn 1751 de namme Van der Tempel. Ek guon pakesizzers begjinne dy namme te brûken (1778, 1802).
De pakesizzer fan syn soan Marten (1708-±1780), ek in Marten Willems (1778-1826) nimt de namme Van der Tempel oan; der is gjin akte fan. Se wiene allegearre skûtmakker te Akkrum.
It wapen is ornearre foar Geerhardus van der Tempel, berne It Hearrenfean 23-10-1888, soan fan Jan van der Tempel en Jitske Giezen, st. It Hearrenfean 29-11-1968, tr. It Hearrenfean 3-12-1914 Gerrediena Mulder, berne Aldskoat 10-1-1888, dr. fan Jacob Mulder en Barbara Billenkamp, st. It Hearrenfean 10-1-1967 en harren neiteam, dy't de namme Van der Tempel fiere.

Untwerp: in besteand wapen, ûntwurpen troch Jan van der Tempel, de heit fan de ynstjoerder.
Ynstjoerder: K. van der Tempel, Aldhoarne.



Van der Tol, Jan Jarig

Dield: I. trochsnien: a. de Fryske earn; b. yn swart twa krúslings pleatste bakkersspanen, ûnder beselskippe fan in fisk, alles goud; II. trochsnien; a. yn blau twa stjerren en in leelje, pleatst 2, 1, alles goud; b. yn grien in iepen gouden standertmûne; oer de trochsniedingsline hinne in fersmelle sulveren dwersbalke, belein mei twa skiven, mei dêr tusken yn in roas, alles read.
Helmteken: in gouden nôtier mei oan beide siden in blêd, mei der oerhinne twa skeankrúste spearen mei swarte skacht en gouden punt.
Helmkleed: blau, fuorre mei giel.

Gedeeld: I. Doorsneden: a. de Friese adelaar; b. in zwart twee kruislings geplaatste bakkersspanen, beneden vergezeld van een vis, alles goud; II. doorsneden: a. in blauw twee sterren en een lelie, geplaatst 2, 1, alles goud; b. in groen een open gouden standaardmolen; over de snijdingslijn een versmalde zilveren dwarsbalk, beladen met twee schijfjes met daartussen een roos, alles rood.
Helmteken: een gouden aar met aan beide zijden een blad, waaroverheen twee schuingekruiste speren met zwarte schacht en gouden punt.
Helmkleed: blauw, gevoerd met geel.

It wapen is basearre op it famyljewapen (sjoch Gen. Jierb. 2024, side 347). De sulveren dwersbalke stiet sawol foar de tolhikke ûnder Mullum by de Harnzer trekfeart, dêr't de famylje har namme oan ûntliend hat, as foar de Dam te Amsterdam, dêr't tichteby yn 1799 de fûnling Johannes Marinus Bijdam fûn is.
De reade skiven steane foar it jild: de 'penningen en stuyvers' dy't minsken as tol betelje moasten. De roas stiet sawol foar de famylje Rooswinkel/Rosewinckel (1649), dy't yn Dokkum in bierbrouwerij hie, as foar de foarfaar Doede Simons te Loaiïngea (1633), dy't ek in stjer yn it skyld fierde.
De twa stjerren fan it lofter boppekertier komme fan it wapen Epema út Nijlân en steane ek symboal foar de eardere gritenij Ferwerderadiel, mei sân stjerren yn it wapen, it wenplak fan de ynstjoerder. De leelje komt fan de wapens fan Harns en Penjum (de Hiddema's), út hokker plakken ferskate foarâlden komme.
It blauwe fjild ferwiist nei regintefamyljes Kaldenbach en Cremer (fan Zutphen en fan Doetinchem) en de touslaggersfamylje Deetman (fan Elburg).
De bakkersspanen ferwize nei de famylje fan 'erfgooiers' Snijder-Vos, bôlebakkers te Huizen (Noard-Hollân); de gouden fisk (salm) dêrûnder ferwiist nei de famylje Den Hartogh fan Leksmond en Vianen.



De gouden standertmûne stiet foar de slachten fan mûnders Kelderman, Van Neck en Beerendsen út Gelderlân en Westfalen; it griene fjild ferwiist nei de regintefamyljes Van Essen (Zutphen) en Planten (Doetinchem).
De nôtier as helmteken is in *pars pro toto* foar de nôtskeaf út it wapen Rheen fan Rien ûnder Lytsewierrum en ferwiist ek nei it wapen fan Barradiel, dêr't foarteam fan heitekant fiif generaasjes wenne hat.
De spearen symbolisearje de namme Jarich/Jarig, dy't in protte foarkomt yn de stambeam. Dy namme is ôflaat fan it Germaanske wurd *ger- dat spear betsjut.
Al dizze famyljes hearre ta de foarâlden fan de ynstjoerder.

Dit is it persoanlike wapen fan Jan Jarig van der Tol, berne 1952, soan fan Hendrik van der Tol (1917) en Theodora Jacoba Bijdam (1919).

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H. yn oerlis mei de ynstjoerder.
Ynstjoerder: mr. J.J. van der Tol, Blije.

Wimpel fan Beetstersweach yn de gemeente Opsterlân

In blauwe hys, útrinnende yn in punt, dy't begjint op ien wimpelbreedte fan de broeking en eindiget likernôch op twa kear de wimpelbreedte, mei dêryn in antike giele kroan mei sân punten, fuorre mei read, derûnder in giel klaverblêd; in flecht fan twa banen read en giel.

It wapen en de flagge binne al registrearre yn it Genealogysk Jierboekje 1976, side 6.

Untwerp: R.J. Broersma, tekener F.R.f.H.



Nije flagge en wimpel fan Hallum yn de gemeente Noardeast-Fryslân

Wapen:
yn swart in heraldyske reinbôge fan goud, read, grien en sulver; boppe beselskippe fan twa gouden stjerren en ûnder fan in gouden boarch mei twa finsters, ferljochte en iepene fan it fjild.

Flagge:
in blauwe hys mei in breedte fan 1/3 flaggelingte, wêryn in boarch, mei twa finsters, ferljochtet en iepene fan it fjild, boppe en ûnder beselskippe fan in stjer, alles giel; de flecht besteande út seis banen swart, giel, read, grien, wyt en swart, yn in ferhâlding fan 2:1:1:1:1:2.

Wimpel:
in blauwe hys mei in hichte fan omtrint 1½ kear de wimpelbreedte, yn de hys in boarch, mei twa finsters, ferljochte en iepene fan it fjild, mei dêr boppe twa stjerren njonken elkoar, alles giel; de wimpelflecht mei fiif likense brede banen swart, wyt, grien, read en giel.

Yn 2024 hat der, nei oanlieding fan it oanfoljen fan it wapen en de flagge mei in wimpel, kontakt west tusken de Fryske Rie foar Heraldyk en Doarpsbelang Hallum. Om de flagge mear by it wapen fan Hallum oanslute te litten en de ferwizing nei de reinbôge-beweging net promoatsje te wollen en neutraal te bliuwen op dat mêd is besletten om de flagge oan te passen. Hjirby is de motivaasje fan de ûntwerper fan de âlde flagge earbiedige.
De betsjutting fan dy flagge wie '*it alles omfiemjende*; de kleuren foar de dei en alle kleuren tegearre it swart foar de nacht. Alle kleuren fan de wrâld, wat ferwiist nei de pleatslike yndustry, dêr't de produkten de hiele wrâld fan oergean. It tal banen is ek in ferwizing nei it tal stjerren yn it eardere gemeentewapen en it tal banen fan de eardere gemeenteflagge'.

Yn it nije ûntwerp is it swart fan de hys no werom te finen yn de boppeste en ûnderste baan fan de flagge, wylst de reinbôge redusearre is ta in saneamde heraldyske reinbôge. De ferwizing nei it gemeentewapen en -flagge wurdt no foarme troch de kleuren blau en giel fan de hys. De wimpel is in ôflieding fan de (kantele) flagge.

It wapen en de âlde flagge wiene registrearre yn het Genealogysk Jierboek 1995, side 195. De âlde flagge is hjirby kommen te ferfallen.

Untwerp flagge en wimpel: R.J. Broersma, tekener F.R.f.H.